

SMILDE

EN DE

FRYSKE TSJERKE

Oanbean oan dr Bernard Smilde

Oanbean oan dr Bernard Smilde foar syn njoggentichste jierdei, 23 jannewaris 2012

Septimber 2011, Paul Hekstra vdm

BERNARD SMILDE EN DE FRYSKE TSJERKE

I. FFF II. YKFE

Oplage: ien eksimplaar yn boekfoarm; fierder digitaal te krijen.

I. FFF

1. Ynlieding.
2. Mei wa begûn er yn 1953? Hoe gie it fierder?

1. YNLIEDING:

A. Soe der yn Fryslân in man wêze dy't mear ynsjoch hat yn de Fryske tsjerke en teology as doktor Bernard Smilde? En in frou, lykas Janke Smilde-Bosch? Opbrocht is Bernard yn in Frysk fermidden, goed thús yn it Fryske folkslibben fan de ûnderskiedene geaën fan Fryslân. Yn syn fisjy op de Fryske histoarje en it Fryske folksaad is er foarme troch foarmannen as dr Geart Aeilco Wumkes, ds Sipke Huismans en master Thomas Bakker fan it Kristlik Frysk Selskip, dêr't er wakker warber yn west hat en noch altyd meilibjend mei is.

Syn algemien minsklike belangstelling is ferrike mei teologyske, liturgyske en muzikale stúdzjes, útoefene yn pastorale, homiletyske, musikologyske en taalkundige arbeid as dûmny, komponist, dichter en oersetter. Hy hat op dy mêden ek wurk ferset foar Noard-Fryslân, Dútslân en Switserlân. Mar by alles is er yngreven Kristosintrysk Kristen en hertstochtlik Fries. Hoewol't er grif bûten Fryslân mear ûntjouwing krije kinnen hie, hat er syn plak witten: yn Fryslân, en syn taak: yn de taal, dy't God oan it folk fan de Friezen jûn hat, it bêste boadskip trochjaan dat de wrâld krige hat. Dat nimt lykwols net wei, dat Bernard Smilde in gewoan minske is mei syn eigen aard, dy't syn sûnden en tekoarten hat en fan ferjouwing libje moat. Mar dat akseptearret er ek. Út en troch wurdt op syn tekoarten wiisd, lykas dat yn de Bibel barde by de grutten fan Israel.

B. It earste diel fan dit boekje sil bestean út in oersjoch fan de aktiviteiten fan Bernard yn in feriening, dy't him tige nei oan it hert leit, dêr't er ien fan de oprjochters fan is en dêr't er sûnt 1953 warber lid fan is mei in tige opbouwende ynbring (FFF).

Oer syn dwaan en litten yn de Fryske earetsjinstkommisje (YKFE) mocht ik in artikel skriuwe foar in boek, dat troch oare minsken redigearre waard. Mar oer myn taalgebrûk en opset wiene de redakteuren net te sprekken, dat sadwaande komt dat artikel no yn dit boekje, as twadde diel. Ik ha it licht oereide.

Foar syn njoggentichste jierdei op 23 jannewaris 2012, draach ik dit boekje oan him op en oan de seine fan ús Hear.

Ljouwert, Keizerskroan, simmer 2011.
p.hekstra@hetnet.nl

Ds Paul Hekstra.

2. MEI WA BEGÛN ER? HOE GIE IT FIERDER?

9 novimber 1953 - 27 april 2011

Opmerkingen:

- a. De earste trije gearkomsten binne fan sok in grûnlizzend belang, dat ik se yntegraal út de oantekens fan dy tiid oernim. Yntusken haw ik it hiele argyf fan it FFF fan papier ôf oerset yn in digitaal boek, dêr't ik ek de digitale stikken út de nijere tiden yn opnommen ha.
- b. Wurden en begripen, dy't yn ús tiid wierskynlik net sûnder ferklearring begrepen wurde, ljochtsje ik ta mei fermelding fan "PH2011". Skriuwer-, typ- en taaleigenaardichheden fan de skriuwers nim ik oer. Licht kursyf hânskrift jou ik wer mei lettertype Palatino Linotype, swier kursyf hânskrift mei *kursyf Times New Roman yn lettergrutte 13*.
- c. De oantekens waarden jierren lang sûnder wytrigels skreaun en efterinoar oan. Hjir en dêr behoffenje ik dat in bytsje. Ek haw ik perioade-yndielingen oanbrocht; de rjochtline, dy't ik mysels steld hie, wie de gearstallingen fan it bestjoer te folgjen. It is in kronologysk opsteld úttreksel fan de oantekens.
- d. De klub gie daliks oan it wurk mei grutte projekten; de tiid dreau! Ek waard in namme foar de groep betocht. It begûn mei de gearkomsten, dêr't Ds Cornelis van der Woude foarsitter fan wie, Ds Rienk Reitsma skriuwer en Ds Harry Dijkstra ponghâlder. Ds Wim C. Huismans wie bysitter -- ferfangend foarsitter.

Perioade 1: Van der Woude - Reitsma - HDykstra - Huismans 9nov53

Oantekens fan de 1e gearkomste fan it Forbân fan Fryske dûmnys yn de Reformearde Tsjerken op 9 nov. 1953 yn in lokaal fan de Noardertsj.

(PH2011: = de Grifformearde Noardertsjerke yn de Grutte Tsjerkestrjitte 31 te Ljouwert; no hyt it gebou "it Aljemint" en is eigendom fan de Fryske Akademy)

Ds C. v.d. Woude iepent dizze gearkomste mei Skriftlêzing en gebet. Hy hjit eltsenien wolkom. Set útien, dat it initiatyf ta dizze gearkomste útgien is fan Ds Huismans fan Stiens. Op útnoeging fan de redaksje fan de prekerige "Streamen" binne Ref. Fryske dûmnys útnoege om binammen meielkoar to praten oer it Frysk yn de earetsjinst. As skriuwer fan dizze gearkomste mei Reitsma fan Warns optrede.

De wurklist wurdt fêststeld.

1. De psalmbiriming en yn forbân dêrmei ús guodkeap tsjerkeboek. Ds Huismans wiist op de mûglikheid fan in guodkeap tekstboekje, to stenciljen troch Fedde Dijkstra (PH2011: stencil- en offsetbedriuw op de Iewâl te Ljouwert; Fedde Dijkstra is sa yn dit fermidden kommen en is letter dûmny wurden).

Ds v.d. Woude: de tsjerke fan Ljouwert kin de útjefte "Psalmen" fan Fedde Schurer (PH2011: skoalmaster, politikus, sjoernalist en dichter op it Hearrenfean), mits genôch ôfnommen wurdt, foar f 1.75 krije. Eltse kear tekstbledsjes is to djûr, nou't der mear Fryske tsjinsten komme.

Nei oerlis mei Fedde Dijkstra, dy't ek ynkommen is, wurdt as oplossing foun: Schurers psalmboek; in lyts boekje efter yn it psalmboek mei stencild dêrop de 29 Gesungen en faeks noch inkelde Kristlike lieten.

Ds Smilde en Ds v. Tuinen sille togearre de tekst neigean; der sil soarge wurde foar in trochslach (PH2011: in kopy mei help fan fellen karbonpapier tusken twa of mear fellen gewoan papier) foar de leden fan it "Forbân". Der wurdt noch praet oer de bêste mûglikheid fan oanskaf fan it psalmboek, troch de tsjerkerie of troch de gemeenteleden. Collecten hawwe biswieren.

2. In fêst forbân.

Men is der foar ! It hat sin neffens de foarsitter. Mar nou de namme !

Runia (PH2011: Klaas Runia, dy't nei Geelong yn Nij Seelân gien is en letter professor yn Kampen waard): Forbân fan Pielers. Of: Sipke Huismans rounte.

Smilde: "Forbân fan Fr. dûmnys yn de Griff. Tsjerken". Gearkomste: Ja !

Ds Wiersma en Ds Huismans sille soargje foar in concept-reglemint.

Der moatte safolle mûglik bylutsen. Mar (neffens Huismans) gjin dwersbongelers. De 11 oanwêzigen jouwe har op as lid.

3. In roaster wurdt opmakke foar de Preekrige.

4. It behearskjen fan de preek. Dêr mankeart noch wol ris hwat oan. Op de gearkomsten sille wy fortoan in preek bisprekke. Op de earstkommende de Krystpreek fan Ds Runia út de rige "Streamen"

5. Útwreiding tal Fryske tsjinsten. Dit bart en moat noch mear barre.

6. De gearkomste beslút ien kear yn de trije moannen byinoar te kommen. Dijkstra fan Easterein sil as ponghâlder fungearje. Contribúsje: f 1 (PH2011: dat is ien gûne) per jier.

Datum fan de folgjende gearkomste: 8 Febr 9.30 u. Lok. Noardertsj. Ljouwert.

Oan de parse sil meidiel wurde, dat it Forbân oprjochte is en hwat syn doel is.

7. Ds v.d. Woude slút de gearkomste mei tankbea.

Foarsitter: C.v.d.Woude.

Scriba: R. Reitsma.

Oanwêzich op de 1e gearkomste: 11

W. Feenstra

W. Wiersma

W.C. Huismans

H. Dijkstra (PH2011: Harry Dijkstra, lid oant syn stjerdei ta yn 2007)

J. van Tuinen (PH2011: Jaep van Tuinen; letter yn Amsterdam inkeldris gasthear fan de Natio Frisica)

C.L. Ruben

B. Smilde (PH2011: Bernard Smilde, yn 2011 noch hieltyd lid!)

Kl. Runia

W.v.d.Heide

C.v.d.Woude

(PH2011: op deselde bledside steane ek de opkomst fan de twadde en dy fan de tredde gearkomste:)

Oanwêzich op de twadde gearkomste: 10

C.v.d.Woude

R. Reitsma (PH2011: Rienk Reitsma)

H. Dijkstra

P.D. van Dijk

Kl. Runia

B. Smilde

Y. Nauta

W.C. Huismans

W. Wiersma

C.L. Ruben

(PH2011: op de tredde gearkomste ha 14 minsken west; fiif wurde neamd:)

C.W. de Vries / A. Sybrandy
J. van Tuinen / G. Oppedyk
J. Stienstra

(PH2011: Ate Sybrandy fan Burgum wie de heit fan klassikus Sybren Sybrandy; CWdeVries is net wer kommen)

Oantekens fan de 2e gearkomste fan it F.F.D.R.T., hâlden op 8 Febr. 1954 yn in lokaal by de Noardertsjerke, Ljouwert.

1. De foarsitter, Ds C.v.d.Woude, iepent de gearkomste, wêr't 10 leden oanwêzich wiene. Lêst Psalm 97. Giet foar yn gebet. Hyt eltsenien wolkom. Dielt mei, dat Ds v.d. Heide en Ds Sybrandy bihindere binne to kommen. Lit sjonge Psalm 85:1. Sprekt de winsklikheit út, dat it agendum fan in gearkomste op de birjochtkaart stiet. Foartoan sil Fedde Dijkstra soargje foar it rounstjûren fan de konvoacasjes.
2. De skriuwer lêst de oantekens. Hja wurde goedkard.
3. In inkeld ynkommen stik wurdt bisprutsen.
4. Bisprek Psalmboeken etc. De foarsitter dielt mei, hoe't it gebrûk yn Ljouwert is. Troch in 4e collecte yn de Fryske tsjinst wurde de tekstbledsjes bitelle; wat dêr fan oer bliuwt is foar it oantúgen fan psalmboeken. Ds Runia dielt mei, dat men it yn Dokkum ek sa docht.
5. De commisje foar it reglemint Ds Huismans-Ds Wiersma bringt noch neat op de hispel. De komisje sil de oare kear klear wêze !
6. Der wurdt kofje bisteld !
7. Bisprek oer de namme Reformearde, Reformearre, Grifformearde. Ds Huismans hat, nei syn sizzen, de pest oan it wurd "Grifformearde". Ds Runia: De namme "Griff" sit der al tefolle yn. Ds Smilde: freegje advys by Fr Academy. Der wurdt besluten advys to freegjen oan de Fr. Academy, oan Prof. Fokkema en oan E.B. Folkertsma (PH2011: Eeltsje Boates Folkertsma, boekeskriuwer, redakteur fan it Frysk Deiblêd, warber yn it KFS). Der sil tocht wurde moatte om taelkundige en psychologyske factoren.
8. Bisprek oer de gesangenkwestje.
Ds Smilde: hy hat contact hawn mei Ds Hoorweg (Deput. Gen. Syn.), Ds Boelens (Herf. comm) en F. Schurer (PH2011: Fedde Schurer). Schurer stiet ta lytse feroaringen to meitsjen, as dit û.o. om musikologyske redenen nedich wêze mocht. De komisje Smilde-v. Tuinen sil sa gau mûglik de 29 gesangen trochnimme.
9. Ds Smilde wol graech dat har wurk deputearrewurk wurd nammens de Part. Syn. fan N. en Súd (PH2011: de Partikuliere Synoaden fan Fryslân-Noard en -Súd). Dit soe morele stipe jaen. Har opdracht soe wêze moatte:
 - a. it fersoargjen fan de 29 Fryske gesangen.
 - b. contact hâlde mei de deputaten foar de útwreiding fan de Nederl. bundel.Ds P.D. van Dyk wiist op Wijbenga's (PH2011: Anders Minnes Wybenga's) oersetting fan de Psalmen.
Ds Smilde fertelt oer de gong fan saken yn dizzen. Yn 't algemien is Schurer treflik. De komisje Smilde-v. Tuinen sil har noch beriede oer in trêdde man foar it deputaatskip.
9. De hear F. Dijkstra komt yn. Wurdt lokwinske mei syn op-'e-nij heit wurden. Hy kin

net printsje sûnder kopije.

10. De preek fan ds Runia wurdt foar in diel bisprutsen. Dit bisprek blykt tige fruchtber.

11. De earstkommende gearkomste wurdt fêstlein op 3 Maeije, 9.30 u. Dan sil û.o. preek nû 19 bisprutsen wurde.

12. By de rounfraech makket ds v. Dyk noch in opmerking oer it wurd "oergunstich" yn it 2e gebot. Fjirder rikt hy in ôfskrift fan syn skriuwen oan de cl. Hearrenfean oan de foarsitter oer. De foarsitter slút mei tank oan God.

(PH2011: ûndertekene troch)

Foarsitter W.C. Huismans.
Reitsma.

Skriuwer R.

Oantekens fan de 3e gearkomste fan it F.F.D.G.T., hâlden op 3 Maeije 1954, nei 9.30 oere moarns yn in lokaal efter de Noardertsjerke to Ljouwert.

1. By ôfwêzigens fan de foarsitter, Ds v.d. Woude, iepent Ds Huismans de gearkomste mei Skriftlêzing en gebet. Hy hyt de oanwêzigen, dy't oangroeie ta in tal fan 14, wolkom.

2. De skriuwer lêst de oantekens fan de foarige gearkomste.

3. Der binne ynkommen stikken fan de Fryske Akademy en Prof. Fokkema yn forbân mei de kwestje: Grifformeard - Reformeard - Reformearre. Hja advisearje: Grifformeard. Sa besletten, ek mei it each op de namme fan it ferbân.

4. Ds Wiersma rapporteart foar de kommisje fan it karbrief. Wiersma lêst in konseptkarbrief foar, dy't mei in pear lytse foroarings oanommen wurdt.

Karbrief fan it Forbân fan Fryske dûmnys by de Grifformearde Tsjerken yn Nederlân.

Kêst 1. Der bestiet in Forbân fan Fryske dûmnys fan de Griff. Tsjerken yn Nederlân.

2. Dit forbân hat as doel te bifoarderjen, dat it Fryske folk syn eigen hearlikheid yn it nije Jeruzalim ynbringt.

3. As middels derfoar wol it brûke:

a. it bifoarderjen fan de Fryske tael yn de earetsjinsten en by alle oare wurk, dat der fan de tsjerken útgiet.

b. it befoarderjen fan de oersetting, c.q. bettering fan de oersetting fan de Bibel, de psalmen, gesangen en oare Kristlike lieten en fan de liturgyske formulieren.

c. it befoarderjen fan de foarming fan in goed-Fryske tsjerketael, binammen by de preken.

d. alle oare middels, dy't gaedlik binne.

4. It forbân hat in bistjûr, dat bestiet út foarsitter, skriuwer, skathâlder en bysitter.

5. Elts jier giet ien fan de bistjûrsleden ôf, dy't daliks net wer keazen wurde kin. De folgoarder fan ôfgean is: bysitter - ponghâlder - skriuwer - foarsitter.

6. De skriuwer jowt ienris yn it jier in oersjoch fan hwat der bard is, de skathâlder docht ienris yn it jier forslach fan de jildsaken.

7. De kontribúsje wurdt elts jier op 'e nij fêststeld.

8. Dit karbrief kin allinne feroare wurde yn in gewoane ledegearkomste, nei't op in foarige gearkomste in útstel dêrta yntsjinne is.

4b. De kommisje foar de gesangen komt oan it wurdt. Ds Smilde dielt mei, dat de kommisje alle oare gesangen fan de biriming - Schurer neigien hat. Hjir en dêr binne correksjes en oanfullings oanbrocht. Yn inkelde gefallen makke men gebrûk fan de biriming - Wybenga, û.o. by gesang 26, of fan de biriming - Smilde (by gesang 19). Yn it algemien hat de kommisje greate wurdearring foar de biriming - Schurer. 't Is bibelse tael. Faeks koene se neat betters fine, ek al like soms op it earste each in biriming net sa goed. Schurer is tige soepel, as der, soms op musikologyske grûnen, feroarings oanbrocht wurde moatte.

-- De kommisje wol hjir graech deputatewurk fan ha. De tsjerke hat al in útstel dien yn forbân mei de psalmbiriming.

It wurdt winsklik achte, dat ek de liturgyske formulieren oan har gerak komme moatte. Ds Sybrandy en Ds Huisman nimme op har út namme fan har tsjerken by har classes in foarstel te dwaan foar de Partic. Synoaden fan Noard en Súd om te kommen ta it beneamen fan deputaten foar ûndersyk / oersetting fan: psalmen, gesangen, formulieren en catechismus (PH2011: ûnlêsber: 11 nammen ?).

Foar Noard wurde neamd as gaedlike deputaten: Th. Bakker (Stiens), Y. Poortinga en ds Wiersma, ds Runia. Foar Súd: Smilde en v. Tuinen en ds Sybrandy. (PH2011: master Thomas Bakker fan Stiens, Ype Poortinga fan Menaam fan de Fryske Akademy) Ds Smilde makket in ûntwerp foar útstel oan de Particuliere Synoades.

4c. De earstkommende gearkomste wurdt fêststeld op 21 Juny.

5. In diel fan de preek fan ds Wiersma wurdt bisprutsen. Tige learsum wurk, nei algemien bitinken.

6. De rounfraech is nauliks tiid foar, om't forskate minsken hastich fuort moatte.

7. Ds Smilde slút mei tankgebet.

(PH2011: ûndertekene troch)

Foarsitter C. v.d. Woude.

Skriuwer R. Reitsma.

De 4e gearkomst waard by gebrek oan dielnimmers net hâlden.

Oantekens fan de 5e gearkomste fan it F.F.F.D.G.K. (PH2011: yndied mei trije F-en en in K), hâlden 13-9-'54 om 9.30 oere yn in lokaal efter de Noardertsjerke.

De foarsitter iepene de gearkomste mei Skriftlêzing út Psalm 116. We songen inkelde fersen fan dizze Psalm ûnder foarsjongerskip fan Ds Smilde, dêrnei gyng de foarsitter foar yn gebet. Hy hiet de oanwêzigen, dy't útgroeiden ta 14, en fan hwa Ds Wesbonk him as lid fan it Forbân opjoech, wolkom.

De oantekens waerden lêzen.

Nei oanlieding dêrfan kaem it wurk fan de kommisje Smilde yn bisprek. Beide Particuliere Synoaden beneamden deputaten foar de Fryske psalmbiriming etc. Foar Noard binne dit û.o. de hear Th. Bakker, Dr W. Kok, W.C. Huisman, Y. Poortinga, v.d. Heide. (PH2011:

Thomas Bakker ûnderwizer yn Stiens, Wim Kok jurist, bibliotekaris by de Provinsjale Biblioteek - no opgien yn Tresoar), W.C. Huismans, Ype Poortinga fan Menaam) Foar Súd: ds. Smilde, Sybrandy, v. Tuinen, master Bekius, en Offringa.

Smilde dielde mei, dat der in gearsprekking west hat mei Schurer oer syn psalmbiriming. Men sil forhoedzje, dat der twadderlei lêzing komt fan Herf. en Griff. kant.

Smilde hie mei syn frou de hiele Psalmbondel trochsongen. "Justerjoun klearkommen !"

"Oan te bifelen".

Yn de rounfraech bringt ds Smilde inkelde wichtige punten nei foaren.

It traktaetgenoatskip Filippus wol wol Fryske traktaetsjes printsje. 't Bitinken is algemien, dat dy traktaetsjes dan ek goed wêze moatte. Ds Wesbonk en Ds Wiersma wurde oanwiisd soks yn foarkommende gefallen te bioardieljen.

Ds Smilde soe graech komme wolle ta de útjefte fan 10 Noard-Fryske preken. Troch Amerikaenske help is in diel fan it bidrach dat nedich is (f 1000) al presint.

Oantekens fan de 7e geark. fan it Forbân op 28-2 '55 to Ljouwert.

De foarsitter iepent de gearkomste. Wy sjonge, lêze út Gods Wurd, en freegje om in seine.

Yn syn wolkomstwurd memoareart de foarsitter de promoasje fan Dr. Runia, en syn stelling oer de Fryske saek.

De kommisje Wiersma - Filippus is dwaende om tractaetsjes. De meiwurking is noch net great.

v. Tuinen dielt mei, dat der noch f 136 komme moat foar de Noardfryske preken.

Smilde docht meidielings út it deputaetskip foar liturgyske oangelegenheden. De

Herfoarme bondel mei gesangen komt gau út. Jammer is, dat korreksjes fan Griff.

deputaten net mear opnommen wurde kinne. Der sil noch oerliz pleegd wurde.

Yn de rounfraech freget ds v. Dyk nei de mûglikheden fan in Frysk Bibelselskip. Smilde sil him der op biriede.

Oantekens fan de 8e gearkomste op 23-5 '55 to Ljouwert.

Ds Smilde docht meidielings út it deputaetskip foar Psalmbiriming etc. Ds Smilde sil in oare kear ynliede: Persoanlikheidsfoarming yn forbân mei de Hollânske kollega's.

Oantekens fan de tsiende gearkomste fan it forbân fan F.D. op 5 Des 1955 to Ljouwert.

Smilde komt oan it wurd oer: de fryske dûmny en syn hollânske kollega.

Der binne forskate tipen ûnder de hollânske kollega's: fan úterst negatyf oant posityf mei

it each op de fryske saek. Mei dêr tuskenyn in groep fan: gean net to fier. Faek is der gjin

sprake fan principiële bistriding. Men docht him fakentiids net de muoite om stúdzje fan

dizze dingen to meitsjen. Ien fan de oarsaken is: men is yn ús kringen faek net soepel

genôch om him iepen to stellen foar foroarings op kultureel mêd. It past dochs net om de

Friezen to sjen as in folk binnen de nederlânske steat.

Hwat is de therapy ?

Wy moatte ús kollega's sjen litte, dat it earlik is ek op dit mêd súvere mjitten en súvere

arguminten to brûken. Ek hjir moat men serieus wêze. Op 't persoanlike mêd is it gaedlik

ús kollega's en freonen mei in yngeand petear to winnen. Ek mienskiplik kinne wy wize op it bilang fan it Frysk foar evangelisaasje en libbenshilliging.

Yn it bisprek komt oan de oarder it lytse tal Fryske dûmnys (1 op de 10), dat him foar dizze saek set. De Hollânners binne hjiryn faek gemaksuchtich fan út de oertsjûging: wy binne dochs de mearderheit.

Oan ds v.d. Woude sil it frysk psalm- en gesangboek oanbean wurde út namme fan de leden fan it forbân. Dit nou (PH2011: sic) oanlieding fan it amtsjubileum fan de foarsitter. De preken yn 1956 wurde fêststeld foar de nije "Streamen". Ja. Huismans, febr. Kuiper, Mrt. Smilde, Apr. Dijkstra, Maeije P.D. van Dyk, Juny v. Tuinen, July Reitsma, Aug. v.d. Heide, Sept. v.d. Woude, Okt. Nauta, Nov. Wiersma, Des. Hofman.

Oantekens fan de 11e gearkomstefan it Forbân op 27-2 '56 to Ljouwert.

Ynkommen is in brief fan it Ned. Bijbelgen. yn forbân mei in jildaanbieding fan Prof. L.P. de Boer út Amearika foar in Frysk Bibelselskip. De gearkomste giet akkoart mei it foarstel fan it N.B.G. om dit bidrach event. û.o. te besteedzjen foar in illustreard evangeelje yn it Frysk. De gearkomste is der op tsjin, dat in diel fan dit jild brûkt wurde soe foar propaganda fan de hollânske bibel, om't de jower it dêr net foar ornearre hat. Bisluten wurdt, dat B. Smilde en P.D. van Dyk út namme fan it forbân bywêzich wêze sille op de earstkommende gearkomste fan de Prov. Ôfdieling fan it N.B.G.

De noardfryske preken fan ds Smilde binne kreas útjown troch Fedde Dijkstra en forstjûrd nei N. Fryslân. Fedde Dijkstra, letter op de gearkomste oanwêzich, lies ús inkelde tankbere réaksjes foar.

Tank wurdt brocht oan Smilde foar syn preken en oan v. Tuinen foar syn jildaksje. Der is sels noch hwat oer: f 46.70. Dit bliuwt birêsten by v. Tuinen, om it foar in soartgelyk doel to bistimmen.

Oantekens fan de 12e gearkomste fan it forbân op 11 juni '56 to Ljouwert.

Ds Smilde hâldt in kausery oer de Fryske psalmen. De deputaten fan de beide Part.

Synoades binne klear mei it neisjen fan de 150 psalmen fan Schurer. As gehiel binne hja dichterlik tige goed. Deputaten ha bisocht inkelde flaters en ûneffenheden wei to wurkjen op it terrein fan ritme, muzyk en tael. Ds Smilde nûget syn kollega's út dizze bondel troch to wurkjen en sa to ûntdekken.

Dêrnei bisprek. Deputaten ha folmacht to kommen ta útjefte fan psalmen en 29 gesangen, as men it iens wurden is mei de kommisje fan de Herf. Tsjerke.

Ûnder it punt "Kommisjes" komt

it N.B.G. wer op de hispel. Smilde docht de suggestje, dat fêste kolporteurs op de doarpen, dy't nou ek al sutelje mei byfoarbyld kalinders, ynskeakele wurde. V.d. Woude sil dizze dingen ter sprake bringe op de Provinciale ôfdieling fan it N.B.G.

Smilde wiist út namme fan de redaksje fan Streamen de meiwurkers oan foar it kommende jier. Hy wol de preken graech foar de 5e fan de moanne yn 'e hûs ha.

In folgjend part is de kwestje fan in deiboek of in skuorkalinder foar 1958. It blykt wol, dat hjir hiel wat mei anneks is. Einbislút is, dat wy it earst ris mei in kalinder bisykje sille.

Smilde sil kontakt opnimme mei Wever en ev. mei Filippus. In yntertsjerklike kommisje

fan redaksje fan 3 man wurdt gaedlik achte. Smilde sil út namme fan ús kontakt opnimme mei dr Siccama fan Snits en ds D. v. Dyk fan Grins. Dy lêste namme bringt syn gefaren mei: lit it in skuorkalinder, gjin skuorrings-kalinder wurde, is v. Tuinen syn advys. (PH2011: ds Douwe van Dyk, eartiids yn Blije, wie in fûl Fryske, mar ek fûl Frijmakke Griff. dûmny)

Perioade 2: Van der Woude - Kuiper - Dykstra - Huismans 26feb57

PH2011: Oant safier de gearkomsten, dêr't Ds Rien Reitsma de skriuwer fan wie. De nije skriuwer wurdt Ds Thys Kuiper.

Oantekens fan de 15e gearkomste fan it Forbân fan Fryske dûmny's yn 'e Griff. tsjerken, hâlden op 26-2-'57 yn in lokaal efter de Noardertsjerke to Ljouwert. Nei it wolkom, yn 't bysûnder foar de gasten en nei it lokwinskjen fan Smilde en Oppedyk mei har gesinsútwreiding (en Oppedyk mei syn birop nei Dokkum) wurde de oantekens lêzen en fêststeld.

Nei oanlieding fan 'e oantekens praet Smilde noch efkes oer de foarderings mei de deikalinders. Ds Sickama is ré ta meiwurkjen. Ds Van Dyk fan Grins sjocht biswier. De redaksje sil nou bistean út Ds. Smilde en Ds. Sickama.

Oantekens fan de 16e gearkomste fan it Forbân fan Fryske dûmny's yn 'e Griff. tsjerken, hâlden op 20 Maeije '57 yn it lokaal efter de Noardertsjerke to Ljouwert. Nei oanlieding fan 'e oantekens, wurdt op oanstean fan Smilde bisletten om it Ned. Bibel. Gen. to skriuwen oer de taseine útjefte fan it Efangeelje fan Markus, dat dit sa gau as 't kin yn bislach krije moat en dat de rounte foar de korreksje riede sil.

Oantekens fan de 17e gearkomste fan it forbân fan Fryske dûmny's yn 'e Griff. tsjerken holden op 9 Sept. '57 yn it lokaal fan de Noardertsjerke to Ljouwert. Nei oanlieding fan 'e oantekens docht Smilde to witten, dat de printkladden fan it Efangeelje fan Markus mei gauwens ré wêze sille en dat de opskriften en ûnderskriften by de printen al earder troch him en Kuiper oerset binne. Smilde fornijt ek, dat troch beide ressorten Noard en Súd fan 'e Griff. tsjerken yn 'e mande mei de Herf. tsjerke it komme sil ta in nije útjefte fan it Psalmboek mei de 150 psalmen en 306 gesangen fan 'e Herf. tsjerke en de 7 gesangen dy't de Griff. allinne hawwe. De oplage sil yn earsten 7000 eks. wurde. De greate swierrichheit is de jildkwesje, mar der is hope, dat dit ek yn oarder komt.

Neijer bisprek brosjure Dr. Runia wurdt dan oan 'e oarder steld. It petear giet binammen tusken Smilde en D. v. Dyk. De earste hat wurdearring foar it wurk fan Van Dyk, mar hy mist it positive, it oanfielen fan 'e needsaek, it wizen op 'e ropping. Gen 11, Hanl. 2, Ps 81:6 en 114:1 wurde oanhelle yn ré- en duplyk. It forskil fan ynsjoch yn 'e kwesje wurdt binammen werjown yn 'e forskillende eksegeese fan it wurd "frijheid", mar de bruorren wurde it iens oer de prinsipiele grounslach fan 'e Fryske striid. Der wurdt letter útsteld, dat wy neijer yngean sille op dizze saek en dan wol yn forbân mei Gen.11, Ps. 81:6 en 114:1. yn forbân mei Hanl. 2.

Oantekens fan 'e 18e gearkomste fan it "Forbân fan Fryske dûmny's yn 'e Griff. tsjerken" op 9 Des '57 yn it lokaal efter 'e Noardertsjerke to Ljouwert.

Nei oanlieding fan 'e oantekens docht Smilde meidielings oer it Efangeelje neffens Markus yn tydskriftfoarm, dêr't de útjefte fan hwat opkeard is, mar dat nou wol mei gauwens forskine sil as it op 'e printflaters neisjoen is.

Dan dielt Smilde ek noch mei, dat it Frysk psalm- en gesangboek mei gauwens forskine sil, as it hwat kin mei de Katechismus der yn; de financiële kant is regele, foar in great part mei troch aksje fan Huismans, dy't dêr de tank fan de gearkomste foar kriget.

Oantekens fan de 19e gearkomste fan it forbân fan Fryske dûmny's yn 'e Griff. tsjerken op Moandei 10 Maart 1958 yn it lokaal efter de N.tsjerke to Ljouwert.

Yn forbân mei de fjirdere útjefte fan 'e rige "Streamen" makket Smilde de opmerking, dat it faeks wol wênst is om net allegearre feeststoffen to bihanneljen, mar de stoffen mear algemien to hâlden. Smilde sil fierder in nije list fan preekskriuwers opmeitsje.

By it punt meidielings en rapporten forteld Smilde hwat oer de útjefte fan it Frysk Psalm- en gesangboek, dy't sa't it nou liket mei de boekewike fan 't hjerst syn bislach krije sil.

Bilangjende de útjefte fan in dei-skuorkalinder en/of deiboek wurdt bisletten om sa mûglik mei de Kristlik Fryske Folksbibl. yn 'e mande to dwaen. Der binne meiwurkers oansocht ek út oare tsjerklike formiddens, sadat it in kalinder wurde kin fan yntertsjerklik karakter. De skriuwer sil ien en oar oan 'e K.F.F.B. trochdwaan.

Smilde wiist op it greate tal printflaters yn 'e bûsbibel. Wiersma -- dy't hjir al ris oer gear soe -- sil bisykje om in listke fan 'e slimste flaters gear to stallen en hjir mei op 'e oare gearkomste to kommen. Foar dy oare gearkomste sil Van Tuinen bisykje om in foarstel to dwaen bilangjende in gebedeboek, soks foar hûs- sawol as gebeden yn 'e earetsjinst.

Oantekens fan 'e 20e gearkomste fan it forbân fan Fryske dûmny's yn 'e Griff. tsjerken op Moandei 2 Juny '58 middeis 2 ûre yn it lokaal efter 'e Noardertsjerke to Ljouwert.

Smilde en Kuiper wurde lokwinske. De earste mei syn nije gemeente Greategast en de twadde mei syn birop nei Moarmwâld. Smilde docht nei oanlieding hjirfan forantwurdig fan syn birop nei Greategast.

In skriuwen fan 'e tsjerkeried fan Britsum, dêr't yn frege wurdt nei de rige "Streamen": oft der hast wer guon forskine sille. Sil antwurde wurde, dat troch drokte der de lêste tiid net folle fan kommen is. Mei goedfinen fan 'e gearkomste komt Huismans lykwols yn it plak fan Smilde, dy't it net byslofke kin, sadat de saek op 'e nij oanpakt wurde sil.

5. Smilde docht inkelde meidielings oer it Fryske Psalm- en Gesangeboek, û.o. dat ek de Katechismus dêr yn opnommen wurde sil.

Perioade 3: Van der Woude - Kuiper - Wiersma - Huismans

2sep58

PH2011: De earste gearkomste fan it FFF op in middei. Der giet jild út Amearika nei it NBG. "In nij begjin" is it Markusevangeelje yn tydskriftfoarm.

Oantekens fan 'e 21e gearkomste fan it Forbân fan Fryske dûmny's yn 'e Griff. Tsjerken, hâlden op 2 Sept 1958 middeis 2 ûre yn it lokaal efter 'e Noardertsjerke to Ljouwert.

*De oantekens wurde lêzen en krije de goedkarring fan de gearkomste. Nei oanlieding fan 'e oantekens komt P.D. v. Dyk mei it útstel om fan it jild fan L.P. de Boer in bidrach oer to dwaen oan it N.B.G., soks foar it wurk dien foar de Fr. bibelfortaling en de útjefte fan "In Nij begjin". Bisletten wurdt om f 250.--- to stjûren. De skriuwer sil dit trochdwaen oan J. v. Tuinen dy't it jild ûnder syn bihear hat. Smilde sil fan ien en oar L.P. de Boer tyngje dwaen. Smilde docht de meidieling, dat it mei de útjefte fan it Frysk psalmboek al moai einet, mar dat de útjefte wol hwat letter komme sil, as earst útsteld wie. Fierders hat **Sm.** de beskikking krige oer it neilitten Frysk wurk fan D. Zwart silliger. Hy sil mei Huismans ien en oar neisjen. Mûglik is der hwat by foar de rige "Streamen".*

Notulen fan 'e 23e gearkomste fan It forbân fan Fryske Dûmny's yn 'e Griff. Tsjerken" hâlden Moandei 2 Maert 1959 9.30 ûre yn in lokaal by de Noardertsjerke to Ljouwert. Smilde bringt dan it frysk sneinskoallesjongboekje op it aljemint, der't H. Brouwer, F. Schurer en B. Smilde de redaksje fan hawwe. It is fierhinne klear. Mar sille hja it útjaen by de K.F.F.B. ? Dat soe de bêste methoade wêze om it goed út to jaen yn in fiks tal.

Oantekens fan de 24e gearkomste fan it "Forbân fan Fryske Dûmny's yn 'e Griff. Tsjerken" hâlden op Moandei 1 Juny '59 yn it lokaal efter 'e Noardertsjerke to Ljouwert moarns om 9.30 û.

Nei oanlieding fan 'e oantekens dielt Smilde mei, dat it sjongboekje foar de sneinskoallen útjown wurde sil mei 80 lieten en dat alle leden fan 'e K.F.F.B. it ek krije sille. Fierders is der in tredde part set fan it Psalme- en gesangboek. It sil fan 't hjerst wol klear komme. Der wurdt frege oft der al birjocht kommen is fan it N.B.G. oer de ûntfangst fan 'e f 250,-- foar "In nij Bigjin" en Bibelaksje yn Fryslân. Net kommen. De Skriuwer sil ynformearje. Sybrandy dielt mei, dat it rapport oer de Fryske Psalmbiriming, op 'e P.S. fan Fryslân-Súd goed ûntfongen is, mei net al to folle kommentaar. Huismans freget om preken foar de rige "Streamen". Smilde docht meidieling, dat er in brievekaert fan kollega G.R. Vossen (PH2011: of Vessem ?) krige hat om Fryske preken en dat er in Fryske preek hâlden hat to Greategast dêr't in smite folk wie.

Dan bringt Smilde yn it bisprek it brief, dat ynkommen is fan 'e Direksje fan it Friesch Dagblad, dy't tasizzing jowe om alle dagen in foege meditaesje printsje to wollen, hokker setsel dan letter as deiboekje útjown wurde kin. De gearkomste is tige bliid mei dizze foarslach. Der wurdt útsteld, dat Smilde mei Dr. Sikkema fan Snits op 'e nij dizze kwesje mei de direksje fan it Friesch D. opnimme sil.

Oantekens fan 'e 25e gearkomste fan it "Forbân fan fryske Dûmnys yn 'e Griff. Tsjerken op Moandei 14 Sept. '59 yn it lokaal fan 'e Noardertsjerke to Ljouwert.

Nei oanlieding fan 'e oantekens, wurdt meidiel troch Sybrandy en V/d Heide, dat it rapport fan 'e Dept. foar de Fryske Psalmbiriming troch in forsin net op 'e gearkomste fan 'e P. S. forskynd is.

Fan it N.B.G. is birjocht ynkommen, dat hja de f 250,-- mei tank ûntfongen hawwe.

Van der Heide komt mei in oersetting fan it houliksform. yn it Frysk. De skriuwer en Ds. Smilde hawwe ek ien. De skriuwer sil mei Ds. S. oerlizze, as Dept. fan datoangande hjir hwat mei dwaen kinne.

Oantekens fan 'e 26e gearkomste fan it "Forbân fan Fryske dûmnys yn 'e Griff. Tsjerken" hâlden op 7 Des. '59 yn it lokaal efter 'e Noarder Tsjerke to Ljouwert.

De foars. docht tyngje, dat de hear Boomgaardt op 'e gearkomste fan it N.B.G. west hat om 'e forkeap fan 'e Fryske útjeften to bisprekken. Der is oppenearre om in kontakt-kommisje to beneamen, hwer't sit yn hawwe sille, it K.F.S., it R.F.B., de Herfoarme kommisje foar de Efangeeljeforkundiging yn 'e eigen tael en it "Forbân". Wiersma wurdt foar it Forbân yn dizze kommisje bineamd. De skriuwer sil dit oan 'e hear Boomgaardt trochdwaen.

Dan kriget Smilde gelegenheit om syn stik nei foaren to bringen oer: "Wurdbitsjinning en taelbihearsking". Wy moatte troch de tael de minsken it wurd bringe, it Wurd Kristus, mei in haaedletter. Dan jout ynliedder in nijsgjirrige skôging oer it bigryp tael. Tael bistiet net op himsels, mar is libben en libbet yn it folk. Der is lykwols in forskralingsproses geande yn 'e tael (ek yn it Frysk), dy't alearen op heech niveau, sawol yn it rjochtljike, as godstsjinstige brûkt waerd.

Sa net, de tael is bistan bleaun, hoewol wy der mei to krijen hawwe, dat it troch in party minsken net mear bigrepen wurdt, as wy der yn preekje. Doch moatte wy it dwaen, mar dan wol ynliedder in pear linen lûke:

1e It moat wurdforkundiging bliuwe. Gjûn kennis fan it Frysk luchtsje wolle en dêr ek de gemeente net yn opbringe wolle, likemin as it goed rjocht fan 'e Fryske earetsjinst fordigenje, as it net heechst needsaeklik is. Oan 'e oare kant is der in nije kâns yn it Frysk. Wy kinne faeks it minskehert reitsje op in plakje, dêr't it Hollânsk (Ned.) net by komme kin. Dy mûglikheden sykje en brûke. Dêrom ek, de tael suver en weardich brûke, hifkjend, handich, linich. Men moat net tinke: hwat hat er der in ein mear wurk fan. Men moat it net ienris fornimme: it is Frysk. Der war op dwaen it idioom to kennen troch to lêzen en to harkjen. Foar twa flaters hoedzje: 1e foar ûnnedige slimmens en 2e it idioom ophelje en brûke, net oerdriuwe of oerlade. As foarbyld fan goed gebrûk neamd ynliedder de preek fan Wiersma oer Achitofel.

Der komt noch hwat bisprek op 'e ynlieding. P.D. van Dyk wol bihalve de tael as skeppingsgegeven, dy ek sjen as út 'e wurking fan 'e Geast. De skriuwer freget, hwerom't it faek sa'n bytsje oanslacht by de minsken. Dat sil komme troch misbigryp en om't it harren ûneigen foarkomt yn it hillige de tael to brûken. Wiersma forliket mei de artikels fan E.B.

Folkertsma yn 'e Stim fan Fryslân. Dreech, mar masterlik, mar net foar it folk. Hoe moatte wy it kreative midden fine ? Lêze en opmerke !

Oppedijk fielt him faek in stumper op dit mêd en de foars. wiist noch op 'e grienmank fan minsken, dêr't wy mei to krijen hawwe: Hollânders, Grinslanners en stêdsfriezen. Dan tanket de foars. ynliedder en al de oaren.

Perioade 4: Smilde - Kuiper - Wiersma - Huismans 14mrt60

PH2011: Oant safier de gearkomsten, dêr't Ds Dr Cornelis van der WOUDE de foarsitter fan west hat. Tidens dizze gearkomste nimt dûmny Bernard Smilde it foarsitterskip oer. Van der Woude wurdt Professor yn Kampen.

Oantekens fan 'e 27e gearkomste fan it "Forbân fan Fryske dûmnys yn 'e Griff. tsjerken", hâlden op Moandei 14 Maert '60 yn it lokaal efter de Noardertsjerke to Ljouwert.

Dan stelt de foars. foar om earst in nije foars. to stimmen, om't er graech de gearkomste

forlitte wol. By de trêdde stemming komt Smilde út 'e bus mei 6 stimmen en Huismans 4, sadat Smilde keazen is as foars.

De nije **foars.** nimt syn sit yn en seit: Hjir sit ik dan, dit hie ik it allerminst forwachte. It is in swier stik om it plak yn to nimmen fan in great man. Hy rekkent dan ek op 'e meiwurking fan 'e leden.

Fierder seit Smilde, wy ha dy fearnsjier-ynjeksje fan it Forbân nedich. Sille wy hwat bitsjutte foar Fryslân, dan kinne wy elkoar net misse. Der binne mar sa'n bytsje dy't mei ús geane. Mar as wy allegearre ris tige warber wiene, dy't op 'e ledelist steane en dy't der net op steane, mar wol njonken ús stean koene, dan soene wy hwat birikke kinne. Dêrom doch ik, sa seit de foars. in birop op 'e trou fan 'e leden.

Smilde sil kontakt opnimme mei Dr . Sikkama fan Snits oer it Fryske deiboek.

Oantekens fan 'e 28e gearkomste fan it "Forbân fan Fryske dûmnys yn 'e Griff. tsjerken" hâlden op Moandei 13 juny (PH2011: 1960) yn it lokaal efter 'e Noarder tsjerke to Ljouwert. Nei oanlieding fan 'e notulen, wurdt troch de **foars** en Sybrandy en Huismans meidielt, dat op de P.S. fan Noard en Súd bisletten is, dat it Deputaetskip foar de Fryske earetsjinst, tonei ek officieel it adres wêze sil foar de Kommisje foar de bibelforsprieding yn it Frysk, dêr't it Forbân ek in sit yn hat.

Dêrnei kriget Huismans it wurdt om hwat to sizzen út 'e collegediktaten fan syn heit oer "de linguistiek by Dr. A. Kuyper ". H. bigjint mei to sizzen, dat it hjir diktaten bitreft fan 1894/95, dus sa'n 65 jier âld. Ut hwat H. nei foaren bringt fâlt op to meitsjen, dat Dr. K. fan bitinken wie, dat de taelwittenskip, ek troch it bigjinsel bihearske wurde moat. God sprekt yn en troch de Logos, dat de taelboarne is God.

Bilangjende it Frysk komt K. ta de foar dy tiid krasse útspraak, dat der yn Nederlân twa talen sprutsen wurde, it Frysk en it Nedl. Mar as er ien en oar neijer útwurket, is K. fan bitinken, dat Fr. as tael fordwine sil en ek gjin reden fan bistean hat.

De **foarsitter** stelt nei oanlieding fan dit ûnderwurp út, om Dr. Fokkema to freegjen, oft dy ek genegen is om dizze diktaten wittenskiplik to skôgjen. De gearkomste kin hjiryn meigean. Ds. Huismans kriget de tank fan de foars.

Foar de oare gearkomste stelt de **foars.** út: 1e Om it stik oer de Herf. tsjerke, dat yn 'e pers forskynd is, to bisjen en 2e Om foar de Sept. gearkomste ek de Griff. Theol. Studinten út to noegjen ta in bisprek bilangjende de fragen oer de dûmny en it efangeelje yn Fryslân. It lêste punt sille foars. en skriuwer neijer bisjen.

Yn 'e rounfraech wiist de skriuwer der op, dat op 2 lândagen fan forline jier en dit jier, fan de Griff. jonges en famkesklubs, net in wurd Frysk praet wurdt, útsein forline jier de foardrager Jac. de Vos fan Aldeboarn. De **foars.** heakket dêr op yn en seit, dat op 'e jongereindei to Berltsum 3 Hollanske sprekkers noege binne, en de dei sletten wurdt mei in stik fan Tetman de Vries. It liket wol as wurdt, lykas yn 'e foarige ieu, it Frysk allinne mar mear goed achte foar nocht en wille. De skriuwer sil in brief oan 'e bistjûren fan 'e Fryske Ofdieling fan 'e jongereinbounen stjûre oer dizze saek.

Oantekens fan 'e 29e gearkomste fan it Forbân fan Fryske dûmnys yn 'e Griff. formearde Tsjerken, hâlden 12 Sept. 1960 om 1.30 ûre to Ljouwert yn in lokaal by de Noardertsjerke. B. Smilde fan Greategast, de foarsitter, iepenet de gearkomste, lit sjonge Ps 103:6 en 7, giet foar yn gebet en lêst út Lukas 4 de fersen 14 - 30. Hy sprekt in wurd fan wolkom oangeande it profeet wêzen yn syn heitelân. Ús Heilân Sels hat it der ek mei to krijen hawn. Hy wie it

folk yn Syn heitelân to eigen. De foarsitter hopet op in fruchtber bisprek, omdat krekt dizze saek hjoed op it aljemint brocht wurdt, nou't ús gasten der by binne.

As gasten wiene oanwêzich de theologyske studinten: C. Gras fan Voorburg, C.v.d. Woude, lytse Kees, fan Ljouwert, F. Fennema fan Marrum, J.W. Post fan Feanwâlden, F. Strikwerda fan Frjentsjer, en G. Kerssies fan Súd Laren.

Dêrnei lit de **foarsitter** it symposium oer "profeet yn it heitelân" begjinne. De fryske dûmny en syn ropping is foar rekken fan Huismans.

Bernard Smilde, fan Greategast, hat it dan oer de fryske dûmny en syn foarming. De measte fryske dûmnys forkeare yn in tastân fan foarmeleazens. Sadwaende kinne hja har fortize yn nuvere en bispotlike sizwizen en útspraken. It evangeelje is allinnich tsjinne as it frysk goed forsoarge is, hwant it folk is forhipte kritysk, krekt op it eigene. Wy moatte as fryske dûmnys gâns skea ynhelje, hwant goede foarming en oplieding ûntbrekt.

Dêrom moatte wy achtslaen twa dingen:

1 de libbene folkstael en 2 de ta ûntjowing kommen kultuertaal. Deryn moatte wy ús styl fine en sil it in sykjen om in kompromis wêze. It sil yn it fragelearderslokael mear lije kinne as op 'e preekstoel. Om ta it goed bihearskjen fan de tael to kommen moatte wy it folk, binammen de âlderein goed achtslaen yn har taelgebrûk, mar ús ek ympulsen jaen litte fan de jongerein.

Dan moatte wy ek de folkslektuer lyk as Rimen en Teltsjes fan Waling Dijkstra en de boeken fan P. Akkerman yn ús opnimme. De Hillige Skrift yn it frysk út 'e pin kenne en ek de H. Histoarje fan Van Houten en de Psalmen en Gesangen sjonge. Dan de wurken fan E.B. Folkertsma, Anne Wadman, goede romans lêze as ek de Tsjerne. It giet net allinne om it taelkleed mar ek om de opbouw, de wize fan sizzen, reäksje en probleemstelling. Dit is ek fan bilang foar ús hollânske preken. Dizze foarming stiet net los fan it libben.

Elk mocht 5 minuten prate, mar Smilde hat it fansels langer makke, mar dat wie net sa slim en men moat de lju fan de kunst ek net mjitte nei de mjitte fan it Gewoane Vulgus, ûnder oan de Olympus.

Oantekens fan 'e 30e gearkomste fan it Forbân fan Fryske dûmnys yn 'e Griff. tsjerken, op moandei 9 jann. '61 9.30 û. yn it lokaal efter 'e N.-tsjerke to Ljouwert.

Foars. Smilde lit sjonge Ps 72:1 en lêst Mark. 1:14, 15. Dêrmei is dan de gearkomste iepene. It Wolkom wurdt taroppen oan ... trije studinten t.w. Fennema, Van Wieren en Post. Op in ynkomde brief fan 'e Geref. Jeugd Organisatie, dy't as antwurd op in skriuwen fan it "Forbân", der mei ynstimme, dat der op 'e jeugdlândagen likernôch gjin Frysk praet wurdt en dêrom freegje, nei Fryske stikken of sjongspullen, wurdt útsteld, dat de **foars.** en de skriuwer dêr nochris oer gear sille.

Meidielings: Smilde dielt mei, dat it yn 'e bidoeling leit, dat it nije psalm- en gesangeboek op 2 maart a.a. offisjeel yn gebrûk nommen wurde sil.

Dan wiist Smilde noch op it great Frysk kongres yn Noard-Fryslân, dêr't hy ek wer hinne giet. Hy wol graech immen mei ha, dy't dêr ek ris in Fryske preek hâlde kin, oars soe men de yndruk krije kinne, dat der oars gjin binne as hy allinne, dy't soks opknappe kin. Der is lykwols net ien, dy't smucht op in reiske nei de stambuorren hat, want nimmen giet op it oanbod yn.

Oantekens fan 'e 31e gearkomste fan it "Forbân fan Fryske dûmnys yn 'e Griff. tsjerken", op moandei 10 april 1961 yn it lokaal efter 'e Noardertsjerke to Ljouwert. (moarns 9.30 oere)

De **foars.** docht inkelde meidielings, t.w. dat hy en Wiersma it Forbân fortsjintwurdige hawwe by de yntré fan Prof. v/d Woude to Kampen.

Dan, dat de lêste tiden inkelde greate mannen oan Fryslân ûntfallen binne, binammen: Wendelaar Bonga, Gerben Brouwer en Pieter van Tuinen.

Fierder, dat tongersdei 13 april 1961 it nije psalme- en gesangeboek oan 'e tsjerken oanbean wurde sil yn in sjongtsjinst yn 'e Parktsjerke to Huzum.

As lêste, dat Oppedijk gjin kâns sjoen hat it twadde diel fan it rapport "Hervormd Friesland" klear to krijen.

Op oanrieden fan 'e **foars.** wurdt nou earst preek nû 46 bisprutsen. Elk docht war om krytyk út to bringen op Wiersma syn taeleigen, mar hy kin de krytyk goed to reden stean.

Om't der dochs wat wêze moast, seit de **foars.** dat hy op him nommen hat om it boekje fan Frits Mehrstens oer "Kerk en Muziek" to bisprekken. Sadwaende kaem dat op 'e wurklist ynpleats fan it referaet fan Oppedyk.

It boekje giet oer de wer nije wurdearring foar tsjerke en muzyk, dy't der wer komme moat. It hat wol bitsjutting foar in wer ferstean fan 'e wearde fan 'e muzyk foar it tsjerklik libben, mar Smilde hat ek wol krytyk, is alteast teloarsteld, om't it theologysk net djip genôch rikt. Doch is it tige praktysk. Mehrstens wol nei Luther werom. By de bern bigjinne. Hjir is efterstân en tsjinstân. Moat oparbeidzjen wêze fan komponist en dichter. Tsjerkekoar moat wer yn funksje. Ek de dûmny moat sjonge.

Neffens de **foars.** hâldt alle fornijing hjir foar Fryslân wer in gefaer yn, hwat oanbilanget de Hollânske tekst fan 'e lieten. Wy rinne hjir efter 'e feiten oan, wylst wy foarop gean moasten.

Oantekens fan 'e 33e gearkomste fan it "Forbân fan Fr. dûmny's yn 'e Griff. tsjerken", op moandeitomoarn healwei tsienen 21 Aug '61 yn it lokaal efter 'e Noardertsjerke to Ljouwert. Dijkstra wol graech de preek bisprekke op taeleigen en op syn theologyske-homiletyske wearde, soks yn forbân mei syn krewearjen foar dûmny-wurden yn 'e Griff. tsjerken.

De **foars.** docht dan to witten, dat de tsjerke Ljouwert it Fr. psalm- en gesangeboek oantúgd hat en sprekt de winsk út, dat der mear sokke komme meije.

It wie in moaije simmerdei, de 18e fan heamoanne 1962, doe't in mannich Fryske dûmny's de moed opbrochten, dy moandeitomoarn, har 36e gearkomste fan it "Forbân fan Fr. dûmnys yn 'e Griff. tsjerken, to hâlden.

Apart waerd neamd F. Dijkstra, dy't foar 't earst as dûmny yn it formidden wie, mar -- sa de **foars.** -- sûnder hwa't wy it Forbân ús hast net tinke kinne.

Ek krige in bysûnder wolkollega Van der Woude fan Borne, dy't yn Fryslân wie en fan 'e gelegenheid gebrûk makke om 'e gearkomste by to wenjen.

De riering yn it tsjerklike libben ûntstien út 'e aksje fan 'e saneamde "Achtien", fynt ek syn weromslach yn 'e gearkomste, om't Wiersma in bisprek meijoech oer it boekje fan "De Achtien": "Van kerken tot kerk". De **foars.** sjocht foar Fryslân noch in aparte problematyk, om't hjir de hechte Orthodoxe formiddens yn 'e Herfoarme tsjerke foun wurde, lykas -- dêrfoar oer -- de pûr frijsinnige en de striid tsjin it modernisme hjir sa fûl west hat. It leit hjir sa maklik net as faeks wol yn oare dielen fan it lân.

Smilde dielt mei, dat der wer Fryske sjongjounen hâlden wurde sille foar de Regionale Omrop.

Alwer mocht it -- nei de heukerige simmer -- treffe mei it waer, doe't de leden fan it Forbân fan Fr. Dûmnys yn 'e Griff. tsjerken har ta har 37e gearkomste setten op it bewende plak. Sept '62.

Dan kriget Smilde it wurd, dy't ús ien en oar fornijt oer "de kwaliteit fan 'e Fryske bibelfortaling", dat as in krityske skôging yn 'e gearkomste lein waerd, sûnder dat der ek net greate wurdearring útsprutsen waerd foar it wurk fan Dr. Wumkes. Der moat wol in nije oersetting komme, hwant fan 'e greate bibel binne der noch likernôch 1500 ekspl, mar fan 'e bûsbibel noch: 10000 (PH2011: tsientûzen). Dat lêste wiist min. Mar de bibel moat by it folk yn har tael brocht wurde. Revisy is died fan it leauwe.

Huisman's tanket de foars. en jowt tiid foar bisprek, dêr't it resultaat fan is, dat elk in listke meitsje sil fan bibelflaters, dy't er fynt en dizze trochdwaen sil oan Wiersma, dy't as sam'ler bineamd wurdt.

De 39e gearkomste fan it Forbân fan Fryske dûmny's hâlden op tiisdei 6 maart, '63.

Huisman's hie psalmboeken meinommen, dêr't út songen waerd: 86:6.

Ynlieding. Van Tuinen jowt in ynlieding oer "Kristendom en nasjonalisme." Spr. seit û.o. dat nasjonalisme dêrre ûntstiet, dêr't men fielt hwer't de naesje yn gefaar is.

De foars. dielt ek mei, dat 12-19 aug. op "De Oorsprong" St. Nikelsgea, in konferinsje hâlden wurde sil oer "It tsjerklik liet".

De 41e gearkomste fan it Forbân fan Fr. dûmny's yn 'e Griff. tsjerken, hie pleats op tiisdei 17 sept. '63 op itselde plak as oars, yn it moarnsskoft.

Om't Smilde, lyk as er ús skreau, mei mappen fol oantekens en kritiken op 'e nije psalmebundel (de Nederlânske), op it eilân 't Amelân tahâldde, dy't er yn opdracht fan 'e Synoade en mei tastimming fan syn tsjerkeried neisjen moast -- naem Huisman's de lieding op him.

It wie net in great tal, dat tiisdei 10 maart '63 bilangstelling toande foar de 43e gearkomste fan it Forbân.

De foars. dielt dan mei, dat Prof. v/d Woude der yn biwilliget om mei syn frou it 10 jierrich bistan mei ús to fieren en der ek hwat to sizzen oer "Sybrandus Lubertus."

Nei hwat hinne-en-wer-gepraet oer Fryske preken, de tael en it brûken dêrfan wurde tusken de bidriuwen troch Dijkstra en Huisman's forsocht de "Prinsetún" oan to freegjen foar de lustrumfiering. De foars. en de skriuwer sille foar it programma riede. Der wurdt útsteld en goedfoun, dat it wêze sil op tongersdei 18/6.

It wie wol in bysûndere gearkomste, dizze 44e fan it "Forbân", op tongersdei 18/6 '64, om it plak fan gearkommen, de Prinsetún, om 't it 10 jierrich bistan wie, dat fierd waerd, en binammen ek om't de froulju der (foar in part alteast) by wiene en by einsluten, dat Prof. Van der Woude de sprekker wie.

Wy troffen moai waer op reis nei de Prinsetún. Letter reinde it, mar dat wie net sa slim, hwant wy sieten droech. It bigroetsjen wie -- lyk as sa faek -- wol hwat stiif, mar doe't de

kojfe kaem, bigoun it hwat to wennen. Wy wiene de moarns, mei de foars. fan it K.F.S. de hear Boomgaardt, sechstsjinrisom en de middeis -- sûnder B.-- mei syn achtsjinnen. Wolkom. Smilde hie de lieding en nei't wy songen hiene út it Fryske psalm- en gesangboek, gebet en Skriftlêzen, spriek er in treflik iepeningswurd: Wolkom yn 'e skoandere Prinsetún, binammen de froulju, Prof. v/d Woude en de hear Boomgaardt.

Der is blydskip oer dizze dei, mar ek skaed. De **foars**. bitinkt yn dit Forbân it forstjerren fan Wieger v/d HEIDE en lit nei oanlieding dêrfan sjonge: Ps. 103:8,9 (PH2011: út it psalm- en gesangboek)

Fierder seit er, dat wy net sa bot yn in jûchheistimming forkeare kinne, hwant de sleauwens en slappens fan Fryslân hinget ús faek ek oan. Der is lykwols ien treast: der is wurk genôch, mar wy ha forlet fan minsken. Wy moatte der ús oer biriede, hoe't wy mear Friezen yn ús wurk bihelje kinne.

Wy sille net oars as út 'e leafde wei nei it hert fan Fryslân trochkringe -- Kristus sil it kniesde reid net tobrekke en de walmjende flaekspiid net útdweste. Yn dat leauwe fierder, dan kinne wy noch bergen forsette, al binne wy ek net mear as ûnnutte tsjinstfeinten. Oersjoch. De skriuwer lêst syn oersjoch oer "dizze 10 jier". Men kin it yn it archyf fan it "Forbân" fine. Smilde bitanket en seit, dat neffens it applaus, it der goed ynfallen is.

De dûmnysrounte

Op Ds. B. Smilde.

Hwat selskip hat in baes as wy	ja hwa
Mesyk makket er altyd nij	ja ja
En fersen skriuwt er samar op	
Artikels wringt er út syn kop	ja ja
Dan is er ek noch man en heit	't is wier
De twadde soan is ús fornijd	't is wier
Syn Janke is fan fyn postuer	
Makket by him gjin min figuer	't is wier
Men seit dat er ek noch dûmny is	hoe kin 't
Hy preket altyd dat is wis	hy kin 't
Hy sjongt de hiele tsjerke oer	
Allinnich kin er 't oargel oer	hoe kin 't
Nou sil er wer op Fryslân ta	sa is 't
Gerdyk dy wol him hjir wer ha	sa is 't
Nou komt syn lûd wer neijer oan	
Dat fine wy mar tige skoan	sa is 't.

Oantekens fan 'e 48e gearkomste fan it "Forbân fan Fryske dûmny's yn 'e Griff. tsjerken." Dizze gearkomste waard holden yn 'e pastorij fan Huismans to Warten. Earst binne wy mei fjouwer man. t.w. bihalve Huismans: F. Dijkstra, Nauta en Kuiper, mar dan komt **foars**. Smilde ek noch opdaegjen en wy bislute om troch to setten. Fan 'e junygearkomste by F. Dijkstra to Hijum binne gjin oantekens, dêrom wurde dy fan maert lêzen en fêststeld.

De foars. neamt fierder noch inkelde konkrete punten: 1. Der moat in list komme fan dûmny's, dy't Frysk preekje kinne.

It wie de lêste dei fan febrewaris 1966, dat wy -- alwer sawnrisom -- ús yn 'e hwat tsjustere hoeke fan 'e Koepeltsjerke deljoegen, ta it bywenjen fan 'e 51e gearkomste fan it Forbân.

De foars. seit, dat it Sybrandy en Wiersma aerdich goed giet en dat de skriuwer in birop oannommen hat nei Borger. Soks is minder moai, tinkt him, mar men moat in oar syn bisluten al respektearje, hwer't binammen de skriuwer it mei iens wie.

Der binne in pear ynkommen stikken fan 'e tsjerkeried fan Huzum, dat men it moai fynt, dat wy in mannich preken fan v/d Heide útjaen wolle.

Dan jowt de foars. F. Dijkstra it wurd, dy't hwat oer in eventuele nije bibeloersetting sizze soe, mar it suver net mear wist, dat er dêr oer gear moast, mar it die bliken, hy wist der wol hwat fan. De saek is op in gelokkige manier aktueel wurden om't it N.B.G. skreaun hat, dat der noch in 80 húsbibels binne; der is in gearkomste west mei fortsjintwurdigers fan it N.B.G. en fan 'e tsjerken, dy't op 2 maeije herhelle wurde sil. Oan 'e Synoaden Fryslân-Noard en Súd moat frege wurde om ôffurdigen dêrhinne to stjûren.

Oan Dijkstra syn forhael, dat wol wer hwat moed jowt, heakket Groustra noch in suplemint fêst mei foarbylden út 'e Fryske fortaling, hoe't hy it as "leek " sjocht.

Perioade 5: Smilde - Boonstra - Wiersma - Huisman 15jun66

PH2011: Hjir begjinne de oantekens fan drs. Folkert Boonstra fan Noardburgum.

Oantekens fan 'e 52ste gearkomste fan 'e Rounte fan fryske dummys. 15 juny '66 Koepeltsjerke Ljouwert.

Op dizze moaije simmerdei sochten wy de greate seal mar op net sasear om om it greate tal bywêzigen as wol om hwat yn 'e lijte to kommen.

Kaem oan bar de forkiezing fan in skriuwer. Nauta keazen mei 4 fan 'e 7 stimmen wier út noch yn net to biwegen, achte himsels net by steat. Nei in soad geiggewear naem ûndersteande it nou op him.

Oantekens fan 'e 53ste gearkomste fan 'e Rounte fan Fryske dummys Tiisdei 13 Sept '66 op it wenstige sté.

Wiidweidich waerd sprutsen oer de nije bibeloersetting, Dijkstra fielde wol dat er winliken net út Fryslân wei koe, al laei it birop dat op him útbrocht wier him swier op 'e mage.

Oantekens fan 'e 54ste gearkomste fan it Forbân fan Fryske dummys Tiisdei 17e Jannewaris '67 yn it lokaal fan 'e Koepeltsjerke to Ljouwert.

Wiidweidich wurdt er forslach dien en peteare oer de nije fryske bibeloersetting. In stêf fan 'e Fryske Akademy sil de supervisy hawwe. In fakman fan it Bibelgenoatskip sil oanwizings jaen. Prof. D. Dedens fan Aken (RK) Dr Visser en Prof, A.S. f.d. Woude fan Grins kontrolearje it oerbringen út 'e grountalen. In stikmannich Frisici sille noed stean foar 'e memmetael. De 25ste fan dizze moanne wurdt in gearsit hâlden yn 'e Prinsetún, dêr't Prof. f.d. Woude op oersetswierrichheden wize sil. De saek wurdt rûsd op f 75000 fordiel oer fiif jier.

Oantekens fan 'e 55ste gearkomste fan it Forbân fan Fryske dûmnys de Tiisdeis 25 April '67.

Nei wenstige iepening liedt Smilde it bisprek yn oer Psalm 22. Sa't men fan tinken wol hawwe kin hie it opskrift him aensen al wakker yn 'e bisnijing as musicus: hwat is lamnatseeach, hwat bitsjut 'al-'ayyêlêth hasjsjachal, hwat moat men forstean ûnder midzmowr? Ynlieder seit, dat de nije oersetting yn it Nederlânsk oanbilangjende by de edelstiennen faktechnici rieplachte binne, mar dat men by de ynstruminten der mei de pet nei smiten hat. Elk fielt dat er hjir waerm bigoun to rinnen al hold er him goed. Dernei bigoun er ús djip yn it drege krewel fan it forantwurde oerbringen yn suver Frysk fan 'e tekst.

Woansdei 16 Okt. '68 hâldden wy ús 61ste gearkomste. (De 60ste waerd yn Juny hâlden, mar Húsmans, dy't do it skriuwerskip waernommen hat, wier fanwegen soarchlike húslike omstannichheden net bywêzich.)

Wy kamen nou to praet oer it preekjen yn it frysk. De **foarsitter**, nou net langer boun oan ien gemeente, hie al fjirtich fryske preken en wier elke snein dermei oeral yn ús gaen warber. Yn 'e Herfoarme tsjerke hie Romke Byl de foarstap.

64. Forgearring 4 Juny 1969.

Fan it Alde Testamint binne klear kommen: Deut., Rut, Esther (Byl), 35 Psalms (Byl ek), 1 Kron, 2 Kron (20 capita); it N.T.: Markus, Lukas (foart in geat part), Johannes, 1 en 2 Kor. en de Johannes brieven.

65. Forgearring Woansdei 17 Sept. '69

De **foarsitter** dielt mei, dat der in fryske wike foar it tsjerkeliet west hat yn Feanwâlden op it Foarmingssintrum. Der wiene forskate sprekkers en der is noch song yn 'e kapel fan it Talmahûs. Tige bislein.

Fierder bringt it probleem fan in nije stavering, dêr't men mar net oer ta in ienriedich útslútsel komme kin, spjalting yn hast alle rounten.

Oantekeningen fan 'e 66ste Gearkomste fan it Forbân fan Fryske Dûmnys yn 'e Griff. tsjerken op Woansdei 3 des. 1969 yn 'e Koepeltsjerke to Ljouwert.

De **foars.** iepenet de gearkomste hoewol't er mar fiif oanwêzich binne, to sizzen mei de **foarsitter**: de trije Dijkstra's (Fedde, Harry en Jan) en Ype Nauta. Efkes letter skikt ek noch J. Stienstra oan. Dêr bliuwt it hjoed by. Forskate hiene tyngedien, dat hja bihindere wierne. Dan docht de **foarsitter** inkelde meidielings oer de nije Fr. Bibeloersetting. Dat wurdt fiks oanpakt. Takomme jier sil it Evangeelje neffens Lukas útjown wurde. It plan is om it forgees ta to stjûren oan 'e leden fan 'e K.F.F.B. en de Fryske Bibliotheek. Ek kin elts it apart keapje yn 'e boekhannel. De Gesange oersetting wurdt iverich oan wurke. De **foars.** seit, dat er him tige lulk makke hat om it forslach yn it Frysk Deiblêd fan de bisprekking fan 'e bundel Gesangen op 'e Synoade. Allinne it negatieve wier der yn werjown. De **foarsitter** hie in

ynstjoerd stik ynlevere mar it is net opnommen. De Ljouwerter Krante derfoaroer hie in hiel oar forslach alhiel neffens de wurklikheit.

Perioade 6: Smilde - Boarnstra - Wiersma 10jun70

67ste Gearsit fan 'e fryske Rounte fan Griff. dûmnys op Woansdei 10 Juny '70 yn it lokaal fan 'e Koepeltsjerke to Ljouwert.

De foarsitter stiet stil by it hommels forstjerren fan WIM HÚSMANS fan Warten, dy't yndertiid de oantrún joech foar de oprjochting fan ús rounte en altiten in greate stipe wier. Fij fan sloppens en sleauwens, fûl tsjin ûnrjucht en tirannije lyk as yn 'e bisettingstiid, from en tear yn syn leauwe yn 'e Heilân, wakker fielend foar sinding en evangelisaesje, sadat er him lulck meitsje koe om ljue dy't op dit stik lij wierne, ré om minsken yn 'e bidelte by to stean, warber der't er him roppen wist sûnder spul út to jaen, earlik en rjuchtút op it batske om ôf, ienfâldich en in freon mei in hert fan goud, sille wy en in hiel soad him misse, as wy nou earst goed biseffe.

Oanteikens fan 'e 70ste gearkomste fan it Forbân fan fryske griff. dûmnys op it bewende plak, 22 Maert '71.

Op it appèl wierne de trije Dijkstra's, Hekstra, Nauta, Sinia, Smilde, Sybrandy en 'e skriuwer.

PH2011: Understeande oantekens binne typt op in ynplakt feltsje papier.

De gearkomste is hâlden by Smilde yn Hurdegaryp.

OANTEKENINGEN fan de 71ste

GEARKOMSTE fan it Forbân fan Fryske Dûmnys, yn 'e

Griff. Tsjerken, op moandei 14 juny '71, moarns 9.30, by de **foarsitter** oan hûs.

De **foarsitter** winsket ds Sybrandy lok mei de koaninklike ûnderskieding. Hy dielt fierders mei, dat it Gesangboek foar de helte klear is. Der komt skot yn to sitten. Sa ek mei de Bibelooersetting. It Nije Testamint is gau klear.

Us prekebondel, dy't by 't maeityd op stensil set is komt mei koarten út. Dêryn binne opnommen fiif preken, twa fan ds W.C.Huisman en ien fan ds W.v.d.Heide, dy't beide forstoarn binne, en dan fan ds J. Dijkstra en W.Wiersma, twa fan ús âldere leden, elk mis ien.

OANTEKENINGEN fan de 76e Gearkomste fan it Forbân fan Fryske dûmnys yn in lokaal by de Koepeltsjerke to Ljouwert., op woansdei 29 nov. '72.

Dan folgje inkelde meidielings û.o. dat it Nije Testamint yn 'e nije oersetting op stensil stiet, en ek de Apokryfe boeken. Op in pear nei is alles klear. De nije gesangen binne op in inkelde nei ek klear.

Mei de psalmbiriming binne se noch drok dwaende.

De oersetting fan Fedde Schurer is wol goed, mar der binne noch oanmerkingen. Der moat hwat oan dien wurde, mar it stiet noch net fêst hoe't dat moat.

De finansiele kwesje foar útjowing moat ek noch regele wurde, mar dit sil nei alle gedachten wol klear komme. It stiet noch yn 'e kiif oft wy subsydzje krije fan 'e Provinsje, hwant dan moat der in soarte fen stichting komme, omt de Provinsje net

rjochtstreeks de tsjerken subsidiearret.

Perioade 7: Smilde - Boonstra - Wybenga- HDykstra
28feb73

*Gearkomste de 78ste kears
Woansdei 13 Juny 1973
yn it gebou fan 'e Fryske Akademy
Ljouwert.*

*- It fryske tsjerkeboek is forskynd en op 'e tafel mei de meast gongbere formulieren
(PH2011: Dat is in boekje mei losse blêden yn A-4 formaat, stensille, mei twa blauwe skutblêden en nite)*

*79ste Gearkomste Rounte fan fryske dûmnys by de Koepeltsjerke yn Ljouwert de trêdde
Oktober 1973*

*Nei de wenstige iepening kamen der inkelde meidielings. It oerskot fan "de helpende Hân"
(it Ev. neffens Luk.) is net mear by it N.B.G. mar by Harkema yn Bitgummole. It nije
lieteboek: de mooglikheit wurdt neigien om it ek yn it frysk út to jaen.*

OANTEKENINGEN fan de 80ste gearkomste fan it Forbân fan Fryske dûmnys yn 'e Griff. Tsjerken
op 12 desimber 1973 yn in lokaal fan de Koepeltsjerke to Ljouwert.

De **foarsitter** dielt ien en oar mei fan de deputaten foar de Fryske earetsjinst en de nije
bibeloersetting. Dizze is yn earste lêzing sahwat alhiel klear. Takomme jier kin alles syn bislach
krije. It psalm- en gesangboek kin dan nei alle gedachten ek útkomme. It nederlânske psalm- en
liedboek giet hurd. Elke moanne wurde der sa'n zechtich tûzen drukt.

*Oantekenings 81ste gearkomste
Forbân fan fryske dûmnys
Woansdei 6 maart '74
yn 't lokaal by de Koepeltsjerke Ljouwert.*

*De foarsitter koe wichtige meidielings dwaen: it lêste wurd fan it lêste boek Levitikus wie
der út ! (F.Dijkstra). It hiele kerwei hie 6 jier en in pear moanne ferge. Yn it forrin fan '76
sil, as alles meiwierret, de bibel forskine kinne.*

*De Stifting foar it Tsjerkeliet is der ek foar ré om de fryske oersetting fan 'e gesangen út to
jaen. Soks is in stik bûter yn 'e brij. De foarsitter roun hiel fier mei it nije lieteboek, mar dit
makke wjerstannen wekker binammen by de skriuwer ... It kaem der op del dat er foun: de
bûter hie hwat in bysmaek, en de brij wie hwat wetterich en de forpakking frijhwat lêstich.
Doe gong it efkes krekt as yn Efeze: "Yn 'e gearkomste rôp de iene dit, de oare dat: hwant it
wie in tizeboel. It forfolch: de measten wisten net ienris hwerom't se byinoar kommen
wienen, krige fan 'e foarsitter dizze reaksje: jimme witte net hoefolle tiid wy der oan
spandearre hawwe, hoe lang en breed it foar en it tsjin útmetten, foardat wy in gesang der
út lieten en joech efkes in nijsgjirrich ynsjoch yn 'e argumintaesje. It waerd lykwols spitich
foun dat gesangen dy't tige eigen wurden wienen, tige oansprieke (bgl. de forsoening fan 'e
skuld troch Kristus' bloed) net opnommen wienen en ek gjint fan Joh. de Heer in plak jown.*

Oantekens fan 'e 82ste Gearsit
fan 'e Rounte fan fryske dûmnys
op Woansdei 12 Juny 1974
yn it Coulonhûs.

Doe folgen meidielings oer it ôfwurkjen fan 'e gesangebondel en de suggesty fan ds Bonda (PH2011: dûmny Jan Bonda fan Stiens) op 'e Part. Syn. om tuskentroch in boekje út to jaen mei in stikmennich psalmen en lieten.

De nije fryske bibeloersetting: de ôfwurking is yn 'e twadde fase, foar fan Houten (PH2011: skoalmaster Ulbe van Houten op it Bildt, skriuwer fan "De Hillige Histoarje") dy't koartlyn forstoar, woenen Twerda fan Bakhuzen en Zantema fan Koarnjum harres der oan dwaen.

Doe dit wurk syn gerak hawn hie hat noch op it aljemint west of wy ús rounte ek net yntertsjerklik meitsje moasten. De measten wienen der hwat skou foar: de sfear soe net sa smûk wêze, en wy koenen nou dêr't wy foar byinoar wienen goed oan, en it moai forarbeidzje op 'e fortútlikste manear.

Oantekenings fan 'e 83ste gearsit
fan 'e Rounte fan Fryske dûmnys
op Woansdei 4 Sept. '74 (lokael Koepeltsjerke)

Nou folge wer earst hwat nijs oer 'e Bibeloersetting. Kin men it aventûrje en hâld de stavering sa't dy nou is. It skynt lykwols dat it geheister dêroer bilunet. It ûnderwizersfolk, to'n earsten wakker foar in skriuwwize neffens utering, hat murken dat it wurdbyld de bern earder slimmer oankomt as oannimlik. Hwat de psalms en gesangen oanbilanget, it wurk is praktysk dien.

De 84ste gearkomste fan it forbân
fan Fryske dûmny's, woansdei 4
desimber 1974 by de Koepeltsjerke.

Foarsitter Smilde iepent. Wy sjonge Ps 40:1-2. Lêzen wurdt Ruth 1:6-18.

Personalialia. De **foarsitter** hat Dijkstra (Drylst) opsocht mei syn 85ste jierdei. Hekstra is troud - it wier in feestlike tsjerketsjinst. Meidielings: De nije bibeloersetting sil offisjeel 31 des. ophâlde, al binne der dan noch wol inkelde dingen to dwaen.

Hoe krije wy it nije lieteboek útjown ? Der hat kontakt west mei de Nederlânske Stifting: dy sil de finansjele mûglikheden ûndersykje. It manuskript leit opheden by it Boekesintrum.

To krijen is: it liet fan 'e wike diel II by it paedagogysk advysburo.

Smilde bringt nei foaren, dat hy noch net krekt wit hoe't it mei him en syn wurk komt yn it nije jier. Der sil wol in nije **foarsitter** komme moatte. Fierders is hy fan miening, dat neffens in reglemint der al lang in nije **foarsitter** wêze moatten hie. Omdat net ien fan uzes klear foar de geast hat, hwat it reglemint yn dizze seit, krijt skriuwer opdracht om dit dokumint op to sykjen en ús op 'e kommende gearkomste to fortellen, hwat der yn stiet oer it Foarsitterskip.

86ste Gearkomste fan 'e Rounte fan fryske dûmnys op Woansdei 4 Juny '75 op it biwende sté.

Jonge dûmnys dy't oanskreaun wienen, hienen, spitigernôch, gjin dalje jown, soargen net sa't de **foarsitter** sei foar "Nachwuchs", mar lieten ús rounte forâlderje, sa kinne wy net

ienris Húsmans noch neisizze: as jim neiteam dan mar libje mei ! Nuodlike saek !
De **foarsitter** stie der op oan om fryske preeksjinsten op to jaen oan Frysk en Frij dat der in apart plak foar ynskikt elke wike.

Dan: Hjelbeam dêr't om 'e oare Sneins yn it ramt fan 'e Oekumene dûmnys frege wurde foar in fryske tsjinst. Kin net, is it algemien bitinken, sûnder oerliz mei de Griff. tsjerkerie fan Frjentsjer. In skriuwen ?

Foar it útjaen fan it fryske psalme- en lieteboek is in subsydzje tasein fan f 10.000, mar CRM (PH2011: it ministearje fan Cultuur, Recreatie en Maatschappelijk Werk) mei in oare ynstânsje al of net yn 'e mande sil fiks meihelpe moatte, sil it de oare útjefte bilykje hwat in weardich en kreas habyt oangiet.

It Bibelnoatskip (PH2011: sic) hat ek bigrepen dat de kwesje fan 'e stavering earst útiten wêze moat: oars koe de foarm al by it útkommen forâldere wêze of opkearend wurkje foar ien dy't by de tiid oanslute wol. Yn ûnderwiisformiddens hat experimintearjen wol oan 't forstân brocht, dat yngripende foroarings net winsklik binne. In kommisje fan 'e Depp. Steaten sil mei útstellen komme dy't wol net fier gean sille.

87ste Gearkomste fan 'e Rounte fan foar it Frysk krewearjende dûmnys op Woansdei 3 sept. '75 yn 'e seal Sawnwâlden (Fr. Akad.) to Ljouwert.

Fierder: it lieteboek wie ré, de hope wie op stipe fan it CRM dat it net djûnder wurde soe as it hollanske.

Kuper kaem efkes op Hjelbeam werom: de tsjerkerie fan Frentsjer stiet der efter en in frijsinnich formidden kin men it net neame: der is in oplibjen, sels in bibelrounte.

Wy sieten net sûnder in bakje koffje mar misten wol ús koffjebyt. It die bliken dy hienen wy yn 'e Akademy oars to tankjen oan mefrou Smilde. Doe wie it efkes stil, wy fielden ús hwat biskamsum. Dûmnys litte har faek mar lette en sette as seit it himsels.

De 89ste Gearkomste fan it Forbân fan Fryske dûmnys op tiisdei 16 maart '76.

Bigjin. Skier en kâld wie 't as koe jûkelburd it net forkropje dat er bilies jaen moast, en klûmsk, almeast oan 'e lette kant, wykt in lyts kloftsje ôf nei it biskûle mar ek hwat tsjusterige en mei syn miskleur tryste lokaal fan 'e Koepeltsjerke. Forskate hienen, sa like it, to lijen fan 'e narjende grimyt.

Meidielings. It lêste team fan 'e Bibeloerseters is dwaende; sawn man steane klear om as it safier komt, de stavering fan it Lieteboek om to setten, de Yntertsjerklike Stifting sil ek dit útjaen fan 'e f 45000 foar 'e útsetter (dat is to sizzen: it saneamde startkapitael naem CRM it tredde part foar syn rekken, it oare tredde part nimt de Provinsje foar op, it lêste sil gearswile wurde mei de útjefte fan lúkse eksimplaren fan f 100 it stik.

90ste Gearsit fan it Forbân fan Fryske dûmnys yn 'e Fr. Akademy de tiisdeis 15 juny '76.

Meidielings. De aksje ta de stipe foar de útjefte fan it Lieteboek wie rejaal foltekene: rûm 250 lukse eksimplaren waerden nommen. Mei Krysttiid klear; der waerd hurd oan wurke, mar it it sil in poepetoer wêze. Soe der in katern by kinne? frege H. Dijkstra. Mei langer sa'n wipwap fan foroarings is 't mar sawat-sawat. It útjaen fan it Lieteboek kin der yn alle gefallen nèt op wachtsje; op 'e greate Pinkstergearkomsten lyk as yn Feankleaster wie der gjin wurd Frysk by; in ôfgriis ! By de skoallen moat der tige op oanstien wurde dat se it

oantúgje as it forskynt.

Forslach fan 'e 94e gearkomste fan it Forbân fan Fryske dûmny 's yn 'e Grifformearde tsjerken op tiisdei 24 maeije 1977 yn in lokaal fan 'e Koepeltsjerke to Ljouwert.

Om 't de skriuwer yn forbân mei de gizeleksjes to De Punt yn 'e trein dêrre, net komme doarst, moatte wy de smoute notulen dizze kear misse.

Dan seit de **foarsitter**, dat it wol seldsum aardich is, dat der fjouwer leden fan it Forbân ek lid fan 'e Synode fan Swolle wurden binne to witten: Dijkstra (PH2011: Harry D.), Kok, Reitsma en Oppedyk. Ek bringt **foarsitter** syn tank oer oan allegearre dy 't him lokwinske hawwe mei it krijen fan syn lintsje fan 'e keningin.

Yn 'e meidielings giet er to set oer it Lieteboek, dat op kommende wei is en de bibel, dy't nei alle gedachten yn 'e iere maitiid fan it oare jier forskine sil. Der is op alle gearkomsten wol oer praet, mar it wurdt nou wier tinken. Dat de bibel yn Ingelân printe wurdt, komt ús al hwat frjemd oan, mar dat sit him der yn, dat it dêrre gâns goedkeaper is. Dêr docht men ek hwat foar. It Lieteboek wurdt yn Oktober oanbean yn 'e Martinitsjerke to Boalsert. De N.C.R.V. hat der ek tige bilangstelling foar en sil komme om to filmjen. De bibel sil oanbean wurde yn 'e Great-tsjerke to Ljouwert. De tsjerken sille ek frege wurde omtinken to jaen oan dit wichtige barren. In greate kommisje sil der oer gear om 'e sutelaksje goed en deeglik op 'e skonken to setten. Der sil in bûsbibel en in hûsbibel printe wurde.

Forslach fan de 95e gearkomste op 13 septimber 1977.

De **foars.** hat by einsluten noch in pear "dinkjes". Bihalve **foars.**, noeget er ek hieltyd de leden út. Dat wol er graech oars ha en dêrom is er fan bitinken, dat der in twadde skriba komme moat. De gearkomste giet der yn mei om dy dan de oare kear to stimmen.

De **foars.** dielt ek noch mei, dat er 2 okt. yntre yn Burgum docht.

96ste Gearsit fan 'e Rounte fan mei it Frysk krewearjende dumnys op tiisdei 6 des. '77, lokaal Koepeltsjerke to Ljouwert.

Dan waerd fan 'e kant fan 'e foarsitter by ús ynlaet it doel fan twa gasten foar 'e aksje "net fan brea allinnne", útgeande fan it Kr. Fr. Selskip: de herfoarme kollega's Hylkema fan 'e Gerdyk en Lammertsma fan Hoarnstersweach. Sinterklaes (sjoch foarige notulen) hie ús to fiter: de útjefte fan 'e nije fryske bibel krige wer in tsjinstuit, de komputer makke forkearde ôfbrekkings, dus op 'e nij in korreksje, it wie nóú wol yn 'e es mar it nimt twa of trije moanne mear. In foardiel is dat it iene net hommels op it oare komt, de fryske op 'e nederlânske. En as it Pinkster wurde soe, soe it skoan passe by dit feest. It lieteboek is ré en sil op 21 jannewaris yn in feestlik byinoarwêzen mei sjongen en sokssahwat fan healwei trijen oant healwei fiven, yn 'e Martinitsjerke to Boalsert oanbean wurde. Der wurde 10000 (PH2011: fjouwer nullen) eksimplaren útjown.

Aktivens. Us gasten kome op 'e tekst, in gearkomste fan "net fan brea allinne", hat oansocht en oanfiter troch it Kr. Fr. Selskip omtinken jown oan 'e fraech, hoe't wy yn it mei-in-oar krewearjen foar ús tael yn bibel en lieteboek ek op it oekumenysk mêd fierder oparbeidzje kinne. It bitinken is: der is nou in iepen doar. Hylkema bringt dit nei foaren en Lammertsma leit der klam op: de iene in bisniene prater en de oare in fikse jongkeardel mei faesje en kriich. De aktivens soe útwreide wurde kinne nei forskate kanten:

1e. bibel en lieteboek yn sprekkerijen nei foaren bringe bygelyks by frouljuforienings.

2e. bibel, lieteboek en folders op lektuertafels yn tsjerken, sikehuzen en tohuzen;

3e. it forbân fan dumnys breder meitsje;

Us gasten moatte tajaen dat hoewol't der helte mear fryskpreekjende dûmnys yn 'e herf. tsjerke binne, dêrre gjin organisaesje fan 'e groun komt. Oantrún út ús formidden wei, ús gasten stimme ús deryn mei, wurket earder earslings. Der is forlet fan aksje fan harren sels út, en dan soenen lichtwol út en troch mienskiplike gearsitten hâlden wurde kinne en idéen útwiksele;

4e. fryske preken yn stensil, soe kinne via it P.K.V. (PH2011: de Provinsjale Tsjerke-Fergearing fan de Ned. Herf. Tsjerke yn Fryslân; dy hie portfrijdom fanwegen de relaasje fan de Herfoarme Tsjerke mei it Ryk) en tsjinstenfeloppen, soks bilytset de ûnkosten.

Perioade 8: Smilde - Boarnstra - Wybenga - Dykstra - Beintema 27sell78

Forslach fan 'e 97e gearsit fan 'e rounte fan fryskpreekjende dûmnys op tiisdei 27 fan 'e Sellemoanne 1978.

Nei de notulen folge in forslach oer de oanbieding fan it Lieteboek: in heechtiid, in barren dat elk dy't der wie, oangie, binammen dy't der hieltyd moeisum oan wurke hienen; it wie dan safier, hast net to leauwen, en hoe wichtich foar Fryslân, dat die al bliken: fan 'e 10000 wienen al 5000 ûnder de minsken, it gyng dat it slydjage !

Wy binne it iens mei Dijkstra: lyk as oan 'e herf. Synoade, moat in eksimplaer oan ús Synoade oanbean wurde en soarge foar publikaesje. Beintema jowt to hâlden: it is in hiel gaedlik bilidenisgeskink.

De fryske bibel sil -- is doel -- oanbean wurde Woansdei 10 maeije, flak foar Pinkster yn 'e Greate Tsjerke to Ljouwert. Posters en folders moatte meihelpe, mei de treffer: "It boek fan Heit (mei in haedletter) yn 'e tael fan mem."

Alderhanne. Beintema wol wol as assessor II foartoan foar 'e konfokaesjes riede. De ponghâlder hat net tofolle struid: der is f 23,49 oer; 10 goune is nou de tax.

De rigels foar de nije stavering binne by de Fryske Akadeemje to bisetten.

99ste Gearsit fan it Forbân fan Fryskpreekjende dûmnys, op it biwende sté, 5 sept. '78.

De fryske bibel forkeapet bêst; de oplaech derfan en fan it Lieteboek fleant de doarren út.

*De ein. Allegearre wienen foar in blomke foar ús **foarsitter** mei de bêste winsken foar syn frou.*

100ste Gearkomste fan 'e Rounte fan fryskpreekjende dûmnys yn Ljouwert (Koepeltsjerke-lokael) op Woansdei 6 des. '78.

De foarsitter brocht de tank oer fan Smilde. Oppedyk hie in wurdtsje sein by it jubileum fan Reitsma yn Dokkum. Hy fornijt ús ek út it rapport op 'e synoade dat fan it lieteboek foar 'e tsjerken oardelmiljoen forkoft binne, der wurdt ek út oerset, selst is der ien yn it eastdútsk mei dwaende. It nije trouformulier der't oars de Klassis Kollum by de Synoade biswier tsjin ynbrocht hat, is in fryske oersetting fan by Smilde to krijen.

It praet komt op 'e nije oersetting. Kuper foun it "stinnen" yn Rom. 8²² net moai, 't hie almeast to meitsjen mei it húske; (mar it wurdt ek brûkt by it kjeljen fan in kou !) hwerom

net lyk as yn fs 23: suchtsje (andert: der stiet in yntensive foarm).

It is slim om it alle minsken nei 't sin to meitsjen: guont hawwe argewaesje fan 'e apokriife boeken, oaren hienen se hawwe wollen mei in oare letter, wer oaren binne der bras mei.

101ste Gearkomste fan 'e Rounte fan fryskpreekjende dûmnys yn it lokaal fan 'e Koepeltsjerke to Ljouwert op Woansdei 7 maert 1979.

Ús foarsitter wie der âldergeloks ek wer.

De foarsitter dielt houliksformulieren, neffens it nije konsept út, it bliuwt yn 'e sfear.

Forslach fan 'e gearkomste nei oanlieding fan it 25 jierrich bistan fan 'e Rounte fan fryskpreekjende dûmnys, op Tongersdei 14 Juny (PH2011: 1979) fan healwei fjouweren de middeis oant healwei njoggenen de jounes ----

Wienen der by it tsienjierrich betinken op 18 juny '64 18 oanwêzigen, de foarsitter koe nou in tal fan 30 mei blierens begroetsje forskate mei har sydsulver.

Middeis waerd de kloft fan striders noch oanfolle mei ús foardrager en syn frou.

De foarsitter Bernard Smilde spriek in trêftich slotwurd, lies Jes. 41⁸⁻¹³ (fs 10: "haw gjin noed want Ik bin mei dy, wês net bang, want Ik bin dyn God, Ik meitsje dy sterk en help dy"). Wy songen Liet 409 fs 1,2,3, en 6 en dernei waard de gearkomste beeinge mei tankbea en freegjen om fierdere lieding en stipe.

102de Gearsit fan 'e Rounte fan fryskpreekjende dûmnys op moandei 17 sept. '79 yn 'e Fr. Akadeemje seal Sânwâlden.

De twadde printinge fan it Lieteboek hat wat yn: der is in tekoart fan f 8000, dat gat moat earst stoppe en in eksimplaar soe op f 28 komme wylst it nederlânske mar f 21 kostet. ... De earste oplaech fan 10000 (PH2011: tsientûzen) wie al yn 10 moannen oer 'e toanbank. Fan 'e 17000 (PH2011: santjintûzen) fan 'e nije bibeloersetting binne 11000 de doar út. In moai ding is dat yn '80 it frysk op skoalle ferplichte wurdt. Fedde Dijkstra is gear oer in nije prekenbondel, hie graach mear teksten út it Alde Testamint.

103de Gearkomste fan 'e Rounte fan fryskpreekjende dûmnys op Woansdei 12 des. 1979 op it wenstige sté by de Koepeltsjerke.

De Woansdei wie gjin misset. Sechtsjin noazen koe men telle doe't de ljue allegearre goed en wol to plak sieten. Wat it moaiste wie, in fiks tal fan 'e jongerein wie opkommen, allinne as jy yn safolle jonge gesichten sjogge, fiele de âldtsjes har dûbeld sa âld en skrikke derfan. In 18 man binne to set om 'e bibeloersetting soarchsum op flaters deryn nei te gean.

De skuld fan 'e foarste printinge fan it Lieteboek is oersljochte. De Intertsjerklike Stifting is wol te wille mar mei it Boekesintrum sit it net noflik. It moat, seit de foarsitter, foar de helsdoarren weihelle wurde, ornaris net it plak dêr't in bibeloersetting weikomme moat.

Oppedyk fornijde doe, dat ús foarsitter cum laude syn doktoraal dien hie yn Grins (30 nov. al, mar it hie net yn it Frysk Deiblêd stien, in malle misser) yn 'e Liturgyske wittenskip, haadfak Hymnologije, byfakken Alde Testamint (perf. A.S. f.d. Woude) en út in oare fakulteit

(dat mei langer) musykwiittenskip, mei in skripsje oer Vredeman de Vries. In greate prestaasje njonken al it oare wurk dat ús doktorandus forset. Hoe kriget de man it allegearre klear. Wy hienen der in smaaksum hapke by de kofje oan to tankjen.

105de Gearkomste fan it Forbân fan fryskpreekjende dûmnys op Tongersdei 12 juny 1980 yn seal Grutte Wielen fan 'e Fryske Akadeemje.

In twadde oplaach fan it Lieteboek stiet op útkommen (10000 eksimplaren). By 50 eksimplaren kostje se f 20,25, earder wie dat by 100. Yn Feankleaster op 'e greate gearkomste, fernijt Kuper, is foar f 1500 ferkoft, mar net mear as twa Lieteboeken: wy hawwe wol bledtsjes mei de liturgije der op ! Mar soks is in noedlike saak, want it ferget it heap ... en in slompe jild.

It prekeboek moat grutter, "te djoer", foar it wurk wol hear Knol (PH2011: Jacobus Knol fan Dokkum) him ynsette. De 52 preken moatte net mear beslaan as 6 blêdkanten.

Perioade 9: Smilde - Boarnstra - Wybenga/Zylstra - Dykstra - Kuiper 18sep80

107de Gearkomste fan it Ferbân fan fryskpreekjende dûmnys (in re of in spe of cum cura studioque consequentes) op woansdei 3 des. '80 op it bekende sté.

Oppedijk hat fanwegen in kemisje fan fertsjinwurdigers fan alle tsjerken in tûke brief opsteld nei de Interkerkelijke Stichting voor het Kerklied om út te sprekken en te besluten: dat het wenselijk is dat de stichting het gehele tekort ontstaan bij de 2e druk van het Fryske Lieteboek, dekt.

Âlderwenst komme nou de notulen. Se gyngen in bytsje mank. Dêrom wurdt der hjirre efkes ôfsûnderlik gewach fan makke: de foarsitter seit: se binne wolris wat kleurd; nou en as de skriuwer sifers beneame moat dan rize dy de panne út, hy smyt by de tallen fan it Lieteboek mar mei de tûzenen om dat jin de earen der read fan wurde, dat sadwaande dy rek moast wol efkes út 'e rekken.

108ste Gearkomste fan it Ferbân fan fryskpreekjende dûmnys op Woansdei 25 febr.1981 op it bewende plak.

*It wie skrousk. De Eastfriezen wienen yn it lân, sa beneamde de **foarsitter** it Sneon 4 april, sa fernijt de **foarsitter**, wurdt der yn 'e Griff. tsjerke fan Burgum in twadde Lieteboekdei holden, de middeis om healwei trijen.*

It earste eksimplaar fan 'e grammofaanplaat: nou riist in liet fol lof befettet 4 psalmen en 14 gesangen.

It lyts fermaat fan 'e nije fryske bibeloersetting is útferkocht, de kemisje is dwaande mei it neisjen en ferbetterjen.

*In protest tsjin it frysk yn 'e tsjerkboade ferget in stik der tsjinyn fan ús Ferbân: de **foarsitter** sil it opstelle.*

109de Gearsit fan 'e Rûnte fan it Wurd fan God yn eigen wurdlûd neistribjende prekers op Woansdei 10 juny 1981.

De oanset wie sleau. Soene der wol guon komme ? tocht de skriuwer, in moai skoftsje allinne, mei it ferline om him hinne yn 'e beklajing fan 'e seal fan 'e fryske Akadeemje, in

ferline dêr't, hoe romroftich ienris ek, hjir neat fan oerbleaun wie as in stilte dy't mankelyk meitsje koe. Mar né dêr gyng dochts in sprake fan út: Wy roppe de libbenen ! En der kamen se, lykwol dreuteljend en minmachtich, hja hellen mei ús maat Fokkema út 'e âld tsjerke (sa't wy alearen plichten te beneamen) mei lijen it tal fan njoggen.

*Boarnstra krige in lokwinsk, hie fyftich jier op 'e barte stien en wie noch net wurch. De **foarsitter** en de skriuwer hawwe ús húsman yn it lokaal fan 'e Koepeltsjerke, en syn frou persoanlik lokwinske op harren sulveren houliksjubileum: hja hawwe de nije sjongplaat krigen. Pinkster hopet Smilde foar te gean yn in fryske tsjinst dy't útstjoerd wurdt troch de radio. Yn Grand Rapids waard de fiifentweintigste tsjinst holden, mei lieten fan 'e niisneamde plaat. Nijsgjirrich is dat de **foarsitter** in preek fan Reverend W. Buursma meibrocht hie oer 'e selde tekst der't ús preker hjoed oer gear sil, wy kinne dos fergelykje. Op 4 april wie de Lieteboekdei, fjouwer hûndert net hûndert lyk as it Frysk Deiblêd hie, wienen der doe oan 'e man brocht. In frou fan tachtich jier skille op: altiten tsjin, nou bekeard, kin men dos optelle by de trijetûzen fan 'e earste Pinksterdei yn Hanl. 2, nei it talenwûnder dat ynsloech. Wy hiene argewaasje fan 'e ûnkrrektens fan it ferslach yn 'e krante, dat is te sizzen: it Frysk Deiblêd.*

113de Gearsit Ferbân fan fryskpreekjende dûmnys by-in-oar op Woansdei 16 Juny '82 yn in seal fan 'e Fryske Akademy.

*Spitich dat ús **foarsitter** der net wie: "Guster nog goud gezond" as it "peerd van ome Loeks", ien fan uzes hie him noch te wurd west, en nou sa't like hie in grypke him yn 'e besnijing. Wy moasten it dos dwaan sûnder ús grutte stimulator, dy't de tsjerkeljue yn it frysk noch leaver hearre as yn it leechlânsk; wylst wy preamkeskouwe om foarút, is hy al oan 'e wâl.*

Der sil besocht wurde in Lieteboekdei yn Dokkum en omkriten op te setten. Yn Burgum binne de blêdtsjes ôfskaft en hawwe se Lieteboeken oantúgd.

114de Gearsit fan it Ferbân fan fryskpreekjende dûmnys op woansdei 22 sept. '82. Yn it neijier ferskynt de twadde printinge fan 'e Bibeloersetting (bûsebibel). In boekje fan Knol wurdt oanrikkemendeard: "Sa gong it mei Jezus."

Oantekeningen fan 'e 115e gearkomste fan it FORBÂN FAN FRYSKE DÛMNYS yn 'e grifformearde tsjerken fan 8 des. 1982.

Radio Fryslân stjûrt om 'e fjouwer wike in fryske tsjerketsjinst út. Soe it net goed wêze dat de tsjerken hjir wat mear (organisatoarysk) yn behelle waarden ? Moat der soksawat as in fryske Ikon komme ? H.Dykstra sil dat op 'e Fryske Rie fan Tsjerken nei foaren bringe.

Perioade 10: Smilde - FeddeDykstra - Wybenga - HarryDykstra - Beintema 23mrt83

Oantekeningen fan de 116e gearkomste fan it ferbân fan Fryske dûmnys yn 'e Griff. Tsjerken op woansdei 23 maart 1983.

Boonstra en Kuiper hawwe it troch oare beuzichheden te drok krigen en wolle graach ophâlde. Soks hâldt lykwols yn dat der stemd wurde moat. Fan gefolgen dat

Oantekens fan de tredde gearkomste fan de Feriening fan Fryske Foargongers, hâlden op woansdei 5 juny 1985 yn it gebou a.t.9 te Ljouwert.
De folgjende gearkomste is op 4.sep.o.s..Dan komt in Prof. út Wales hjir te sprekken oer'twatalichheit'.De fiertaal is dan Ingelsk.
Op sneon 5 oktober wurdt de Lieteboekdei hâlden.

Perioade 12: Smilde - Hoekstra - Roukema - HDykstra - Beintema
19feb86

Perioade 13: Smilde - ReinderReitsma - Roukema- HDykstra
28mai86

Ferbân fan Fryske Foargongers
Skriuwerskip: Wellewei 4
8551 RB WALDSEIN
Tel. 05141-1320

Ferslach fan 'e gearkomste, holden op 28 maaie 1986, yn 'e Koepeltsjerke te Ljouwert.

Besprutsen waarden dêrnei:

- in brief fan B.Smilde mei it each op 'e "Fryske snein" op o.k. 26 oktober
- in konseptbrief fan syn hân, te stjoeren oan 'e tsjerke- en parochyrieden yn Fryslân, mei it each op dyselde snein
- In betankje, ek fan Smilde, foar alle bliken fan belangstelling by syn promoasje (PH2011: Bernard Smilde is promovearre op in proefskrift oer "Hasper en de Psalmen").
- de Fryske lieteboekdei, te hâlden op 10 oktober '87 (suggestje: mear omtinken foar de jongerein)

Oan de tsjerkerieden en parochyrieden yn Fryslân.

Eala,

Ferline jier is op 'e lêste snein fan oktober yn mear as 50 tsjerken yn Fryslân in tsjinst yn 'e Fryske taal holden. Dat barde doe op oanstean fan it Kristlik Frysk Selskip en it Roomsk Frysk Bûn.

Nei ús betinken hat dat goed foldien. Fan ferskate kanten is frege, om der in tradysje fan te meitsjen, dat de lêste snein fan oktober (of alteast in snein yn oktober) in "Fryske snein" is.

It liket ús in goede saak ta, mar dan net om dêrmei it brûken fan 'e Fryske taal yn 'e earstesjinst ta in útsûndering te meitsjen (dat is it meastentiids noch wól), mar om sadwaande mienskiplik omtinken te freegjen foar de Fryske taal yn it tsjerklik en liturgysk libben en it brûken fan dy taal yn dat fermidden te stipelearjen.

Graach nimme wy (as oikûmenysk ferbân) de tried op en fersykje jimme -wer mei op oanstean fan it K.F.S. en it R.F.B.- ek dit jier yn alle gefal op 26 oktober in tsjerketsjinst yn 'e Fryske taal te hâlden.

Mochten der praktyske swierrichheden wêze, faaks kinne wy jimme op ien of oare wize helpe (bygelyks mei liturgyske sugestjes) om dêr wat oan te dwaan.

Fan herten hoopje wy dat ek by jimme de oertsjûging libbet, dat de Fryske taal likegoed as oare talen brûkt wurde kin foar de ferkundiging fan it Evangeelje en yn 'e omgong fan minsken mei harren Hear en mei elkoar.

Mei freonlike groetnis,

foar it F.F.F.,

B. Smilde, **foarsittter**

R.Reitsma, skriuwer

O a n t e k e n s fan 'e gearkomste fan it F.F.F. op 03.09.86 yn 'e Koepeltsjerke te Ljouwert: Nei gesang (9,1,2,7), bea en skriftlêzing (1 Sam.1,1-18) kamen de nofolgjende saken oan 'e oarder - yn 'e gearkomste fan 26.11.86 sil in nije **foarsitter** keazen wurde moatte, omdat B. Smilde it Foarsitterskip no mar ris út hannen jaan wol; it bestjoer sil om in kandidaat út

O a n t e k e n s fan 'e gearkomste fan it F.F.F. op 26.11.86 yn 'e Koepeltsjerke te Ljouwert: As nije **foarsitter** ha wy H.Dykstra fan 'e Pein keazen. Yn syn plak is R.van der Weg út Wytmarsum as bysitter keazen.

Presinsjelist 03.09.86

<u>Namme</u>	<u>Plak</u>		
Riemer Roukema	Toppenhuzen	C.W. Kempenaar	de Jouwer
Kees Kempenaar	de Hjouwewer (PH: sic)	P. Hekstra	Bitgummole
Rienk Reitsma	Drachten	G. Sinia	Ljouwert
Paul Hekstra	Bitgummole	W. Wiersma	De Jouwer
Auke Kok	Burgum	W. Feenstra	Winsum
ESdeJong	Boalsert	R. v. d. Weg	(Spannumerdijk 1)
Age Douma	Hurdegaryp	ESdeJong	Witmarsum
E.Postmus Heeringa	Dokkum	ThKuijper	Boalsert
F Dijkstra	Dokkum	AKok	De Pein
BSmilde	Ljouwert	GvdBerg	Burgum
RReitsma	Wâldsein	AKWDouma	Ljouwert

Presinsjelist 26.11.86

(PH2011: Lykas oant no ta altyd mei fulpinne of balpinne skreaun.

<u>Namme</u>	<u>Plak</u>
R. Roukema	Toppenhuzen

(Kobbeflecht 84)

FBoonstra	Haren (Gn)
BSmilde	Ljouwert
R.Reitsma	Wâldsein

Periode 14: HDykstra - Reitsma - Postmus-Heeringa - RvdWeg 18mrt87

O a n t e k e n s fan 'e gearkomste fan it F.F.F. op 18.03.87 yn 'e Koepeltsjerke te Ljouwert: - waard R.Roukema lokwinske mei syn beropping nei Amsterdam (Smilde liet dat anneks gean mei it lêzen fan in gedicht fan F.Schurer)

Smilde frege ús (nei in tip fan L.Eringa, pres.tsjerkfâd fan 'e Herf. gemeente te Ljouwert), oft wy ek ideeën hiene oer in mooglike bestimming foar de hast restaurearre Waalske tsjerke yn Ljouwert. Wat tinkt ús fan in Frysktalige tsjinst ienris yn 'e moanne? Of fan in vesper op in fêste sneontejûn? Of in tsjinst oerdei troch de wike? Ofpraat is, dat P.Hekstra foar ús kontakt opnimt mei Eringa.

De k o m m e n d e g e a r k o m s t e is op woandei 17 juny, yn 'e Open Hof, Gouden Regenstrj.77 Dan komt in preek fan P.Hekstra oan 'e oarder, oer Titus 3,(1)5-8

Der sil dan ek in nije skriuwer keazen wurde moatte, want n.t.skriuwer Reitsma hat in beropping nei Hoogeveen ta oannommen en dat fynt er fier genôch om foar it F.F.F. te betankjen.

Periode 15: HDykstra - Hekstra - Postmus-Heeringa - RvdWeg 7sep87

Oantekens fan de lêsthâlden gearkomste (17 juny 1987) yn de "Iepen Hôf" te Ljouwert binne: Sneon 10 oktober: de grutte Lieteboekdei fan dit jier: yn de Grutte Tsjerke te Ljouwert.

Sil in twa-liddich karakter drage:

jubiléum fan it Lieteboek en jubiléum fan Fryske les op de basisskoallen.

OANTEKENS fan de gearkomste fan it F.F.F. op woansdei 25 novimber 1987 yn it Koepelsintrum te Ljouwert.

Ir.Postma krijt it wurd om wat te sizzen oer de aksje, dy't de A.F.U.K. mei it F.F.F. hâlden hat ûnder omtrint 560 foargongers yn Fryslân, fan de Herf., Griff., R.K., Bapt., Mennisten, Frijmakke en Kristlik Griff. en party oare groepearingen fan ús Kristlike famylje.

Resultaat derfan is, dat in groepke kursisten foarme is, fan foargongers, dy't it frysk al in bytsje goed of better prate kinne. De oare, net-frysktaligen, wiene te lyts yn tal en binne nei besteande groepen ferwiisd. De skriuwer fan it F.F.F. jout te witten, dat er foar de maitidsgearkomste yn 1988 graach dizze kursisten en oaren útnoegje sil foar ús ferbân, neist deselden, dy't al lid binne.

Finansjeel is alles betelle troch it K.F.S. It mei noch wolris bepraat wurde, oft wy it K.F.S. derfoar betankje sille en miskien wat fergoedzje sille.

It N.B.G. en de Bibelferkeapkommisje fan it K.F.S. kundigje oan:

de 3e printinge fan de húsbibel, en

de 1e „ „ in bûsbibel, wylst

de 2e „ „ de skoallebibel goed rint.

Fan de húsbibels sil in part yn wyt kaft ferskine.

Wolle jimme de printflaters út de twadde printinge trochjaan oan dr.B.Smilde, Timothee 8 te Ljouwert?

Oantekens fan ús gearkomste op 16 maart 1988 yn it Koepelsintrum.

Ds. B. Smilde kundiget oan, dat de nije fryske Bibelútjefte net mear yn oktober klear komt.

Oantekens fan de gearkomste, dy't wy hâlden hawwe op woansdei 8 juny 1988 yn de Iepen Hôf te Ljouwert.

Ds.Smilde hat in briefke skreaun mei berjocht, dat de Waalske tsjerke tenei brûkt wurde kin foar fryske byienkomsten yn 'e mande mei INTEAC, de "Interkerkelijke Evangelisatie Actie" te Ljouwert. Hjirmei is in jier fan pynlik oerlis mei oare ynstansjes ôfsluten.

Lietboekjûnen fan it K.F.S. en it Frysk Deiblêd kinne noteare wurde op 1,8,29 oktober en 12 en 23 november.

Oantekens fan de gearkomste fan 14 sept.1988 yn it Koepelsintrum, dert de koster altyd prima soarget foar de kofje en oare konsumpsjes.

Dan wurdt der memoreare, dat ús eigen Ferbân ek jubilearet, mei dizze beheining, dat it as ferbân fan Griffermearde dûmnys yn novimber 35 jier lyn oprjochte is. Besluten wurdt, dat B.Smilde, Y.Schaaf en P.Hekstra mei de foarsitter fan it K.F.S. oerlis hawwe sille oer in stúdzjedei yn 1989 oer de twa talen yn de Tsjerken yn Fryslân. Dat oerlis hat der yntusken west op woansdei 5 oktober mei dhr. K.Zondag te Ljouwert.

Dr.Bernard Smilde komt no oan it wurd foar de haadpetiele.

Hy nimt mei ús troch wat der om en yn it boekje "Liturgy yn dagen fan rou" geande is:

Liturgy rekket it hert fan de Tsjerke. Foar party minsken is de sneinske liturgy it iennichste kontakt mei de Tsjerke.

De Herf. en Griff. organen foar liturgy binnen yn 1984 byelkoar kommen. Yn 1978 hawwe se al meiinoar útjûn: "Onze Hulp", mei de Van der Leeuwstichting.

Sûnt 1984 hat it Sam.-orgaan fjouwer kommisjes. De gearwurking giet goed. Der wurdt wurke oan in Tsjinstboek. De Tsjerken hawwe altyd al: de Bibel, in Hymnale en in Tsjinstboek.

De Reformaasje is sober. Har formulieren binne learende formulieren, as ferset tsjin har Roomske

komôf, dat sterk liturgysk wie. (De Anglikaanske en Skandinavyske Tsjerken hawwe "Agenden"). Yn 1955 hat de Herfoarme Tsjerke in "Dienstboek in ontwerp" makke. Yn 1966 stelden de Griff.Tsjerken in "Kerkboek" op en dêrnei kamen se mei katernen, dert nochal wat Lutherske eleminten yn ferwurke binne.

Letter waard der wer in nij begjin makke. As earste ôflevering kaam fan it Sam.-orgaan: "Liturgie in dagen van rouw".

Wêrom earst in rou-liturgie? Omdat dizze yn de Reformaasje ferwarleasge is. De Dordtske Tsjerkeoarder seit: Der moatte gjin rou-predikaasjes hâlden wurde. De nije Griff.Tsjerkeoarder seit: De deaden moatte Kristlik begroeven wurde. Yn 1987 kaam de Rou-liturgie tagelyk yn it nederlânsk en yn it frysk út. Dat koe, trochdat de skriuwer fan it hollânske deputaatskip tagelyk lid is fan it frysk deputaatskip.

It is noch te keap foar f 2,75.

De yndieling fan dat liturgyboekje:

Earst is der in ynliding; dêrnei in tekst mei wurden en gebeden. Yn de ynliding steane de útgongspunten. Der komme reaksjes los op it stik oer begraven en kremearjen. Kremearjen hie eartiids in sterk anti-kristlik karakter, en it is tsjin de bedoeling fan de Bibel yn it Johannes-evangeelje en 1 Korinthe 15. In begraffenis kin it bêste hâlden wurde yn in byienkomst fan de Gemeente. Eartiids wie it in privé-saak fan de famylje yn in gebou of thús. Ek de begraffenisferienings hawwe it graach yn de aula.

Noch in punt: De Reformaasje hat it bidden foar de deaden ôfwiisd, want God hat Syn bern al opnommen. De Ref. seach it as in misgroei fan de R.K.Tsjerke. No komt de fraach: "is dat noch sa?". Hat de Ref. net te radikaal west?

Guon komme ta de konklúzje: Begraven, dat is ôfstean. Us taak hâldt op; Gods wurk giet troch.

Dus: "Hear, lit jo wurk oan de ferstoarne trochgean", lykas Gesang 273 ek docht. Ienriedich wurde wy hjir net oer. Gelokkich is God geduldich oer ús gebeden.

No noch wat oer de teksten, wurden en gebeden. It is net, dat it sa moat, mar dat it sa kin. Der binne Utfearrtsjinsten mei Skrift en Tafel, en dersûnder. Der binne ek wol ienfâldige útfearrtsjinsten. Ek wol byienkomsten mei inkeld in liet, gebed en in formule. Yn de "Rouliturgie" stiet ek wat men by it grêf of yn it krematoarium dwaan kin. Dan folget noch in literatuerlyst.

Wy sjonge it liet op side 38-39, in beriming fan Jan Wit op in âld-kristlike tekst, oerset troch Bearn Smilde.

Diskusje: Ik lichtsje inkelde punten út de diskusje.

a. Der is by in begraffenis earlikheid nedich; praat oer Jezus en praat de minsken net de himel yn en jou in "In memoriam" foar of nei de begraffenis.

b. Der is yn it boekje gjin liturgie foar rân-leden, en ek net foar sels-deading. De krytyk wurdt opgarre foar in soarte fan "Hânboek".

c. In protte (âld-)âlderlingen dogge begraffenis en kremaasjes fan bûtentsjerkliken. Hja kinne miskyn har befiningen trochjaan.

OANTEKENS fan de byienkomst fan 23 nov. 1988.

In wat yngripender ding is, dat ús maat ds.Fedde Dijkstra op 6 desimber 1988 út ús fermidden weinommen is, en sneon 10 desimber fan de Fonteintsjerke út begroeven is. In weardich "In Memoriam" is troch kollega Bernard Smilde skreaun yn de Fryske Tsjerkeboade fan 16 desimber.

De leden wurde oantrúne om nei de stúdzjedei te gean, dy't D.V. 20 jannewaris (sneons) hâlden wurdt yn de Kuriostsjerke te Ljouwert. No, neitiid kinne wy sizze dat dit in moaie dei west hat. Ds. Ype Schaaf, dhr.Koen Zondag en ds.Bernard Smilde hâlden goede ynlidingen oer: twataligens yn Afrika, yn Fryslân en yn de tsjerketsjinsten. It kin in brêge wêze tusken hollânsktalige en frysktalige tsjerkegongers en oerienkomstich ek Bildtsk en Stellingwerfsk. Dit wie omtrint de strekking fan Smilde syn ynliding.

OANTEKENS fan de byienkomst fan 23 nov. 1988.

Yn it ferslach oer 23 nov. 1988 moat in korreksje oanbrocht wurde; de stúdzjedei waard net op 20 jannewaris, mar op 14 (fjirtjin) jannewaris hâlden. Fan de stúdzjedei is noch jild oerbleaun. Ek fan de fryske "vespers" yn Damwâld. Dhr.Knol fan Dokkum sil wat oermeitsje nei frou Postmus-Heeringa. De stúdzjedei moat in ferfolch hawwe om wat better ta de praktyk te kommen. De twatalichheid moat mear útwurke wurde. K.Zondag sil (op fersyk) mei Dhr. T.Kansil gear oer in stúdzjedei oer tsjerketsjinsten yn it Bildtsk, Stellingwerfsk en stedsk. Op Skiermûntseach, yn Hylpen en yn de Stellingwerven hawwe se al ris in eigen tsjinst hân.

Op woansdei 8 maart hawwe twa fertsjintwurdigers fan it Ned.Bibelgenoatskip in petear hân mei K.Zondag, B.Smilde en P.Hekstra yn it Oranje Hotel (PH2011: te Ljouwert tsjinoer it stasjon). It gie oer de hús-bibel, de bûs-bibel en de skoalle-bibel. Der moatte út de hús-bibel hiel wat flaters korrigearre wurde. Wy wolle graach yn oktober ta in nije útjefte komme.

Opmerkings: K.Zondag stjoert my in brief mei it fersyk in komplette lyst mei fryskpreekjende foargongers op te stellen.

Perioade 16: HDykstra - Hekstra - Postmus-Heeringa - TjTalsma 31mai89

31-5-1989. Foars.: Tj.Talsma.

F.U.- enkête oer impopulariteit fan de K.F.F.B. by "de oare kant"; wurdt de KFFB yn 'e hoeke trape? 60 fragen. De KFFB hat altyd de grutste oplagen en it grutste oantal titels.

KFFB hat no noch 6000 leden (10 jier ferlyn: 10.000): fergrizing; bibletheken keapje minder; searys wurdt minder op yntekene; jeugd sjocht nei T.V.

Memorearje: Herf. + Griff. by dep. earetsjinst op 22 maaie.

(PH2011: De Griffomearde deputaten foar de fryske earetsjinst ha de Herfoarme

Provinsjale Tsjerkefergearing útnoege om leden te leverjen, sadat beide Tsjerken ien

orgaan foar de fryske earetsjinst foarmje koene; dat hat resultearre yn de

"Yntertsjerklike Kommisje foar de Fryske Earetsjinst")

PH2011: Foar de gearkomste fan 6sep89 stjoerde de skriuwer útnoegings oan 81 kollega foargongers, fan wa 19 lid fan it FFF en de nûmers 70 o/m 81 op oanjaan fan dûmny Bernard Smilde.

Ferslach fan de gearkomste fan it ferbân fan Fryske Foargongers op 21 maart 1990 om 9.30 oere yn it Koepelsintrum te Ljouwert.

Foarsitter Harry Dijkstra hjit ús allegearre wolkom; yn it bysûnder dr. Folkert Boonstra. Dy seit, dat er hjoed 82 jier wurden is. Hy wurdt dêrom troch alle oaren tasongen en traktearret ús.

Meidielings fan B.Smilde:

1. Ried fan Tsjerken yn Fryslân hat in wurkgroep om in Pinksterliturgy gear te stellen yn twa talen (is yntusken nei dizze gearkomste oan de Tsjerken tastjoerd, P.H.)
- b. "De Wei", 32 bledsiden, publikaasje fan Kok yn Kampen: Foar hûs, skoalle en tsjerke: in fierende mienskip. Redaksjekommisje: M. de Boer, Wijnberg, Cees v.d.Berg, Jant v.d.Weg-Laverman. Kostet f 10,-- per ôflevering.
- c. "Wat in gelok", diel 2, sil mei koarten yn Herf.tsjerke te Sleat útrikt wurde. (Berneferskes om bibelske théma's hinne).
- d. Omtinken is nedich foar it Kristlik Frysk Selskip. De provinsjale subsydzje ferfalt, sadat "de Stim" fan âlve kear nei seis kear per jier ferfalle moat.
- e. De Yntertsjerklike Kommisje foar de Fryske Earetsjinst jout op 6 maaie de twadde ôflevering út fan in rige liturgyboekjes: de liturgy foar de befestiging fan amtsdragers. Kom allegearre yn de Grutte Tsjerke te Ljouwert. Tagelyk is dêr dan it ôfskied fan B.Smilde as skriuwer fan de Hollânske wurkgroep; hy bliuwt der wol gewoan lid fan.

Driebergen, april 1990

L.S.,

Ondergetekenden nodigen u gaarne uit tot het bijwonen van een bijeenkomst waarin

dr B. SMILDE

afscheid zal nemen als secretaris van de Commissie Dienstboek van het Samenwerkingsorgaan voor de Eredienst van de Nederlandse Hervormde Kerk en de Gereformeerde Kerken in Nederland.

Tevens zal bij deze gelegenheid de tweede 'Proeve voor de Eredienst' worden aangeboden. Deze bevat de voorstellen methet oog op de 'Bevestiging van Ambtsdragers', welk onlangs is gereedgekomen, zowel in een Nederlandse als een Friese editie.

De bijeenkomst zal plaatsvinden op zondag 6 mei 1990 om 19.00 uur in de Grote Kerk te Leeuwarden. Een vesperviering, waaraan wodt meegewerkt door de cantorij van de Grote Kerk o.l.v. Lolke Posthuma en de organist Jan Jongepier, besluit deze bijeenkomst. Voorgangers in deze dienst zijn dr B. Smilde, ds M.G.L. den Boer en drs P.M.J. Hoogstrate.

Namens het Samenwerkingsorgaan voor de Eredienst, Namens de Commissie Dienstboek,

B.J. Robbers, voorzitter

M.G.L den Boer en

P.M.J. Hoogstrate, voorzitters

J.H. Uytendogaardt, secretaris

J.H. Uytendogaardt, secretaris

Ferslach fan de gearkomste op woansdei 16-5-1990:

De foarsitter memorearret it ôfskied fan ds.B. Smilde as skriuwer fan it "Samenwerkingsorgaan voor de Eredienst". E.S.de Jong hallet in anekdote op oer in boekesutelerskamp mei Smilde yn har jonge jierren.

Oantekens fan de gearkomste fan 28 nov. 1990:

De lyst fan fryskpreekjende foargongers wurdt klearmakke; der wurde korreksjes oanbrocht. Wolle de froulike predikanten oantsjut wurde mei "da" of "ds"? De manlju beslute, dat it "ds" wurde moat, mar de gearkomste seit: lit de titels mar wei.

Ir.J.Postma krijt in kertierke de tiid om te freegjen "Wat kin it F.F.F. foar de théologyske AFUK-kursisten dwaan?"

It F.F.F. soe der goed oan dwaan om in brief te stjoeren nei de Letteren-fakulteit fan de Frije Universiteit; dêryn kinne wy adhésy betsjûgje mei dr.B.Smilde en oaren, dy't pleitsje foar it behâld fan de "fakgroep frysk".

Ferbân fan Fryske Foargongers:

Leden-list. 1990 - 1991.

Op folchoarder fan postkoade.

B. Haanstra	Easterwâlde
A. Elverdink	Haulerwyk
C.W. Kempenaar	De Jouwer
C. de Boer-Bergstra	Skearnegoutum
E.S. de Jong	Boalsert
W.Feenstra	Winsum

W.Oosterwal

G.v.d. Berg

G. Sinia

ir.J.Postma

B. Smilde

P.Hekstra

A.Marra-Ferwerda

E.Postmus-Heeringa

S. Feenstra

Harns

Ljouwert

Ljouwert

Ljouwert

Ljouwert

Bitgummole

Froubuorren

Dokkum

Dokkum

Y.Schaaf	Dokkum	A.Kok	Burgum
P.Dijkstra	Burdaard	A.K.W. Douma	Hurdegaryp
T.Talsma	Drachten	J.H.W.Kijzer	Noardburgum
R.Reitsma	Drachten	J.v.d.Goot	Koatstertille
H.Dijkstra	De Pein (Smell.)	A.J.Damsma	Kollumersweach
Th.Kuiper	De Pein (Smell.)	F.Boonstra	Haren (Gr.)
A.J.Boersma	Oerterp		

Oantekens fan 28 augustus 1991:

Op dy dei wiene wy yn de "Iepen Hôf". De presinsjelist gie rûn en dy levere in grut tal nammen op fan foargongers, dy't hjir hjoed foar it earst wiene.

Bernard Smilde krijt no it wurd. Hy wol it hawwe oer it "ferbân tusken earetsjinst en frysk".

Earetsjinst stiet foarop, dochs begjin ik mei it frysk.

1 Psychologysk en sociologysk is it te ferklearjen, dat men net om it frysk hinne kin: in taal hinget gear mei ús wêzen. Jo smite in taal net fuort as in âld skearmeske. Fergelykje it mar mei de emigranten yn Kanada. Moatte jo yn bywêzen fan Friezen in oare taal sprekke, dan fiele jo it as gek-oanstekken.

It Frysk is ryk oan idioom en lûden: it hat twa-lûden en trije-lûden en ferskaat oan klanken, lykas yn wit-wyt-wiid-wiet. It hat lykwols gjin z en v oan it begjin fan in wurd. Ek it idioom is ryk: it kin in emosjonele lading oerdrage. De fiver fan it sielelibben wurdt rekke, ek de skûlhoeken fan it hert.

Kréatyf by de sprekker en de preker; réseptyf by de harker. In foarbyld foar dizze stelling is Gesang 456:1 lêste rigel: "Sa binnne Jo, o Hear".

Mar it Frysk sit yn in belabberde posysje: it grutte wâdet oer it lytse hinne en it is in wûnder, dat dy taal noch bestiet. De kwaliteit wurdt oantaast. Hollânsk is sociaal heger yn oansjen, ek al kinne jo yn it Frysk in dissertaasje skriuwe. It folk hat muoite mei praten op yntelligent nivo en makket yn it skriuwen in soad flaters.

Moai Frysk idioom is te finen yn romans fan Paulus Akkerman en yn de folkstaal fan de gewoane minsken.

Yn tsjerke moat it dúdlik wêze, dat de preek oer de minsken giet. Was nicht geht per Du, das geht perdú". Belangryk is ek de frekwinsje fan de preken. De opbou en de gewenning moatte groeie. It "lûdbyld" en it "taalbyld" moatte groeie. Omrop Fryslân en de lokale omroppen stjoere nochal wat fryske tsjinsten út.

2. Earetsjinst. Foarhinne wie dat in preek mei wat ferskes. Tsjintwurdich seit men: "It Wurd hat effekt, de ferskes komme út it hert". Der komt in grutter oandiel fan de Gemeente yn de tsjerketsjinsten: teksten opsizze, credo sjonge, de foarlêzer komt werom (nei oefening). It oanpart fan de bern nimt ta. Har taal meie wy net omhinne.

3. No ús briefkes (fotokopyen) mei liturgyske gegevens ûnder de kop "Materiaal". De Bibeloersetting fan Wumkes-Folkertsma slút oan op de Steate-oersetting. Yn Ezechiël 43 sjocht men de krektens fan Wumkes. Wat dêr stiet is letterlik oernommen troch Smilde yn de nije fryske oersetting. De nije fryske Bibel is foarsichtich dynamysk. Neffens in Leidener professor is it de bêste oersetting yn it nederlânske taalgebiet op 't heden. Der is in ploech dwaande mei in nije oersetting, mear idiolekt en mear puristysk frysk, mar dizze hat noch neat publisearre. De sprekker giet no mei ús by de ûnderwerpen fan dit ynformaasjepapier lâns.

Fragen:

Wat te dwaan as de foargonger gjin Fries is en de Gemeente in gruttere frekwinsje fan fryske tsjinsten hawwe wol? In net-fryske foargonger kin kontakt oponimme mei in fryske dichter of skriuwer (of kollega) om him taalkundich korrisjearje te litten; dan moat it te oerwinnen wêze. Oan de RU-Grins en de F.U.-A'dam binne fryske dosinten; yn Kampen prof.Runia.

Guon Tsjerken tuge sels Lieteboeken oan; oare litte it groeie troch ferkeap-aksjes. It foardiel fan stensils is, dat jo nije liturgyske eleminten ôfprintsje litte kinne. Liturgysk sitte wy yn in oergongsbeweging fan Protestantsk nei R.Kath. (fan ellinde, ferlossing en tankberheid nei kyrië en

gloria).

Hjirnei besprekke wy in model fan in earetsjinst fan Smilde

PH2011: Fêstnrite oan de fjouwer blêdsiden A4 fan boppesteand ferslach sitte ek fjouwer blêdsiden A4 mei liturgyske materialen fan Smilde. Se lizze yn it argyf.

PH2011:

Fan hjir ôf omfiemet de doas mei argyfstikken allinnich losse papierren, te begjinnen mei:

a. krantartikel, FD 10jan92, mei foto fan ús maat Thys Kuiper.

b. krantartikel út it FD dd 4apr92 mei foto fan ús maat Bernard Smilde: "Dr. Smilde helpt reformierten bij vernieuwing bundel", mei Psalmen en Gesangen.

Út oantekens fan sept92:

Jubiléumkommisje wurdt: Y.Schaaf, B.Smilde, E.Postmus-Heeringa en T.Talsma. Se bringe in foarlopich RAPPORT út op 25 nov.

OANTEKENS FAN DE GEARKOMSTE fan 25 novimber 1992.

Foarsit(st)er is hjoed da E.Postmus-Heeringa ("Kom ik om, dan kom ik om").

Us jubiléumkommisje hat in gearsit hâlden en docht it útstel om op sneon 9 oktober 1993 in Lieteboekmiddei te hâlden yn de Kuriostsjerke te Ljouwert. Se wol benammen omtinken jaan oan it tsjerklik berneliet en tinkt oan in sprekker lykas Van der Meyden út Twinte. Te besluten mei in miel mei de leden en oanhing. Meiwurkig yn de jubiléumkommisje sil frege wurde fan de neiststeande susterselskippen: KFS, KFFB en de Yntertsjerklike Kommisje foar de Fryske Earetsjinst. De skriuwer sil hjir wurk fan meitsje. Yntusken binne tasizzings dien: troch it KFS wurdt ôffurdige: C.Fennema fan Ljouwert (PH2011: Cor Fennema fan it Bilgaard yn Ljouwert); troch de KFFB J.Knol fan Dokkum; troch de YKFE frou Betzema fan Ljouwert. Se moatte skylk fan ús kommisje in útnoeging hawwe foar de earste besprekking.

Bitgummole, 28 augustus 1993.

Eala !

It is dit jier in jubiléumjier en dat is oan hiel wat dingen te fernimmen. It FFF is no 40 jier. Reservearje sneon 9 oktober de middeis fan 14 oere ôf. Dan wurdt der, as de Heare derby wêze wol, betinking fan makke. Eleminten: oratorium "Mozes" en taspraak oer preekjen yn it twintsk.

OANTEKENINGEN fan de gearkomste fan it F F F , op 18 maaije 1994, yn "de Fenix", te Ljouwert.

"De fjouwer evangeeljes", in boekbesprekking fan B.Smilde.

Sjoch foar de yntegrale tekst fan Smilde it papier dat hy yn de gearkomste útdielt hat!

Foarsitter Dijkstra seit Smilde tige tank foar de drege put wurk dy't hy hjir ferfêst oan hawn hat.

De opskjinne, typte, ledelist fan 1994 binne fan skrast: S. Brandsma De Jouwer; A.J. Damsma Kollumersweach; T. Hibma Winsum. De list is dan:

L.Adema	De Gerdijk
J.Bakker	Menaam
G.v.d.Berg	Ljouwert
S.T.Bergsma	Ljouwert
M.L. de Boer	Easterein
C.de Boer-Bergstra	Skearnegoutum

A.J.Boersma	Oerterp	A.Marra-Ferwerda	Froubuorren
H.Boersma	Nijehoarne	W.Oosterwal	Harns
J.Brandsma	Ljouwert	J.Postma	Ljouwert
H.Dijkstra	Sumar	E.Postmus-Heeringa	Dokkum
P.Dijkstra	Berltsum	R.Reitsma	Drachten
A.K.W.Douma	Hurdegaryp	J.A.Schilt	Minnertsgea
A.Elverdink	Haulerwyk	B.Smilde	Ljouwert
S.Feenstra	Dokkum	T.Talsma	Drachten
P.Hekstra	Ljouwert	L.Westra	Grins
G.Hoekstra	It Hearrenfean	H.Zijlstra	Easterein
P.Hoekstra	Burdaard	<i>Mei de hân byskreaun binne:</i>	
G.P.den Hollander	Heech	F.H. Kuiper	Boalsert
E.S. de Jong	Boalsert	A.J.Hoorn	Elsloo
P.J. de Jong	Beetstersweach	H.A. Klijn	Goutum
B.G.Keizer	Akkrum	M.Klomp	Minnertsgea.
A.Kok	Burgum		
Th.Kuiper	De Pein		

Periode 17: HDykstra - PdeJong - Postmus-Heeringa - TjTalsma 14nov94

FERBAN FAN FRYSKE FOARGONGERS

skriuwer : P.J.de Jong
 Patrizekloft 15
 9244 EV Beetsterzwaag
 tel. 05126 - 2071

Beetstersweach, 31 jannewaris 1995

Hjirtroch wurde jo útnoege foar de gearkomste fan ús Ferbân op woansdei 22 febrewaris 1995, om 9.30 oere yn it gebou by de "Koepeltsjerke", A.Tademastrjitte 9, Ljouwert.

NOTA BENE : nei oanlieding fan it útstel fan Smilde om it útstel fan R.Klooster nei wiziging oer te nimmen, merkt foars.DIJKSTRA op, dat dit útstel fia de tsjerkerieden nei de ferskate Klassen stjoerd wurde moat en dy sille it dan wer nei de synoades tasjoere moatte. Omdat de measte Klassen yn febrewaris gearkomme, wurdt jimme - foarsafier't jimme noch yn 'aktive tsjinst' binne - mei klam frege it útstel fan Smilde sa gau mooglik oan jim tsjerkeried troch te jaan.Smilde frege omtinken foar in útstel fan R. KLOOSTER om art.VII, 2 fan de nije Tsjerke Oarder oan te foljen. Smilde hie sels de tekst in bytsje wizige. Der kaam aardich wat diskusje op en der waard besletten dat DIJKSTRA de saak yn de synoadekommissje bringe sil.

Oantekeningen fan'e gearkomste fan it 'FFF' op woansdei 22 febrewaris 1995.

Oanwêzich wiene 14 leden en twa gasten (F.H.Kuiper en dhr. Marra) ; 6 leden hienen trochjûn dat hja net komme koenen en diskear hienen 17 leden neat fan har hearre litten.

Smilde: as jo by it bibellêzen wurden tsjinkomme, dy't jo bliid meitsje, preekje dan dêr oer; it typearjende fan it Kristendom = leafde as gebod.

Folget noch in neipetear oer de taal yn in tsjinst foar de jongerein: de taal mei net te dreech wêze, sadat wurden ekstra útlis nedich wêze soenen. KUIPER fynt Smilde in bytsje te strang - *wês ek op it mêd fan'e taal net al te rjochtfeardich !*

HEKSTRA jout troch dat der in nije list komme sil fan Frysksprekkende dûmny's.

Smilde: helje de nammen fan 'fryskpratens' út'e tsjerkeberjochten yn'e krante.

Perioade 18: HDykstra - Pde Jong - CdeBoer-Bergstra - TjTalsma 10mai95

OANTEKENINGEN fan de gearkomste fan it F.F.F. op 20 septimber 1995 yn it Koepelsintrum te Ljouwert.

De foarsitter docht ferslach fan it oanbieden fan de nije printinge fan de Fryske Bibelfertaling op 3 septimber 1995 yn de (r.k.) Martinustsjerke te Snits.

Us trou lid A. Kok (81 jier!) wol nei safolle jierren betankje. Dat muoit ús allegearre, dat seit himsels!

OANTEKENINGEN fan'e gearkomste fan it F.F.F. op woansdei 22 novimber 1995.

Smilde wol wat witte oer jildlike stipe foar in Noardfrysk Lieteboek. HEKSTRA seit: it KFS hat in útjeftefûns. Ek biedt Smilde in adfintsliet foar de bern oan : f 1, =.

OANTEKENINGEN fan'e gearkomste fan it F.F.F. op woansdei 8 maaie 1996.

PH2011: Fêstnrite oan boppeneamd ferslach sitte:

Oankundiging: Mids septimber ferskynt in cd ûnder de titel: FAN FEEST NEI FEEST, it tsjerklik jier bylâns mei 24 geastlike lieten en tsjerklike gesangen yn komposysjes en bewurkingen fan Bernard Smilde, útfierd troch (en dan folget in rige nammen fan meiwurkers); presintaasjekonsert ... snein 22 septimber 1996 ... yn ... Lytsewierrum

Propaganda: Kenne jo al Sjonge by de Bibel, 115 Bernelieten. ... û.o. fan Atze Bosch ...

Tekst en muzyk fan it Advints- en Krystliet BELOFTEN WURDE WIER.

PH2011: De oantekens fan 4sep06 begjinne by punt 3:

Preek Tamminga oer Iepenb. 15:1-3

Fryske tsjinsten yn Amearika: ynlieder seit earst hoe't er him hjir thús fielt, fertelt it ien en oar oer himsels en oer syn wurk yn Kanada en Amearika. 1935: 1e fryske preek troch Broer Dijkstra. 1957: 1e fryske preek yn Kr. Ref. Church troch Tamminga. Prof. Fridsma begelate de fryske prekers.

Perioade 19: Hekstra - PdeJong - CdeBoer-Bergstra - TjTalsma 13nov96

FERSLACH fan'e gearkomste fan it F.F.F. op woansdei 05.03.97.

Hekstra iepenet de gearkomste mei in wurd fan wolkom. Dêrnei lêst er, y.f.m. de preek fan Smilde, Genesis 24 : 1 - 33. Wy sjonge Gesang 301.

De preek fan Smilde. Dêr folget in wiidweidich besprek op. Wat oars !

En fierder wurdt praat oer:

- de list fan fryske prekers
- twatalige tsjinsten [komt op'e kommende gearkomste oan'e oarder]
- printflaters yn'e Bibel/Lieteboek - wat te dwaan ?,
- in brief nei it N.B.G. y.f.m. it boek fan Van Capelleveen - Smilde en De Jong sille dêr oer gear.

FERSLACH fan'e gearkomste fan it F.F.F. op woansdei 14.05.97.

Der wienen 15 leden oanwêzich;

De tekst Lukas 4, 1-13 waard - yn it Noardfrysk - lêzen troch de gast fan dizze moarn:

ds.E.M.DAHL fan Stadhagen, Noard Fryslân. (PH2011: Pfarrer Ernst Martin Dahl komt fan Feer yn Noardfryslân, mar hy wurket as sikehûsdûmny yn Stadthagen by Hannover; hy is útfanhûs by de famylje B. Smilde).

Wy songen: "Feeder, diar dü halig beest".

DAHL fertelde ien en oar oer syn libben en wurk. Smilde sette syngroan oer.

PH2011: Hjernei folgje yn it argyf:

Noardfrysk liturgyboekje. ÜSENS AATJ UUN HEMEL, Hööw uun a St.Laurens-sark üüb Feer, a 11. mei 1997 mä prääster Ernst Martin Dahl (Stadthagen). It earste liet is "Feeder, diar dü halig beest" (op de wiis fan Grosser Gott, wir loben dich). Sjoch boppe.

Brief fan it FFF dd 16sep97, skriuwer P.J. de Jong,

"aan: Nederlands Bijbelgenootschap", yn Haarlim oangeande it "door u uitgegeven boek van wijlen Jan J.van Capelleveen "het Woord gaat zijn weg". ... met geen letter verwijst naar het bestaan van bijbelvertalingen in het Fries ..."

Antwurdbrief fan it NBG dd 20okt97. "... Wij zullen ons uiterste best doen een dergelijk verzuim in de toekomst te vermijden."

FERSLACH fan'e gearkomste fan it F.F.F. op woansdei 10.09.97

By it 'omfreesjen' frege Smilde omtinken foar de bewurking fan it taalboek fan Klaas Dijkstra troch B.Oldenhof. Dêryn hat O. alles weilitten oer de bibeloersettings. (PH2011: *mei de hân is hjirby skreaun: kristlike skriuwerij en oer Lieteboek foar de Tsjerken.*) Wy sille útjouwer en skriuwer fan ús spitigens dêroer op'e hichte stelle.

Hjirop folgje yn it argyf:

In brief fan it FFF dd 27nov97 oan:

"De redactie van het Jaarboek van de Gereformeerde Kerken in Nederland, p/a het DIENSTENCENTRUM" yn Leusden,

"Er is ons gevraagd waarom het Jaarboek van de Kerken niet vermeldt welke predikanten in Friestalige diensten kunnen en willen voorgaan." ... Vooruitlopend op uw beslissing ... sturen wij u een tweetal lijsten toe van a) leden van ons "Ferbân" en b) een lijst van nog andere Friessprekende voorgangers. Tenslotte verzoeken wij u na te gaan of het mogelijk is de naam van ons "Ferbân" in het Jaarboek te vermelden.

Brief fan de Afûk dd 23jan97 oan Fryske ynstellings en organisaasjes oer de kommende "Gids foar de Fryske taal en kultuer, wa sit wêr en wat dogge se?" Dêr komme ek de gegevens yn, dy't it FFF opjûn hat. Fraach is: Wol it FFF de gegevens nochris neirinne?

FERSLACH fan'e gearkomste fan it F.F.F. op woansdei 12.11.97

De ynkommen stikken - brieven fan de Fr.Ak en it N.B.G. - waarden foarlêzen en besprutsen. De réaksje fan Ph.Breuker -Fr.Ak. op ús brief noaske ús perfoarst net: syn antwurd gie folslein oan de yntinsje fan ús opmerkings foarby. Mar wy besleaten gjin fierdere aksje te ûndernimmen. It brief fan it N.B.G. dêr foaroer wie wol sadanich dat wy dêr tefreden mei wêze koenen.

Fierder folgje yn it argyf:

Antwurdbrief fan de Generale Synoade fan de Ned. Herf. Tsjerke dd 27feb98, oangeande ús fersyk om ús Ferbân yn it Jierboek te neamen en by de Fryskpreekjende dûmnys te fermelden, dat se Frysk preekje kinne en wolle. "Het spijt mij u ... niet van dienst te kunnen zijn."

Brieven fan it KFS dd 16mrt98 oangeande it 90-jierrige jubiléumfeest, te fieren op sneon 31okt98. It KFS freget it FFF en de Frysktalige foargongers om meiwurking oan in preekwedstriid.

Konsept fan ús antwurdbriefke, dat wy it fersyk behannelje sille op ús FFF-gk fan 13mai98.

FERSLACH fan'e gearkomste fan it F.F.F. op woansdei 25.02.98

Der is antwurd fan de gearstallers fan it Jierboek fan'e G.K.N.: tenei sil op de ien of oare manier dúdlik makke wurde hokker foargongers ree binne ta Fryske preken. Ek wurdt ús Ferbân neamd by de ferskate Ferienings dy't in plak hawwe yn it Jierboek.

Ek wurdt wiisd op de reüny en it jubileum fan "Natio Frisica". Dr.J.A.Bouma, Prins Clausplein 88 yn Ljouwert, tel 058-2800568, is it kontakt-adres.

Ek fertelde Smilde noch dat der in tredde printinge fan ús Lieteboek útkommen is en boppedat wiisde er op de útjefte fan "Cantus Firmus": 25 lieten út it Lieteboek apart bewurke foar de earetsjinst.

FERSLACH fan'e gearkomste fan it F.F.F. op woansdei 16.09.98

Dan krige Smilde it wurd, omt er earder fuort moast. Hy hie in opmerking oer de Tsjerkedei yn'e Grut Tsjerke fan Ljouwert op 12.09.98: gjin wurd oer ús taal dêre ! Fierders wiisde hy ús op in troch him makke oratorium foar de Krysttiid en ek op de jubilea fan "Natio Frisica" - 30.10.98 en it K.F.S. - 31.10.98

PH2011: Oan boppeneamd dokumint sit fêstnrite: IT LIET FAN BETLEHIM, tsjerke-oratoarium yn lieten, gearstald en bewurke troch Bernard Smilde.

FERSLACH fan'e gearkomste fan it F.F.F. op woansdei 13.05.98

Doe kaam A.K.W.DOUMA oan bar om syn preek foar te lêzen. It motto dêrfan wie: "Jimme sille myn getugen wêze". "Treflik Frysk", sei Smilde en dy wurden binne sawat in ridderoarder !

PH2011: Yn it argyf folget no in sirkulêre mei oankundiging y.f.m. it 100-jierrige bestean fan it Kristlik Nasjonaal Studinteselskip Natio Frisica; fierd yn Amsterdam-Buitenveldert oan de FU en yn Ljouwert yn it Oranjehotel tsjinoer it stasjon. Trije colloquia Frisica hawwe al oan de FU plakfûn.

4e COLLOQUIUM FRISICUM,

Donderdag 15 april 1999, VU-hoofdgebouw zaal 5A02. Thema: Friese kerkliederen en kerkdiensten

1. Sedert de Heliand (besproken in ons vorige colloquium) bestaan er geestelijke liederen in de oud-saksische en waarschijnlijk ook friese volkstaal. ... Spreker Dr. Bernard Smilde: Kerkliederen in het Fries.

2. Een kerkdienst is meer dan een bijbeltekst en een lied. Voorgangers die niet van huis-uit Friese diensten gewend zijn ... handreikingen van het Verbond van Friese Voorgangers ... Spreker: Ds. Paul Hekstra: Hoe vullen we een Friese kerkdienst?

Ferslach fan 'e gearkomste fan it F.F.F. op woansdei 17 nov.'99 (sic!)

Brief fan B.J.Postma: ús Ferbân moat in Fryske téology opstelle! It gjit om de ferhâlding tusken it leauwen en wat folk dat wy (Friesen) binne. Nei wiidweidich berie beslúte wy dizze saek in kear as téma op te nimmen yn 'e list fan ús gearkomsten.

Om't Smilde earder fuort moat, yntrodusearret hy no al by ús syn neie bondel mei advents- en krystlieten (mei muzyk): Gloria in excelsis (Intrada; It Hearrenfean; f 29,90); hy wiist dêrop dat D.Tamminga moandei 22 nov. as. 90 jier wurde sil: dy moat in brief fan ús ha!

Simmer-2000: Smilde en Brouwer meitsje in speciale liturgy.

13 mei 1999

aan: Ferbân fan Fryske Foargongers,

p/a Ds.J.v.d.Mark, skr.,

Kavelwei 26,

9108 ME Broeksterwâld.

Beste mensen,

Dank voor de uitnodiging voor de bijeenkomst op 19 mei aanstaande, die ik in verband met de verjaardag van mijn Vrouw niet zal bijwonen.

Ik kan dus - opnieuw - niet persoonlijk afscheid van j\ullie nemen en derhalve moet deze brief dan maar als zodanig dienst doen.Het ga jullie wel, PAX ET BONUM !

(PH2011: Mei de hân tekene Pieter J. de Jong:)

Pieter

Perioade 20: Hekstra - JvdMark - CdeBoer-Bergstra - TjTalsma 10feb99

Konvokaasje foar de gearkomste fan ús Ferban, op woansdei 19 maaie '99 om 09.30 oere yn it Koepelsintrum, Ljouwert. Utwikseling mei kollega's ut de oare Fryslannen *yn 2001* ?
(dumnys, pastoraal wurkers, katecheten)

1. Wer komme se te sliepen? Binne der under us leden, dy't utfanhuzersplak ha?
2. Wat kostet har reis us?
3. Hoe giet utwikseling fan us nei har ta?
4. Hoe lang bliuwe se?
5. Wat kinne wy harren biede oan ferdivedaasje?
6. Kinne wy oparbeidsje mei de YKFE en KFS en KFFB en....? Ek mei de Fryske Akademy, FLMD, Tsjerken, pastorale runten, dumnyrunten?
7. Wannear komme se? Wannear is it foar us it gaedlikst?
8. Ynterfrysk lieteboekje opstelle?
9. Oare fragen?

Smilde makket ús attint op it drukken fan de teksten op de drukte liturgy; dit bringt de tahearders ta konsintraasje en de minsken leare it frysk lêzen!

- Smilde wiist op: in protte Fryske tsjinsten mei Pinkster (yn Ljouwert)
nijsbrief fan de Rie fan Tsjerken oer frysk yn tsjerke
Te stoel en te bank: fryske preken, gearstald troch KFS en útjûn by: Van Wijnen.

Ferslach fan 'e gearkomste fan it F.F.F. op woansdei 16 februaris lêstlyn (PH2011: 1999)

Aljemint

Simmer-2000; wy fine gjin meiwurking fan oare organisaasjes foar in aparte dei foar foargongers. Mar yn 'e tsjerken wurdt in protte organisjearre. De speciale liturgy fan Smilde/Brouwer wurd oan alle foargongers en tsjerkerieden tastjoerd.

Ferslach fan 'e gearkomste fan it F.F.F. op woansdei 17 maaie lêstlyn (PH2011: 1999)

B. Smilde mei stellingen oer taal en leuwe yn 'e Fryske situaasje.

Yn 1580 hie Wales al in bibeloersetting yn it 'Welsh'; by ús net earder as yn 'e 20e ieuw! Yn 1915 hâlde Wumkes de earste preek yn it Frysk.

De earste helte fan 'e 20e ieuw wie fan grut bilang foar it Frysk. Natio Frisica - in fryske studintenferieniging - ward oprjochte en ek it Kristlik Frysk Selskip. Sipke Huisman (sjoch syn bondel 'Ta in tinkstien') fûn stimulâns by A. Kuyper (kolleezjes linguistiek). Foar it brûken fan it Frysk hie S.H. twa redenen: Jezus brûkte sels ek de lokale taal, it Arameesk; en: alles wat de Heare God skepen hat moat ta syn doel komme.

Wat letter yn 'e tiid gienen E.Folkertsma en T.Bakker fierder op dit paed: de bekearing moat trochgean oant en mei de taal. Hja ha ûnderskied makke tusken staatsnationalisme en volksnationalisme.

De earste helte fan 'e 20e ieuw wie ek kréatyf: F.Schurer, D.Tamminga, U.van Houten.

Yn 'e Herfoarmde Tsjerke hie de dumné in gruttere frijheid as yn 'e Griff. Tsjerken.

Stadichoan binne der Fryske Bibeloersettingen en Fryske lieteboeken kam. Earst gie de diskusje oer de Fryske preek, letter kam ek yn 'e belangstellig it sjongen en it bidden yn it Frysk. Nei 1950 binne der mear liturgyske teksten yn it Frysk kaam; no is men dwaande mei it oersetten fan it neie 'Dienstboek voor de Kerken' yn it Frysk!

No, yn ús tiid, binne der sa'n 800 à 1000 tsjinsten yn it Frysk (per jier?). Mar it heart gewoan te wêzen! "Foar in kear is it bêst aardich!" - dat is ús te min! It Frysk net brûke is: it bêste register fan it instrumint ticht litte! Mar wa nimt it initiatyf? De tsjerkeried, de dumné, de preekvoorzener? De frekwinsje fan it brûken fan it Frysk is in wichtige faktor, oefening is noadich, foar preker en folk beide!

Smilde eindiget syn ferhaal troch by stelling 8 it slot fan in Fryske pinksterpreek fan him foar te lêzen.

Nei it skoft ha wy diskusje.

- wy ha nocht oan taal, dêrom dogge wy dit.
- Wy sitte op twa stuollen, ús situaasje is schizofreen.
- Ik bin twatalich en der ha ik frede mei.
- It makket better, it hielt (emotioniel esf.) om it Frysk, ús eigen taal te brûken.
- Fryske sizwizen, dat snijdt der yn!
- "It Frysk is ús eigener!"; né, dumné, dat is net wier!"
- De skriftlêzingen yn it Frysk printe op 'e liturgy is fan grut belang.
- De sangkoren yn Fryslân binne in wichtige faktor foar it behâld fan it Frysk.

Ferslach fan 'e gearkomste fan it F.F.F. op woansdei 20 septimber lêstlyn (PH2011: 2000)

Smilde wiist op frysktaliche liturgyen: Cantus firmus; Gloria in excelsis (kryst); Soli deo Gloria (Bach). Der binne ek lytse sjongboekjes (Sjong mei); Oer de grutte dobbe; Sjong mei Bach; Lieten fan lof. Foar beide searjes mear ynformaasje by de útjower: Intrada (till. 0513-688951)

Ferslach fan 'e gearkomste fan it F.F.F. op woansdei 8 novimber lêstlyn (PH2011: 2000)

Iepening. De foarsitter lêst: Mt 28: 18-20. Wy sjonge út Loow nü e Hiire liet 1a: "maag huuch e dōor, e porte briidj"; en dêrop seit de foarsitter in gebed.

Presinsjelist: C.de Boer-Bergstra, J.Postma, J.Bakker, H.Boersma, B.Smilde, Y.Schaaf, G. v.d.Berg, W. Oosterwal, T.Talsma, P.Hekstra en J.v.d. Mark En ús gast: E. Dahl.
Ôfberjocht fan: K.Snoek, M. Werkhoven, S. Feenstra, A. Douma, L. Westra, R. Reitsma, H. Dijkstra.

Presintaasje fan it Noardfryske Lieteboek troch E.M. Dahl

Dahl hat as téma de 'Sitz im Leben', it 'Anwendungsgebiet' fan it Noardfryske Lieteboek. Wêr kin it brûkt wurde? Wêr is it fan tapassing? Antwurd: inkelde gemeentes fan 'e Evangelische Kirche yn it noarden fan Dútslân. Wolst it provosearjend sizze, dan is it antwurd: né, dit Lieteboek sil allinnich mar brûkt wurde yn Furtsjefinne! En dêr ha se noch lytse âlde boekjes út 'e âlde tiid! mar in reëel antwurd is: it sil geregeld brûkt wurde by in pear fryske earetsjinsten yn it noarden fan Dútslân.

Yn 'e Earste Wrâldoarloch binne in protte Fryske soldaten ferstoarn; dêrom yn 1926 de earste Fryske earetsjinst. Sûnt die tiid wurd op guon plakken ien kear yn 't jier in Fryske earetsjinst hâlden; mar dit is te min foar it hanthavenjen fan in Fryske identiteit. Op de measte plakken hat net ien fan ûnder de 75(!) jier it thús noch leard. Dit Lieteboek sil brûkt wurde troch in pear groepen fan minsken: bern (krystlieten), ûnderwizers, diriginten. It hâlden fan in Fryske tsjinst wurdt no makliker en in dûmny kin ek noch oare tapassingen útfyne (as presintsje oanbiede by doop, belidenis of trouwerij). Fierders kin it Lieteboek ek brûkt wurde yn 'e wittenskip (liturgyk, lietenûndersyk esf.).

Wy sjonge gesang 134a: 'Loow nü e Hiire, di machtige kining ma iire'.

Dan ha wy noch fragen oan Dahl.

Wat is de taalpolityk yn Dútslân? Frysk en Deensk ha beskerming fan de oerheid. Ek partikuliere stichtingen stypje it Frysk (mar de minsken moatte it ek wolle!). Gjin Frysk radioprogramma.

Dan lêze wy it Ús Heit - Üüsen Taatje - yn in pear Fryske dialekten en sjonge wy gesang 16:1.

Ferslach fan 'e gearkomste fan it F.F.F. op woansdei 28 febr. lêstlyn (PH2011: 2001)

Nei oanlieding fan it ferslach:

Fan it Noardfryske Lieteboek binne mear as 25 eks. ferkocht yn ús Fryslân; en yn Noard- en East-Fryslân in pear hûndert.

OANTEKENS FAN DE GEARKOMSTE OP WOANSDEI 9 MAAIE 2001

neffens wenst hâlden yn it Koepelsintrum, Alma Tademastrjitte te Ljouwert.

Postma, Smilde en Hekstra presintearje op 3 oktober in boek oer min Frysk en geane dêr letter op yn.

Kommisje Dijkstra-Smilde-Hekstra "Kollega's út de trije Fryslannen" op 3 oktober: sjoch fierderop. OP IT ALJEMINT komme:

H.Dijkstra die it útstel om mei de kollega's út de oare Fryslannen te treffen yn de earstfolgjende FFF-gk. Dat giet ús te gau. Hy sil no de komisje "Kollega's út de trije Fryslannen" yn septimber 2001 gearroppe; op 3 oktober sil dêr ferslach fan dien wurde. De moeting mei de kollega's wurdt steld op 'e wike nei Pinkster 2002.

Hoefier is it mei it Tsjinstboek ? Smilde docht útlis.

PH2011: Yn it argyf leit no in bondeltsje papierren A4, oan inoar fêstnrite, û.o.:

Im Jahr 2002 hatte der westfriesische Predigerverein eine Einladung zu einer interfriesischen Pastorenbegegnung an ost- und nordfriesische Theologen ausgesprochen. Mangels Resonanz wurde die Veranstaltung nicht durchgeführt. Jedoch entwickelten Nils Dahl und Ernst Martin Dahl daraufhin miteinander den Plan, eine rein nordfriesische Begegnung durchzuführen. Zielgruppen sollten sein:

PH2011: Yn de ûnderneamde gk fan 10sep03 wurdt tocht oan in oerstap fan de Koepeltsjerke nei de Kuriostsjerke.

Mear oandacht foar liturgy.

Dit stelle we út oant it nije Tsjinstboek ferskynd is. Doel is ein 2004. Mar dit sil noch swier kealje. Smilde stelt foar alle kearen 10 minuten te wijen oan útspraak en idioom.

Liket ús goed ta.

Aljemint. -Parkeare is by de Koepeltsjerke net maklik. Ferhúzje nei Kuriostsjerke?

Ponghâldster sil ynformearje nei kosten hier en kofje. (PH2011:: de kosten lizze folle leger as yn it Koepelsintrum; der binne by de Kuriostsjerke mear parkearplakken en gjin blauwe sônes)

Ferslach fan 'e gearkomste fan it FFF. op woansdei 12 novimber lêstlyn (PH2011: 2003)

(PH2011: Dat wie dus noch yn it Koepelsintrum, Alma Tademastrjitte)

It jubileum fan it FFF. De Foarsitter: 'it FFF. is oprjochte op 9 nov. 1953, no dus fyftich jier lyn'. Hij komt mei anekdoates út it ferline fan it FFF. Der wurdt omtinken jûn oan B. Smilde en H. Dijkstra, dy't beide al fyftich jier lid binne.

(PH2011: Dizze twa krije elk in moai drinkglês, dêr't yn gravearre is: elk syn eigen namme en de namme fan it FFF; dêr hat Coby de Boer foar soarge en de foarsitter mocht se oan dizze beide feteranen oerlangje)

Omfreegjen: frou Snoek: guon dûmnys binne frysktalich; werom stiet dat der net mear by yn 'e nije jierboekjes HKN/GKN?

PH2011: Yn it argyf folgje no:

I. Twa ledelisten: ien fan begjin 2003; dêr steane 22 nammen en adressen op. En ien fan ein 2003, - dêr steane 27 nammen en adressen op -, dy't letter mei poatlead en pinne bywurke is.

Mei balpinne is efter de nammen oanjûn, wa't ek op de Fryske foargongerslist steane: dat binne de measten; net: A.K.W.Douma, W.Oosterwal, Sj.Runia, H.K.Zijlstra.

Ik neam fan de earste list allinnich de nammen en de wenplakken; fan de twadde list allinnich wat net op de earste stiet.

1e list:

H. Th. Ament	Ljouwert (PH2011: Mennistedûmny yn Ljouwert en Koudum)
J. Bakker	Menaam
G.v.d.Berg	Ljouwert
C.de Boer-Bergstra	Skearnegoutum
H.Boersma	Nijehoarne
L.J.Bouma	Drachten
J.Brandsma	Ljouwert
H.Dijkstra	Sumar
P.Dijkstra	Berltsum
A.K.W.Douma	Ljouwert
A.Elverdink	Eastermar
S.Feenstra	Dokkum
P.Hekstra	Ljouwert
B.G. Keizer	Eanjum

E.Jongstra	Blije
W.Oosterwal	Harns

(PH2011: hjir heart Jan Postma Ljouwert by te stean)

P.G.Meinema	Ljouwert
R.Reitsma	Goutum
Sj.Runia	Drachten
B.Smilde	Ljouwert
W.Veltman	Aldtsjerk
K.Visbeek	De Westerein

2e list:a. Taheakje:

E.Hessel	Ljouwert
J.Y.Pijlman	It Hearrenfean
Kl.Snoek-Feenstra	Burgum
H.Wagenaar	Wurdum
L.Westra	Lollum
H.K.Zijlstra	Easterein

2e list: b. Skrasse:

Yn letter jierren binne skrast;
Harmen Thieden Ament hat betanke yn 2006.
Brandsma hat betanke op 20feb07 en op 21nov07 en is nei syn sykte op 'e nij lid wurden.
Harry Dijkstra is stoarn yn 2007.
Jan H. van der Mark is nei Grinslân ferfearn yn 2004.
Ir Jan Postma is stoarn maart 2004.
J.Y.Pijlman is stoarn yn 2005.

Perioade 21: Hekstra - Reitsma - CdeBoer-Bergstra 15sep04

Hjir begjinne ek de earste digitale dokuminten,
dy't ik fan it FFF yn myn digitale argyf ha:

@@@@@@@@@@@@@@@@@@@@@@@@@@@@@@@@@@@@

O a n t e k e n s fan 'e gearkomste op 12.05.04 (by de punten; koart om 'e hoeke)
It komplette Tsjinstboek (fan 'e PTN) yn it Frysk komt sa't liket yn 'e hjerst fan 2005.
Komme der wer kursussen Frysk foar ús soarte lju?

O a n t e k e n s fan 'e gearkomste op 15-09-04 (by de punten; koart om 'e hoeke)

Smilde fertelt oer syn oratorium 'Ruth' (9okt, Drachten)

PH2011:

Yn it digitale argyf leit in brief oan EMDahl dd 24nov04; yn it papierrene argyf leit deselde brief, mar ek de dêr op folgjende korrespondinsje. De earstneamde brief kopiearje ik út it digitale argyf. Ljouwert, 24 novimber 2004.

Ds Paul Hekstra, Keizerskroan 134, 8935 LZ Ljouwert, Nederlân.

Oan Pfarrer Ernst Martin Dahl, Büschingstraße 17, D 31655 Stadthagen, Deutschland.

Achte Kollega Dahl,

Jo tinke miskien: Dit is nuver, in brief fan immen, dy't ik net kin en dan ek noch yn it Westerlauwersk Frysk. Mar allicht witte jo noch fan jo besite oan Ljouwert yn it jier 2000, oan it Ferbân fan Fryske Foargongers -- it FFF --, oan de Yntertsjerklike Kommisje foar de Fryske Earetsjint -- de YKFE -- en oan it Haadbestjoer fan it Kristlik Frysk Selskip. Doe ha jo ús it Sjongboek "Loow nü e Hiire" oanbean en dêr ha wy yn it FFF inkelde kearen in liet út songen. Fan twa fan dy ynstânsjes bin ik bestjoerslid, te witten skriuwer fan de YKFE en foarsitter fan it FFF. En fan de altyd warbere dr Bernard Smilde ha ik jo adres krige.

It giet hjir om:

Yn it neie ferline hat it FFF fan jo in ferslach krige fan de earste gearkomste fan de Noardfryske susterferiening, dus fan jim groep Noardfryske foargongers. En al inkelde kearen hat by ús de fraach oan de oarder west, oft wy as FFF net struktureel kontakt mei jim ha kinne.

FFF Ferbrede wurklist foar 9 febrewaris 2005.

Lieteboek-cd-rom is hast klear; Tsjinstboek-presintaasje 15 oktober de middeis yn Ljouwert.

Hjoed of oare kear:

A. Hoe sille wy fierder as FFF ? Dit nei oanlieding fan Oantekens punt 2 sub "Wagenaar".

d. Hokker graad fan "Wat ha wy der oan ?" moat it FFF krije ? (Wagenaar, Westra)

De 100 euro foar de YKFE is fansels ornearre foar it nije *Frysktalige Tsjinstboek fan de Protestantske Tsjerke, dat op sneon 15 oktober (de middeis) oanbean wurdt yn 'e Grutte Tsjerke te Ljouwert. De bondel 'Tussentijds' (mei sa'n 235 lieten in oanfolling op it LvdK en oanbean op 'e 'Liedboekdag' yn Apeldoorn op 21 maaie) sil ek ferfryske wurde*

Krije wy tenei alle kearen faaks in leske idioom? P. Meinema soe dêr wol mei rêde wolle.

It preekbesprek sil yn alle gefal oars. Neí de preker kriget in earste kritikus it wurd, dy't de preek thús al bestudearre hat. Dêrnei kinne de oaren mei harren opmerkings komme.

Oft wy de gearkomsten fan it FFF yn Geandewei oankundigje moatte?

Yn it argyf folgje no in útnoeging en in oanmeldingsformulier fan it "Prins Bernard Cultuurfonds": "Útrikking Fryske Anjer 2006. ... wurdt útrikt oan dr. Bernard Smilde foar al it wurk dat er yn syn libben as musikus en as dûmny dien hat." ... freed 13 oktober 2006 ... yn it Provinsjehûs." Omrop Fryslân hat der in koart ferslach fan jûn.

Perioade 22: Hekstra - Jongstra - CdeBoer-Bergstra 13sep06

Oantekens gearkomste 13 septimber 2006 fan it ferbân fan Fryske foargongers.

Ynkommen stikken: útnoeging foar 13 oktober 2006 om oanwêzich te wêzen by it útrikken fan de Fryske Anjer oan ús lid dr. B. Smilde. Trije fan it bestjoer sille der hinne. Foto's fan leden fan it ferbân út 1981 fan fr. Sinia. Se sille in plakje krije yn it argyf en fr. Sinia krijt in betankbriefke. (PH2011: Dy foto's lizze net yn it argyf)

Smilde stiet der by it bestjoer op oan om Frijmakke en Kristlik Grifformearde foargongers út te noegjen. Der binne guon dy't yn it Frysk foargean. "Tuskentiden" wurdt 15 oktober yn de Martinitsjerke yn Boalsert oanbean (mei eigen Fryske taheakke lieten).

PH2011: Yn it digitale argyf folget no:

Korrespondinsje -- digitaal! -- mei Frijmakke (en Kristlik) Grifformearde dûmnys: Útfiering fan de oantrún fan Smilde, sjoch oantekens fan 13sep06, meast digitaal.

Van: Paul Hekstra <p.hekstra@hetnet.nl>

Aan: GTF Ds R.A. Schipper <ra.schipper@freeler.nl>; GTF Ds J.H. Tempelman.

<jhtempelman@hetnet.nl>; GTF Ds J. van Benthem. <hbenthem@tiscali.nl>; GTF Ds J. Kruidhof.

<jkruidhof@gkv.nl>; GTF Ds G.O. Sander. <gosander@hetnet.nl>; GTF Ds A.A.J. de Boer.

<aajdb.wine27@hetnet>

Onderwerp: ÚTNOEGING Datum: vrijdag 20 oktober 2006 19:07

Ljouwert, 20 oktober 2006.

Eala !

Taheakke treffe jim in útnoeging fan it FFF syn gearkomste op woansdei 15 novimber 2006, de moarn om healwei tsienen.

Hertlik wolkom.

From: Paul Hekstra

To: Ds K.D. Smit

Sent: Thursday, December 07, 2006 5:03 PM

Subject: FFF, kontakt ds SF mei ds KDS Dokkum

Ljouwert, 6 desimber 2006.

Achte kollega K.D. Smit,

Hjoed krige ik fan myn kollega ds S. Feenstra fan Dokkum, lid fan it FFF, in brief, dêr't er yn skreau, dat er snein by jo yn tsjerke west hat en nei jo Frysktalige preek harke hat. Ek hat er mei jo praat.

Jo ha him ynformearre oer aktiviteiten yn 'e Frijmakke Grifformearde Tsjerken op it mêd fan it Frysk yn 'e Tsjerke.

Oantekens fan de gearkomste fan 23 maaie 2007 fan it Ferbân fan Fryske Foargongers (PH2011: PH hat dêr by skreaun: yn in lokaal fan de Parkstjerke fan de Baptistegemeente Huzum)

We dogge in rûntsje om elts oan inoar foar te stellen. Der binne 16 persoanen oanwêzich. De acht Frijmakke Fryske dûmnys wolle minstens ien kear yn't jier in Fryske tsjinst hâlde. Dat sei ds. J. Poutsma út Bilthoven. It wie foar it earst dat in delegaasje fan de Frijmakke Fryske dûmnys oanwêzich wie by it FFF.

Ynlieding troch dr. Bernard Smilde oer it lieteboek Tuskentiden.

Hy set útein mei in histoarysk oersicht fan de lieteboeken. It lieteboek fan de tsjerken is útkommen yn 1973 en is in seleksje fan de bêste lieten út de wrâld. De fryske oersetting is yn 1977 útkommen. Yn it Dútsk binne der wol 30.000 lieten en yn it Ingelsk 60.000 wêrút in royale seleksje byienfandele is.

De 1e 100 lieten binne bibellieten, dêr is mear stylbesef mar dochs ek in tekoart oan bernelieten. De liturgyske sprieding is beheind en der binne tefolle Goedfreed lieten.

Der binne gjin berime Psalmen en responsys by

Dernei binne 8 dielen útkommen fan Zingend Geloven. Fierder kenne wy de bondels ELB en Opwekking, bernebondels en Gezangen voor Liturgie en de Randstadbundel. Yn 2005 is Tussentijds útkommen as oanfoljend op it Lieteboek mei lieten út Zingend Geloven,

fan Huub Oosterhuis en út AWN, Eva's lied en oare bondels.

Smilde hat yn fyf artikels yn it Deiblêd hjir útgebried oer skreaun. Folgjende oernaam fan it Deiblêd.

Ds. Smilde mei dan 85 jier wêze, hy preket noch sa'n 25 kear yn 't jier en komponearret noch muzyk, ûnder oare foar koaren. Hy wie ien fan de wichtichste meiwurkers fan Tuskentiden. Oanfoljend lieteboek by it Lieteboek foar de Tsjerken, dat yn 2006 ferskynde. It is in mienskiplike útjefte fan de útjouwers Boekencentrum en Kok ûnder ferantwurdelikens fan de Interkerkelijke Stichting voor het Kerklid (ISK) en de Yntertsjerklike Kommissje foar de Fryske Earetsjinst (YKFE).

Tuskentiden is net allinne in oersetting fan de 217 lieten út Tussentijden. Aanvulling bij het Liedboek voor de Kerken (2005). De Fryske útjefte hat 32 lieten mear. Dy hawwe fan oarsprong in Fryske tekst of fan oarsprong in Fryske meldije of komme út de ynternasjonale skat fan tsjerkelieten dy't net yn in Hollânske bondel opnommen binne. De 'Internationale Arbeitsgemeinschaft für Hymnologie', werfan Smilde lid is, hat de 150 moaiste en bêste lieten útjûn yn Uni Sono. Dat fan dizze 32 ekstra lieten de teksten fral fan Atze Bosch en de meldijen fan Bernard Smilde binne, hat der mei te meitsjen dat dizze sweagers by it jubileum fan it Lieteboek foar de Tsjerken yn 2003 al sa'n tweintich lieten ynbrocht hiene by it Kristlik Frysk Selskip, dat der neat mei dien hat. By dy 32 lieten is ek materiaal fan prof. B.J. Fridsma út Grand Rapids, dy't net minder as 130 lieten út it Ingelsk yn it Frysk oerset hat. Smilde fertelde ek dat er in brief krigen hie fan de menisten út Amearika, dy't in meldije fan him foar harren nije lieteboek brûke wolle. "It liet heart by in bernedoop, mar ik tink dat de Mennonites dat net troch hân ha." Yn it Lieteboek foar de Tsjerken is och sa foarsichtich brûk makke fan healrym, yn Tuskentiden is dat mei mear frijheid bard. Dan hat men minder rymtwang en binne der mear mooglikheden by it oersetten. De fraach is oft feest en Geast by inoar passe, goud en behâld, giet en tiid, rinne en binnen. Neffens Smilde is de kombinaasje liet/tiid oer de grins. Dat wurket taalbedjerren oan.

Fansels waard der op dizze gearkomste in protte songen, net allinne út Tuskentiden. De ferneamde literêre oersetter Klaas Bruinsma, as gast oanwêzich, hie syn oersetting fan it Pinksterliet Veni Creator Spiritus meinommen. Dêrfan waarden alle sân kûpletten songen. Alle oanwêzigen koene ûnder it sjongen troch har fragen oan Smilde dwaan.

Oantekens fan de gearkomste fan 20 febrewaris 2008 fan it Ferban fan Fryske Foargongers

Ynkommen en útgeande stikken

Der is in brief binnen kaam fan de Rie fan Tsjerken yn Fryslân oer it opsetten fan in Platfoarm foar persoanen en organisaasjes dy't harren ynsette foar it Frysk yn é earetsjinst. Paul Hekstra en Ellert Jongstra ha dêr hinne wêst en beskikber steld foar it fierder útwurkjen fan it Platfoarm. Der is in ôfspraak om op woansdei 19 maart byinoar te kommen yn Wurdum.

(PH2011: De gk wie yn de Lutherske Tsjerke yn de Easterstrjitte te Ljouwert; dêr wie ek ús maat dr Bernard Smilde foar de Wurkgroep Earetsjinst en Tsjerkemuzyk fan de Algemiene Klassikale Fergearing fan Fryslân fan de Prot. Tsjerke yn Ned. Yn dy gk wiisde hy der op, dat alle oanwêzige organisaasjes "dochters" wiene fan it Kr.Fr.Selskip. Dat joech fuortdaliks foer oan de diskusje, oft it nije platfoarm opgean soe yn it KFS -- sadat it KFS opheve wurde koe --, of dat it KFS der in dielnimmer fan wurde soe, lykas de oare organisaasjes.)

It KFS hâldt har jiergearkomste op sneon 12 april, earst yn Tresoar, de jûns yn de Feniks it giet om it 100jierige bestean fan it Selskip. De jûns is der in opfiering fan Jona.

Oantekens fan de gearkomste fan it FFF op 23 april '08

Meidielings fan it bestjoer

De Rie fan Tsjerken hat ynstânsjes en persoanen útnoege om ta in platfoarm te kommen foar it Frysk yn de Tsjerken. Oanwêzich wiene: YKFE, KFS, FFF, Oek. Wurkferbannen. It platfoarm krijt de namme: Tsjerke en Frysk.

Op 19 maart is der yn Wurdum fierder praat.

It deistich bestjoer bestiet út: Hinne Wagenaar, foarsitter (KFS); Tietsje Hibma, skriuwer (YKFE); Goodijk ponghâlder (Oek. Wurkferb.); Hindrik v.d. Meer (Oek. Wurkferb.); Toos Reichman of C. Tichelaar (Rie fan Tsjerken), en noch ien fan it KFFB.

It platfoarm wurkje litte ûnder de paraplu fan it KFS kin wol, mar formeel moat it falle ûnder de Rie fan Tsjerken om tsjerklik ûnderdak te hawwen.

Yn sept. sil definityf besluten wurde oer it bestjoer en it wurkjen fan dit platfoarm.

Oantekens fan de gearkomste fan 17 septimber 2008 fan it Ferban fan Fryske

Foargongers

Oersettings fan de Belidenisgeskriften troch Fedde Dijkstra

Der wie fraach troch frijmakke predikanten nei de oersetting fan de belidenisgeskriften fan Fedde Dijkstra. Hij wie in predikant mei singeliere jeften. Bernard Smilde wie noch yn it besit fan dizze oersetting op skrift en hat se oerdroegen oan de fragestellers.

Oantekens fan de gearkomste fan 18 febrewaris 2009

fan it Ferbân fan Fryske Foargongers

Oanwêzich binne: Paul Hekstra, Coby de Boer-Bergstra, Karen en Gjerrit Hekstra, Bernard Smilde, Age K.W. Douma, Jan Brandsma, Janneke Lap-de Bruin, Wietske Tinga, Gerlof van der Berg, Minne Vis, Liuwe Bouma, Wim Oosterwal, Piet Meinema, B. De Haan, Sjoerd Runia, Pier Magré, Ada Magré-Terpstra, Sytze Feenstra, Klaas Visbeek, Warner Veltman, Joke Groenveld-Kiestra Douwe Geertsma en Ellert Jongstra

Sprekker is dizze kear Klaas Bruinsma, taalkundige, histoarikus en oersetter oer it libben en wurk fan Gysbert Japiks. (PH2011: Gâns in steapel bylagen fan Bruinsma lizze yn it argyf)

Data: de kommende gearkomste is woansdei 22 april. De foarsitter krijt fan de gearkomste de opdracht om Dûmny S. Cossen fan Oerterp te benaderjen, of oars in oar lid fan de Frijmakke Grifformearde Wurkgroep foar Frysk yn de Earetsjinst, om in ynlieding of preek te hâlden.

PH2011: yn it argyf folgje no

1. Preek mei ynlieding en liturgy fan dûmny K.D.Smit fan Dokkum foar 23apr09 by FFF; tekst: Psalm 1; téma: "Bibellêzer, lokwinske!" Smit sil yn septimber 1e kritikus wêze.

2. Preekkrityk fan Klaas Bruinsma, makke mei help fan de Drachtster dûmny, ús maat Sjoerd Runia. Bruinsma sels wennet ek yn Drachten.

Oantekens fan de gearkomste fan 18 febrewaris 2009 (PH2011: Moat wêze: 22apr09)

fan it Ferbân fan Fryske Foargongers

Oanwêzich binne: Paul Hekstra, Coby de Boer-Bergstra, Kees Smit, Bernard Smilde, F. Dijkstra-Schreiber, Tine Dijkstra, Joke Groenveld-Kiestra, Klaas Visbeek, Sytze Feenstra, Wietske Tinga, Hedzer Boersma, Johannes Bakker, Warner Veltman, Piet Meinema, Pier Magré, Mient Holwerda, Douwe Geertsma, Sjoerd Runia, Klaas Bruinsma, Ellert Jongstra
Ôfmeldings:L.J. Bouma, J. Wielinga, J. Brandsma

Preker is dizze kear Kees Smit, dûmny fan 'e Grifformearde Frijmakke Tsjerke te Dokkum.

Oantekens fan de gearkomste fan 23 septimber 2009 fan it Ferbân fan Fryske Foargongers

Oanwêzich binne: Paul Hekstra, Coby de Boer-Bergstra, Kees Smit, Bernard Smilde, Tine Dijkstra, Joke Groenveld-Kiestra, Klaas Visbeek, Sytze Feenstra, Wietske Tinga, Johannes Bakker, Warner Veltman, Piet Meinema, Sjoerd Runia, Klaas Bruinsma, Wim Oosterwal, Tjibbele Miedema, Liuwe Bouma, J. Brandsma, Oane Reitsma, J. Wielenga, Ellert Jongstra

Preker is dizze kear ds. Wytske Tinga-Bosma foargongster by de Remonstrantske tsjerke te Ljouwert. Earste kritikus is Kees Smit.

Yn it digitale argyf sit de nije (GAST)LEDELIST, de earste mei epostadressen fan de measte leden -- leit ek yn it "gewoane" argyf ûnder datum 30okt09:

Datum: zaterdag 24 oktober 2009 16:57

1. ds. J. Bakker Mieddyk 1 9036 LB Menaam 0518 451233 jbakkerreitsma@chello.nl
2. ds. G van de Berg Hofleane 63 8915 HS Ljouwert 058 2133053 gerbergman@upcmail.nl
3. fr. C. de Boer-Bergstra It String 23 8629 PE Skearnegoutum 0515 424448
t.deboerbergstra@home.nl
4. ds. H. Boersma Pastoryleane 2 8414 MN Nijehoarne 0513 541280
5. ds. A.H. Boschma Buorren 33 9216 WB Aldegea ah.boschma@hetnet.nl
6. ds. L.J. Bouma Fluessen 26 9204 HP Drachten 0512 514079 ljbouma1@gmail.com
7. ds. J. Brandsma U. van Houtenwei 89 8915 JX Ljouwert 058-2800498
8. hr. K. Bruinsma Fabriciusloane 83 9203 LB Drachten 0512-366913
9. ds. A. Elverdink Toerloane 1 9261 VZ Eastermar 0512 471219 a.elverdink@filternet.nl
10. ds. S. Feenstra De Skâns 51 9101 HR Dokkum 0519 292054 feenstra51s@knid.nl
11. ds. J. Groeneveld-Kiestra Kobbeflecht 84 9254 AH Hurdegaryp 0511-473173
jgroenveld.kiestra@doopsgezind.nl
12. ds. P. Hekstra Keizerskroan 134 8935 LZ Ljouwert 058 2883450 p.hekstra@hetnet.nl
13. fr.ds. A.van der Honing Finne 6 9055 ML Britsum aaltsjevanderhoning@kpnplanet.nl
14. fr.ds. H. Jansen Gymnasiumstrjitte 38 8932 GW Ljouwert 058-2129976 hm.jansen@hetnet.nl
15. ds. E. Jongstra Foarstrjitte 24-C 9171 LV Blije 0519 562732 e.jongstra1@chello.nl
16. ds. B. Keizer Brouwerswei 7 9133 MJ Anjum 0519-231774 bgkeizer@hetnet.nl
17. fr. J. Lap-de Bruin S.H. de Rooshôf 40 9203 PS Drachten jlapdebruin@hotmail.com
18. ds. P. Magré Marsbaan 21 8802 BA Frentsjer 0517-390660 p.magr@kpnplanet.nl
19. ds. P.G. Meinema Harmen Gabestrjitte 1 8561 CB Balk 0514-605535
20. ds. W. Oosterwal Tsjerkepoartestrjitte 23 8861 EL Harns 0517 415631
21. ds. R. Reitsma Haven 35 9084 BX Goutum 058 2803557 errer@hetnet.nl
22. ds. Sj. Runia Kalmoes 1 9207 EA Drachten 0512 548323 sjrunia@hotmail.com
23. dr. B. Smilde Nijlânsdyk 73 – 114 8931 EP Ljouwert 058 2883100
24. ds. K.D. Smit Bonifatiuspolder 80 9103 PR Dokkum k.d.smit@solcon.nl
25. ds. W. Tinga Orchideestraat 155 9731GG Grins wtinga@home.nl
26. ds. W. Veltman Van Sminiawei 25 D 9064 KC Aldtsjerk 058 2666850 w.veltman@planet.nl
27. hr. M. Vis De Malus 107 8934 CW Ljouwert minne.vis@veteranen.nl
28. ds. K. Visbeek Boppewei 14 9271 VH De Westerein 0511 473771 info@sanjesfertier.nl
29. hr. G.H. Visser Bonifatiusstrjitte 10 9113 PV Wâlterswâld 0511-421851
g.h.visser@hetnet.nl
30. ds. J. Wielinga Eise Esingastrjitte 52 9035 BR Dronryp 0517-233231jmwielenga@hetnet.nl
31. ds. S. Ypma Legedyk 14 8629 RM Skearnegoutum s.ypma@hetnet.nl

Oantekens fan de gearkomste fan 11 febrewaris 2010

fan it Ferbân fan Fryske Foargongers

Fan it Krúspunt is in berjocht ynkaam oer de nije webside en hja freegje om ynformaasje oer ús Ferbân om dat op de webside te setten. Ellert sil in foarset meitsje as foarlopige opset.

Fierders meldt Warner dat it Krúspunt op 29 maaie in symposium hâldt yn Balk en dat der derfoar moarns in ledegearkomste wêze sil fan it KFS (om dat op te heffen?) Der sille ek oare aktiviteiten wêze sa as kuijerjen en tsjerkepaad.

Taalleske fan Bernard SMILDE. It leske bestiet út teksten út de Bibel dy't faak riker en kleuriger binne yn it Frysk as yn it Nederlânske NBV, benammen út it boek Job, Psalmen en Jesaja.

Yn it argyf folgje no:

Typte brief fan Bernard Smilde mei fraach: "Hokker Psalmen wurde yn tsjerke songen?" Mei fjouwer rubriken: Dy't de trochsnee tsjerkegonger sûnder problemen meisjongt (56 stiks); dy't ridlik bekend binne (36 stiks); dy't mar inkeldris songen wurde (29 stiks); dy't selden songen wurde (ek 29 stiks). En fjouwer detailfragen. Graach antwurd oan B.Smilde. Dizze brief is op de gearkomste omparte.

Ljouwert, 12 oktober 2010.

Bêste Anne Reitsma,

Tank foar dyn epostbriefke fan juster. Wat moai, datst oer ús twa groepen wat skriuwe meist en wolst yn it blêd Muziek & Liturgie yn it desimbernûmer. Ik kin dy meidiele, dat ek de Frijmakke Grifformearde Tsjerken yn Fryslân in offisjeel Deputaatskip foar Fryske Earetsjinsten ha. Ik sil dy dêr wat ynformaasje oer trochstjoere. Earst it FFF, de YKFE, en Hânsume Help, dêrnei it Platfoarm "Krúspunt". Hertlike groetnis, P. Hekstra.

Perioade 23: Hekstra - Jongstra - Veltman 17nov10

Oantekens fan de gearkomste fan 16 febrewaris 2011

fan it Ferbân fan Fryske Foargongers

De foarsitter Paul Hekstra iepenet de gearkomste en hjit eltsenien wolkom. We sjonge Tuskentiden 167 en dan lêst hy Johannes 20, 19 – 29 yn it NoardFrysk en giet ús foar yn gebed. Wy sjonge út it Noardfryske Lieteboek Gesang 48 oer peaske en Pinkster, Bernard Smilde lit ús mei faasje sjonge op de foar ús ûnbekende Deenske meldij.

It krúspunt hâldt har jiergearkomste op 2 april yn de Lantearne te Akkrum. De Fryske bibel stiet no ek op ynternet by it Bibelgenoatskip ûnder

<http://www.biblija.net/biblija.cgi?Bible=Bible&l=nl>

Smilde meldet noch dat ferbetteringen en printflaters yn in nije printige ferbettere wurde.

Op 13 novimber hâlde wy in Fryske snein mei safolle mooglik Fryske tsjinsten. It is de snein foar 60 jier Kneppelfreed op 17 novimber dan sil dy betocht wurde.

Taalleske fan Bernard Smilde. Hy leit ús it brûken fan ferskate wurden en útdrukkings út.

Bêste maten,

In reaksje fan de Noardfryske ds Dahl. Foar jimme as bemoediging, dat ek it lytse groepke Noardfriezen de moed net ferliest!

Soene Piet Miedema en Tytsje dit berjocht op it webstee fan Krúspunt en YKFE sette wolle ?

From: dahl.stadthagen@teleos-web.de To: Paul Hekstra Sent: Friday, April 08, 2011 2:49 PM

Subject: Re: FFF, foar 27apr11, parseb+ag, útnoeging

7.4.2011

Bêste Paul Hekstra, tank foar de útnoeging ta de FFF-gearkomste! Hélas ...

Yn febrewaris bin ik foargongen yn in öömrangerfryske earetsjinst op eilân Amrum (Oomram). En dy dei hield in Amrum-bêrne kollega (Richard Hölck, 50 jier), dy't no dûmny yn Hamburg-Wandsbek is, syn earste fryske preek!

Yn marts haw ik in fryske tsjinst dien op "myn" eilân Föhr.

Yn disse wiken bin ik dwaande mei de gearstelling fan allerearste eilânnoardfryske prekensamling. Miskien kin dy takommen jier ferskine as boek. Groetnis, Ernst Martin Dahl

It parseberjocht foar 27apr11:

KRISTUS, KENING FAN IT HIELAL

It Ferbân fan Fryske Foargongers is in trefpunt foar dûmnys, tsjerklike wurkers en oare gemeenteleden fan alle denominaasjes, dy't foargean meie yn Frysktalige tsjinsten of yn it Frysk in ûnderwerp téologysk berjochtsje wolle.

It doel fan it FFF is oefenjen yn it brûken fan geef en moai Frysk yn it tsjerklike libben.

Foargongers kinne lid wurde en oare minsken gastlid, mar ek losse gasten binne wolkom.

Ús earstfolgjende gearkomste is steld op woansdei 27 april 2011, de moarns om 9.30 oere. Ús plak fan gearkommen is de Kuriostsjerke oan de Julianaleane te Ljouwert.

Ida Bouwhuis-Minnema fan 'e Jouwer sil foar ús in tsjinst presentearje. Har Bibellêzings binne: 2 Samuël 5: 1 – 3 en Lukas 23: 35 - 43. Har tema is: "Kristus, kening fan it hielal".

PH2011: Bernard Smilde hat troch in útglieder mei de fyts yn Ljouwert in breuk yn 'e heup krige, hat nei it MCL ta moatten en yn Bornia Herne revalidearje moatten, dat hy koe net oanwêzich wêze yn de gearkomste fan 27 april 2011. Dat sil him grif spiten ha, want dizze Roomsk Katolike pastrix hie in ûnderwerp, dat him as Kristosintrysk tinkend Fries oansprekke sillen hat. Gelokkich is er wat opknapt en wy hoopje him gau wer yn ús fermidden te moetsjen, dêr't er no mear as 57 jier in hiel grut oandiel oan skonken hat fan syn kennis en wysheid yn tsjinst fan Jezus Kristus, Kening fan it hielal, foar it Fryske folk yn de trije Fryslannen en dêrbûten.

Ljouwert,

Paul Hekstra VDM.

SMILDE

EN DE

FRYSKE TSJERKE

Oanbean oan dr Bernard Smilde foar syn njoggentichste jierdei, 23 jannewaris 2012

Septimber 2011, Paul Hekstra vdm

II. YKFE

BERNARD SMILDE EN DE YKFE.

WA IS BERNARD ?

It is net in toer om wat oer Bernard Smilde te skriuwen, mar wol om de mjitte te hâlden. Ik kin him fan de troutsjinst fan myn broer yn de fyftiger jierren yn de Woestduinkerkerk (mei Fryske flagge oan de gevel) te Amsterdam. Dy troude mei in Noardfryske frou út Lyksborj oan de Eastsee. Bernard koe beide Fryske spraakwizen; yn dy tiid hat er ferskate kearen yn Noardfryslân preke. Ik kin him ek fan de inkelde kearen yn de snuorje fan 1971 oant 1975 dat ik oanwêzich wie yn de gearkomsten fan it Ferbân fan Fryske Dûmnys yn de Griffomearde Tsjerken (tenei It Ferbân te neamen, troch W.C. Huismans en Bernard oprjochte yn 1953). Ik wist dat er in warber en ynnimmend man wie, rjocht as in tried, altyd yn 't spier foar in Kristlik Frysk libben en praktisearring fan it rjocht fan de Fryske taal yn Fryslân. Presys myn dingen.

Oer syn dwaan en litten yn de Fryske earetsjinstkommisje (YKFE) mocht ik in artikel skriuwe foar in boek, dat troch oare minsken redigearre waard. Mar oer myn taalgebrûk en opset wiene de redakteuren net te sprekken, dat sadwaande komt dat artikel no yn dit boekje, as twadde diel. Ik ha it licht revisearre. Wa't myn artikel lêze wol yn de ferzje fan de redakteuren, kin it digitaal krije.

MEI WA BEGÛN ER?

In brievekaart mei datum 8 jannewaris 1981 foel by my yn Bitgummole yn de brievebus en wie ôfkomstich fan de Partikuliere Synode fan de Griffomearde Tsjerken yn Fryslân Noard (tenei Noard of PS-Noard te neamen). De aktuaris dêrfan, mr. Ernest M.W. de Lange, hie der op skreaun, dat ik belêste waard mei it gearroppen fan in deputaatskip foar de Fryske earetsjinst. Gearropper en dus ek skriuwer. It soe gean om de oersetting fan in tsjinstboek. Dit waard de tsjerklike leat fan de Kristlike Fryske beweging, dy't in tak wie fan de Fryske beweging. Wa siet hjir achter ?

Ús earste gearkomste wie op 5 febrewaris 1982.

Doe sieten deputaten byinoar fan de PS-en Súd en Noard. Foar Súd: ds Gerrit Sinia fan Boalsert as foarsitter, ds Rienk Reitsma fan Drachten en ds Bernard Smilde fan Hurdegaryp, alle trije lid fan it Ferbân. Fan Noard wie ik de iennichste.

Yn 1983 hâlden wy ús twadde gearkomste. PS-Noard hie Lolkje Betzema-Nicolay fan Ljouwert beneamd, in bekende fan Bernard út de oarlochsjierrren; yn 1985 levere Noard ús Jacobus Knol fan Dokkum. Súd levere yn 1983 ek noch ds Aalzen H. Pijl fan it Hearrenfean (tydlik) en Jan de Jong fan Snits, learaar Dútsk.

Yn 1986, dat in drok en beweechlik jier wurde soe, siet ds Wieger Wybenga fan Kollum it deputaatskip tydlik foar en wie Simen Jansma fan Stiens der yn kommen as ponghâlder. Súd levere ds Ruerd van der Weg út Wytmarsum en hy wie foarsitter oant er yn 1988 ferfear nei Nieuwkoop. De beide dûmnys wiene bekend fan it Ferbân. De hearen Knol, De Jong en Smilde waarden de oersetters fan de Hollânske teksten, de oaren waarden krityske meilêzers.

Oargelist en beiaardier Auke G. de Boer fan Kollumersweach folge ds Wybenga op as lid, Bernard waard tydlik foarsitter. Ds Wiebe Feenstra fan Winsum kaam foar de klassis Frjentsjer, ds Arend J. Boersma fan Oerterp foar de klassis Drachten en frou A. Neelis-Stoer fan It Hearrenfean foar de klassis mei dy namme.

Yn datselde jier promovearre drs Bernard Smilde ta doctor yn de Hymnology op it proefskrift 'Hasper en de Psalmen.' It deputaatskip begûn wat te lykjen.

DE OANTRUNER.

De korrespondinsje mei de PS.-en makke dúdlik, dat it deputaatskip gjin eigen kas krije soe; wy moasten dus hieltyd de hân ophâlde. Mar se joegen ús wol bewegingsfrijheid. De aktuaris fan Súd, T. van den Berg út Burgum, skreau: "It deputaatskip moat sels de leie ha."

Efkes earder hiene wy de beide PS.-en oan west om 800 gûne foar in prekebondel, dy't skreaun waard troch leden fan it Ferbân. Dy bondel soe útjûn wurde troch de Bibelferkeapkommisje 'Net fan brea allinne', doe noch fan it ferneamde Kristlik Frysk Selskip (KFS), tsjintwurdich fan de Kristlike Fryske Folks-Bibleteek (KFFB). It jout oan, yn wat foar fermiddens Bernard siet en hoe't er al dy groepen bespile en ferbûn foar aktiviteiten. Hy wie echt tagelyk de oantruner en de beweger.

Yn dy tiid makken wy as deputaten op oanwizing fan Bernard wakker propaganda.

Ûnder mear foar de ferkeap fan it Lieteboek foar de Tsjerken: yn tsien jier tiid wiene der trije Lieteboekdagen; yn 1985 mocht ik mei de Herfoarme kollega Roozendal en de Meniste kollega Zonneveld de fesper liede by de Lieteboekdei fan it KFS yn Snits. En ek foar de grammofoanplaat 'Der riist in liet fol lof' fan it KFS en it Frysk Deiblêd. En ek foar de kursussen Frysk foar dûmnys, stimulearre troch P.J. de Jong fan Dokkum.

Wy reagearren op de fraach fan de PS.-en oft der in Grifformeard tsjinstesintrum komme moast en Bernard advisearre ús om harren te skriuwen: "Nim kontakt op mei de Herfoarme Provinsjale Tsjerkefergearing (Provinciale Kerkvergadering, tenei PTF te neamen), dy't al in goed rinnend tsjinstesintrum hat."

Wy setten it Nederlânsk Bibelgenoatskip te plak, omdat de Fryske Bibel ûntbruts op de útstalling 'Het Boek, dat blijft'. Wy wiisden yn brieven de diriginten, koaren en gospelsgroepen op it gospelsboekje 'It Ljocht fan de wrâld' en op de nije gospelsgrammofoanplaat 'Yn Stilte'. Ek lieten wy de Tsjerken witte, dat Fryske formuliereboekjes (doop, etc) te krijen wiene by, jawis, de stimulator fan alle neamde dingen, ds B. Smilde, Koaikamp 1, Hurdegaryp.

Bekendheid.

De brief mei al dy ynformaasje waard stjoerd oan de twa PS.-en, de tsien klassissen (Noard fiif en Súd fiif) en alle 150 tsjerkerieden. Dat diene wy om kosten te besparjen en tagelyk waarden wy goed bekend yn alle doarps- en stedstsjerken. Bernard wie ûnder de Frysktalige dûmnys al ferneamd trochdat er foar it achtentwintichste jier foarsitter wie fan it FFDGT, dêr't er fan it begjin ôf lid fan west hie (foarsitter fan maart 1960 oant septimber 1986). Yn 1984 waard dat ek op oanstean fan Bernard ferbrede ta it FFF, it Ferbân fan Fryske Foargongers. It wie in moaie opstap ta de aktiviteiten fan it jier 1986.

Soksoarte aktiviteiten ha dus altiten by dizze deputaten heard, ek yn letter tiid, doe't de omsetting ta 'YKFE' plak fûn hie. Ik tink oan de liturgy foar in tsjinst yn it ramt fan 'Simmer-2000', in inisjatyf fan Bernard mei dûmny dr H.J. Brouwer fan Oerterp en oan it beliedsplan fan ús Fryske Regionale Tsjinstesintrum, oerset troch deselde Brouwer. ('Simmer-2000' wie in grutte manifestaasje fan de Provinsje Fryslân, dêr't goed tsientûzen Friezen út de hiele wrâld op ôfkamen, meast emigranten, dy't Fryslân noch net earder werom sjoen hiene)

De provinsjale tsjerklike ynstânsjes wiene ferbjistere fan ús iver op dizze mêden, mar akseptearren de dokuminten. Bernard Smilde is in treflik siedder fan fyn sied en in baas oantruner.

IT JIER 1986

Yn 1986 freegje de PS.-en, wêrom't der gjin leden fan oare Tsjerken by it deputaatskip sitte. Wat de Menisten oangiet, leit dat ienfâldich: hja hawwe gjin nocht oan liturgyboeken en wat se oan liturgy ha, dat lit harren frij. Oare Tsjerken ha wer oare motiven. De Herfoarme Tsjerke yn Fryslân soe belangstelling ha moatte, mar lit neat hearre.

Ferbreding.

Dochs begjint der wat te skowen. Trochdat de skriuwer fan it deputaatskip tagelyk ek fan it KFS en it FFF skriuwer is, sette alle trije groepen har efter it inisjatyf fan lânboukundich yngenieur Jan Postma út de Hondiusstrjitte yn Ljouwert om mei de Afûk op 'e nij in kursus Frysk foar universitêr oplate dûmnys te begjinnen en dan fan alle Tsjerken. It KFS stiet finansjeel garant foar it gefal der minder kursisten komme as de tsien, dy't de Afûk per groep ha wol. Mei in enkêteformulier skriuwe Postma en de skriuwer omtrint 460 foargongers yn Fryslân oan, omtrint 50 skriuwe werom, fyftjin posityf, 6 foar begjinstúdzje en 9 foar djippere kennis. De seis wurde ferwiisd nei al besteande groepen fan de Afûk, de njoggen kinne begjinne. It KFS bekostiget it tsiende plak.

De kursus slacht sadanich oan, dat der jierrenlang trije groepen draaie, ien foar lêzen en ferstean, ien foar praten en skriuwen en ien foar kennis fan de Fryske literatuer. Letter wurdt it minder en as Postma krekt foar syn dea yn 2004 de lêste kursiste privee les jûn hat, kinne wy fêststelle, dat er mear as hûndert dûmnys oplat hat. Dat is werom te sjen oan it groeiende tal Fryskpreekjende foargongers op de foargongerslist. Dy list is earst opsteld yn Grifformeard fermidden en letter útwreide mei Herfoarmen, Menisten, Roomsken en in oantal foargongers fan lytsere Tsjerken. Ek it Ferbân hat der nije leden troch krige en Jan Postma waard der fêst gastlid fan. Bernard hat altyd syn niget oan dy saak fernimme litten en de deputaten ha dêrtroch in breder útsjoch krige.

Yn 1986 fregen wy de PS.-en om jild foar in yn 1988 te publisearjen dieltsje fan it tsjinstboek, en oft de PS.-en kontakt opnimme woene mei de PTF foar itselde doel. De kwestor fan Noard, J.W. Volkens fan Ljouwert, berjochte ús, dat in posityf advys te ferwachtsjen wie, mar dat wysels it kontakt mei de PTF op ús nimme moasten. Ek de aktuaris fan Súd, T. van den Berg, joech ús "alle frijheid tot handelen."

Sa skreau it deputaatskip dus in brief oan de skriba fan de PTF, de hear Tim Kansil. De PTF hat ús mear as in jier wachtsje litten op in antwurd op ús brief fan 24 novimber 1986. Dy brief is mei in histoarysk oersjoch en mei saakkundichheid opsteld troch Bernard. Hy hat jierren lang lid west fan de 'Generale Deputaten voor de Eredienst' fan de Grifformearde Tsjerken en sûnt 1984 fan it 'Samenwerkings-orgaan voor de Eredienst.' (Tenei S.-orgaan Eredienst te neamen)

Yn 1987 kaam fan de Herfoarme tsjerkeried fan Ljouwert in fraach by de deputaten oer de krekt restaurearre Waalske tsjerke yn de Grutte Tsjerkestrjitte. Bernard, doe al wenjende oan de Timothee yn Ljouwert, hat in breed fiemjende brief opsteld om op te stjoeren nei de Ried fan Tsjerken yn Ljouwert, mar dy liet it organisearjen oer oan de deputaten en de Kommisje Fryske Tsjinsten yn de Nederlânsk Herfoarme Gemeente. It resultaat is noch altyd te sjen yn de Yntertsjerklike Kommisje foar de Fryske Fespertsjinsten yn de Waalske tsjerke.

Op 3 desimber 1987 wiene de deputaten wer gear. Se seagen werom op de tredde Lieteboekdei; de musical 'De Brulloft te Kana', skreaun troch Bernard, waard tige bejubele. It Frysk Deiblêd soe der in grammofaanplaat fan útjaan en in tal sjongjûnen der mei organisearje, realisearre troch Koen Zondag fan it KFS.

TRIJE LYTSE OERSETTINGEN.

Krekt op dyselde dei, twa dagen foar Sinteklaasfeest, is printerij Jongbloed fan Ljouwert klear kommen mei de Hollânsktalige printinge fan 'Liturgie in dagen van rouw'. Fan 4 desimber 1987 ôf meie dan de Fryske wjergaders ferspraat wurde. Se wurde nei de tsjerkerieden en de foargongers stjoerd.

Yn 1984 is ús deputaatskip mei it oersetterswurk begûn en yn 1987 ferskynde it earste dieltsje by it Frysk Deiblêd, perfekt oanlevere troch Jakobus Knol. It hiet 'Ta de Earetsjinst; liturgy yn dagen fan rou.' Dêr hiene wy in opset mei, want Bernard wie doe noch sekretaris fan de lannelike 'Commissie Dienstboek', ûnderdiel fan it 'S.-orgaan Eredienst.' Hy wist dus, wat yn it Hollânske orizjineel stie. Hy hie sels it foarwurd skreaun en joech de teksten troch oan ús oersetters (Knol, De Jong en himsels). Sadwaande koe ús oersetting in wike earder útkomme as it orizjineel. Fansels hie dat net mocht en dat waard ús dan ek wol dúdlik makke.

By it twadde dieltsje, 'Bevestiging van ambtsdragers', wie er al opfolge troch ds J.H. (Hans) Uytendogaardt en krigen wy de tekst soms oanmerklik letter as wy wend west hiene. Sa ek by it tredde dieltsje, 'Doop en Belijdenis'. Bernard beheinde him no ta it oersetten. Wilens rekke de Griffomearde learaar Jan de Jong fan Snits út it wurk troch sykte en waard er opfolge troch de Herfoarme frou Doet Visser fan Frjentsjer, pinsjonearre tolk by it Provinsjebestjoer fan Fryslân. Yn de twa-jierrlike rapportaazje fan it deputaatskip oan de beide PS-en waard alles trochjûn en safolle mooglik ferantwurde. Yn 1988 krigen wy de 'Befêstiging fan amtsdragers' klear en yn 1990 'Doop en Belijdenis'.

FRYSKE TSJERKE?

DE FRYSKE TSJERKE DAGET.

De YKFE is as dochter fan it KFS in bewegingsorgaan en stribbet nei in Fryske Tsjerke. Net ien inkelde Tsjerke kin as Fryske Tsjerke oanmurken wurde, dus wie de hoop set op de oekumene. Begjin 1989 falt by de skriuwer yn Bitgummole in brief yn de bus, dy't in c.c. is fan in brief d.d. 26 jannewaris 1989 fan de PTF oan trettjin Herfoarme tsjerkeleden mei it fersyk om op 20 febrewaris te praten mei de skriuwer fan it Griffomearde deputaatskip. Dat giet troch en der ûntstiet in Herfoarme wurkgroep.

Moandei 22 maaie 1989 wie dan de grutte dei fan it earste mienskiplike wurk sûnt de Lieteboektiid (1978). Plak: Salvatortsjerke te Ljouwert. De namme wurdt 'Yntertsjerklike Kommissje foar de Fryske Earetsjinst'. De Herfoarme wurkgroep en de Griffomearde deputaten komme op in mienskiplike adresselist. Fuortdaliks binne wy begûn mei it oersetten fan 'Bevestiging van ambtsdragers'.

Yn de gearkomste oanwêzich binne fan de Herfoarme kant: frou Coby de Boer-Bergstra fan Skearnegoutum, T. Stavenga fan Boalsert, frou Doet Visser fan Frjentsjer en drs Jan Dirk Theodoor Wassenaar fan Âldegea - Wymbrits -. Yn 1991 neamt de ledelist ek noch ds S. Brandsma fan De Jouwer en da A.E. (Lyske) Keuning fan Âldwâld; de lêstneamde wie ek lid fan it Hollânske orgaan. Se hat ús gearkomsten net faak bywenne. De provisoaryske foarsitter is Bernard Smilde. Wy ha it gefoel, dat ien fan ús bewegingsidealen wier wurde sil: de Fryske Tsjerke komt!

Ek de RK biskop fan Grins wurdt frege om leden te beneamen. Dy beneamt yndied twa minsken, mar hja krije de status fan waarnimmer. Dat binne dr Harm Oldenhof fan It Hearrenfean en pater pastoar Jan Romkes van der Wal fan Balk, letter nei Boalsert ferhuze. Beiden wiene se bekend fan it Roomsk Frysk Boun, dat oparbeide mei it KFS. Doe't Oldenhof om reden fan leeftiid en sûnens slim tsjin 't sin betankje moast, beneamde de biskop pastoar L.R. (Bert) van der Wal fan Dronryp as syn opfolger, dy't letter nei Drachten ferfearn is.

Fan 17 jannewaris 1990 ôf is Coby de Boer jierren lang ús fêste foarsitster oant se opfolge wurdt troch Jan Durk Wassenaar.

DE FRYSKE TSJERKE GROEIT.

a. De Fryske oekumene wurdt opboud

It is 1990. Foar de Herfoarme PTF is de YKFE in orgaan fan bystân, dus ûndergeskikt yn de hiërargy; foar de Griffomearde Tsjerken is it in deputaatskip, dus meiwurker fan de Partikuliere Synoaden op itselde nivo.

Alle organen en deputaatskippen fan de NHT en de GTN yn Fryslân krije in brief d.d. 25 april 1990 fan de Provinsjale Kommisje foar Meiïnoar Op Paad. Dêryn wurdt harren frege om har ta te rieden op de earste mienskiplike gearkomste fan de PS.-en en de PTF yn septimber 1991.

Taheakke is in list mei de nammen fan alle organen en deputaatskippen. Dy wurde oproppen om tusken 1 juny 1990 en 30 juny 1991 inoar te moetsjen en gearwurking op gong te bringen en mooglik ek al in gearwurkings-oerienkomst op te stellen. No is de YKFE al in gearwurkingsorgaan -- ek nochris mei RK waarnimmers deryn --, dus dat falt foar ús maklik.

b. Der bart wat.

Wat de tsjerklike organisaasje oangiet:

Fan fyftjin klassissen (fiif Herfoarme en tsien Griffomearde) bleauwen earst sân oer. Fan trije provinsjale fergearings (twa PS.-en en it PTF) gyng de oekumene nei ien Provinsjale Synoade mei rjochtspersoanlikheid. Wy seagen it al hielendal sitten: wol fersutere, lykwols dochs ien Fryske Tsjerke!

Wat de tsjinstferliening oangiet:

De rekkens, dy't de Tsjerken foar de hier fan tsjerkegebouwen betelje moasten, makken dat de PTF yn 1993 ornearre, wy moasten tenei in fergese gelegenheid foar gearkomsten brûke. Dy wie te finen op de Emmakade 21-23, it PTF-gebou. Dêr ha wy jierren lang mei nocht west, oant wy nei it gebou fan it 'Regionale Tsjinste-sintrum' (tenei RTS te neamen) oerhevele waarden oan it Jacob Catsplein. Wy seagen ek dit al hielendal sitten: in ferbettering en ek nochris ien Fryske Tsjerke!

Nei de grutte iepeningsmanifestaasje mei provinsjale pommeranten krigen wy in goed rinnend service-ynstitút. Wichtige meiwurkers foar de YKFE wiene de froulju Helena Talstra en foaral Ineke Visser en de hear Ben Hogeterp. De lêstneamde waard feestlik oansteld ta direkteur.

c. Mar der bart ek wat nuvers.

De Provinsjale Synoade mei rjochtspersoanlikheid gie lykwols stapsgewiis oer yn in Algemiene Klassikale Fergearing sûnder rjochtspersoanlikheid. Nei de sintralisearjende oarders fan 'Utert' waard Hogeterp beneamd ta haad fan de ôfdieling Fryslân fan it Lannelike Tsjinestesintrum (LTS). It RTS waard linkendewei útklaaid en opdoekt

Fan in treflik tsjinestesintrum yn it PTF-gebou gie it fia it stadichoan útklaaide RTS nei in digitale helpferliening fan it LTS yn Utert mei stipepunt yn Rouveen. Inkelde fan har funksjonarissen, Dieuwke Jonker en dr Klaas Dykstra, binne ús noch wol bekend en tige genegen, mar se kinne ús net iens mear adressen fan dûmnys leverje foar ús poststikken.

Formeel is de YKFE no in wurkgroep fan de AKF en wurdt fan it LTS út neigien, al is it wier dat dit oant no ta op in allerfreonlikste manier dien wurdt troch Cees Breunese. Dat betsjut, wy binne fan praatmaat fan de PS.-en en de PTF ferwurden ta in wurkgroep fan in útklaaide AKF ûnder tasjoch fan 'Utert'. En ek dy swakke AKF wol 'Utert' opdoeke. It giet as mei de foks en de raaf. "Alle dingen hawwe sin", sei de foks tsjin de raaf, "astû dat stik tsiis út de nebbe falle litst, hat myn roppige mage wat te iten".

d. De YKFE bliuwt.

Lykwols giet de YKFE -- nei wat iggewearjen oer de namme "Yntertsjerklik" en de posysje as "Kommisje" -- troch mei har wurk ûnder deselde namme, omdat se foar alle Tsjerken wurket. En dat docht se mei faasje en wille. Want de Fryske Tsjerke moat noch ris wer oan wurke wurde.

IT GRUTTERE OERSETWURK.

Yn dy snuorje wiene yn Utert de earste prikken yn it wurk set foar it gruttere wurk. It grutte 'Dienstboek - een proeve, deel I; Schrift, Maaltijd, Gebed' kaam yn konsept klear. It hie wat te betsjutten: it programma fan de Lima-konferinsje yn Perû fan de Wrâldried fan Tsjerken waard útfierd: Roomske en Reformatoaryske eleminten waarden oan inoar ferbûn om de oekumene te befoarderjen.

Ús oersetters wiene wer Doet Visser, Kobus Knol en Bernard, wylst de oare kommisjeleden wer meilêzers wiene.

It wurk hie in sadanich grutte omfang, dat de kommisje opdield waard yn 'kloften' mei 'espels'. De kearngroep wie de bestjoerskloft. Dêrneist bestie in oersetterskloft mei in espel fan trije echte oersetters en fierders de meilêzers. En in tsjerkemuzykkloft fanwegen de mannichte Sangen, dy't oerset wurde moasten. Dat lêste brocht in soad wurk mei, omdat de melodyen wol pasten by de Hollânske teksten, mar net by de Fryske; tink bygelyks oan it 'Ús Heit', dat yn it Hollânsk fjouwer wurdlieden hat op fjouwer noaten en yn it Frysk twa -- op hoefolle noaten moast dat omset wurde? Tige warbere meiwurkers wiene Jan Breimer, dirigint fan de kantorij fan Grou, en de Grinslanner Olchert Clevering fan Ljouwert, dirigint fan in oantal kantorijen, ûnder oare fan de Oäsetsjerke yn Huzum, dêr't Bernard lid fan wie.

De bestjoerskloft hâlde hast altiten gearkomste mei de oersetterskloft der by. It wiene tige libbenige gearkomsten. Wy learden in soad fan inoars dialektyske ferskillen -- sawol téologysk as taalkundich. Fandêr dat hiel wat petearen nedich wiene mei 'Utert' oer de ynhâld en dat de einredakteur letter fêststelde dat der in hiel ferskaat fan dialekt-ferskillen yn it boek kommen wie. It oersetters trio en it bestjoer seagen de ynbring fan ûnderskieden dialekten as in ferriking fan de Fryske taal as gehiel en dus ek fan dit boek foar it hiele Fryske folk. De presintaasje fan 'Tsjinstboek - in oanset. Skrift, Miel, Gebed' fûn op 15 oktober 2005 plak yn de Grutte Tsjerke te Ljouwert. It hat ús hiel wat jild koste; de Tsjerke droech by mei fergees sealrûmte en kofje en postferstjoering, mar wy ha like goed yntinsyf biddelje moatten by hiel wat fûnsen om de kosten foar printsjen en útjaan te beteljen. De útjouwer wie it Boekencentrum BV yn Zoetermeer mei as direkteur Ir Nico de Waal, dy't ferskate kearen by ús west hat en ús safolle mooglik skewiele.

LIETEBOEK-CD-ROM.

Tagelyk woe útjouwerij Boekencentrum BV, dat wy it Lieteboek foar de Tsjerken op CD-ROM setten en dus foarmen wy ek in 'Lieteboek-cd-rom-kloft' mei taalkundigen, téologen en musisi. Op dit mêd is in macht wurk ferset troch Baukje Westra-Keulen fan Lollum. Ús kontaktpersoan mei it Boekencentrum wie de sikehûsdûmny Peterjan van der Wal fan Brielle, dy't ek in oantal kearen by ús yn Ljouwert west hat. De man hat wol sterk fan lea west, want neidat wy fan it bewende PTF-gebou oan de Emmakade 21 tenei gearkomste hâlde moasten yn it gebou fan it krekt oprjochte RTS, wie er earst fan it stasjon nei de Emmakade rûn en dêrnei nei it Jacob Catsplein. Doe't wy him ferbjistere oanseagen, weau er mei de hân en sei, dat er it rinnen wend wie. In ynnimmend man. De leden fan de tsjerkemuzykkloft diene ek it cd-rom-wurk derby. Fan alle kloften wie Bernard in warber en stjoerend lid. De cd-rom kaam yn 2004 klear, krekt lyk as it konsept fan de oersetting fan it Tsjinstboek, diel I. Benei al ús meiwurkers stapten yn ien kear op. It wie benaud, de skriuwer waard der kjel fan. Mar de inkelden, dy't noch wolris wat praktykwurk foar it bestjoer dwaan woene, waarden ûnderbrocht yn de 'Praktykkloft'.

TUSKENTIDEN.

Doe't it wurk foar de oersetting fan 'Dienstboek, deel I' yn 2004 dien wie, sochten wy op oanrieden fan ús lid Dick de Jong Ozn om nij wurk, want wy woene as YKFE bestean bliuwe. De âlde regel

wie, dat as in wurkgroep lykas uzes de opdroegen taak folbrocht hie, moast se opdoekt wurde. Doe hat Bernard in wiidweidich oersjoch makke fan dingen, dy't wy noch wol dwaan koene as reden om bestean te bliuwen. Resultaat wie, dat wy opdracht fregen en krigen om de nije bondel 'Tussentijds' oer te setten. Dy mochten wy ek noch útwreidzje mei goed tritich Fryske lieten, dy't net yn it orizjineel stiene, sadat wy yn oktober 2006, in jier nei de publikaasje fan Tsjinstboek-I, de Fryske útjefte 'Tuskentiden' oan it publyk oanbiede koene.

Dêrnei kaam it oersetten fan Dienstboek-II; dêr hat Bernard net mear oan meidien. Hy waard troch de YKFE delegeare nei de Beriedsgroep Earetsjinst en Tsjerkemuzyk fan it RTS, dêr't de YKFE op dat stuit offisjeel in subtaakgroep fan waard en dêr't er pas yn 2010 fanwegen leeftiidsbeswieren út gien is.

KRITYK

Mei boppesteande paragrafen is wol toand, dat Bernard yn de YKFE de stimulearjende persoan wie en lofwaardige arbeid ferrjochte hat. Dat nimt net wei, dat der ek krytyk wie.

APOSTOALIKUM EN NICÉNUM.

Omtrint 1990 wie de YKFE begûn mei it op 'e nij oersetten fan twa fan de trije oekumenyske belidenissen, it Apostoalikum en it Nicénum. De foarige oersettingen yn ferâldere Frysk taalgebrûk binne te finen yn it reade boekje "Psalm- en Gesangboek" fan Fedde Schurer en Fedde Dykstra út 1961. Wy namen de Grykske en Latynske grûnteksten der by. Bernard stie in oantal radikale yngrepen foar, dêr't oare leden it alhiel net mei iens wiene -- neist myn persoan ek ds J.H. Brouwer fan Hylpen en pastoar Jan Romkes van der Wal. Mar se koene sizze wat se woene, it help neat. It brocht Jan Romkes van der Wal der ta om op 30 july 1991 te skriuwen: "... ien ding bin ik wis fan: we moatte in tekst hawwe, dy't sa ticht mooglik stiet by de grûntekst. 'Nije belidenissen' mei fan my fansels, mar net as offisjele tekst fan 'e tsjerken. Ik hoopje, dat we der noch oer prate kinne." Der wiene mear, dy't sa ticht tsjin de wanhoop oan sieten.

It lêste konsept fan de beide belidenissen is op 3 oktober 1991 oan de PS.-en, oan de PTF en oan biskop J.B.W.M. Möller fan Grins stjoerd. De lêstneamde krige troch slimme sykte pas yn febrewaris 1993 ús wurk ûnder syn eagen. De PTF en de PS.-en joegen de saak troch oan har (respektivelik fiif en tsien) klassissen en de pleatslike Tsjerken. Fan ien Grifformearde Tsjerke en fan de PS.-en is in oantal krityske reaksjes kommen, op mylde toan. De biskop skreau ek op mylde toan in krityske notysje. Har terjochte krytyk waard lykwols mar foar in part oernommen. It einresultaat waard troch de ynstânsjes wol akseptearre -- it giet úteinliks mar om in lyts spriedingsgebiet. It is te finen yn myn digitale boek 'Hânsume Help', diel 6 - Tsjerketsjinsten, rubryk 'Belidenissen'.

Der is yn de YKFE swier diskuseare oer:

a. De wurden 'iennichstberne Soan'. It is wurden: 'Ienlingssoan'. Dat jout rûmte oan de opfetting, dat Jezus troch de Heit adoptearre is as syn iennichste Soan. De Grykske grûnwurden, ek yn de Bibel te finen, binne 'monogenês hyios': Jezus is genetysk de Soan, dus 'Gods iennichste eigen Soan'. God hat miljarden adoptearre bern.

b. De útdrukking 'Hy is fleis wurden troch de Hillige Geast út de faam Maria'.

It waard: 'Hy is fleis en bloed wurden troch ...'

Wy koene Bernard net oertsjûgje, dat syn ferfrysing 'Hy is fleis en bloed wurden' in fundamentele misfetting fan de grûntekst ynhâldt. Jezus is net út de geastlike sfear fan de Heit nei de ierde kommen om allinnich skepsels fan fleis en bloed te ferlossen -- dan soe de tafoeging 'en Hy is minske wurden' oerstallich west ha. Mar Hy ferlost ek alles, dat fleis hite mei neffens 1 Korintiërs 15, de fersen 37-41. Fleis hite dêr ek de fisken en de apostel follet syn rychje oan mei alle oare

skepsels. 'Fleis' stiet foar 'alle skepsels'. Gods iennichste eigen Soan hat earst it wêzen fan alle skepsels oannommen. Dy wurde troch Him mei God fersoene en fernijd, Kolossers 1 de fersen 14-20. Yn twadde ynstânsje is Er minske wurden mei de algemien bekende gefolgen.

KRITYK OP DYNAMYK.

De skriuwer fan de YKFE noaget per brief út Bitgummole d.d. 25 maart 1993 de YKFE-leden út foar in gearkomste op tongersdei 1 april 1993 yn de 'Iepen Hôf'-tsjerke (Open Hof) te Ljouwert, de middeis healwei trijen. "Dy deis wol in delegaasje út Hollân mei ús prate. It binne leden fan it 'Samenwerkingsorgaan voor de Eredienst'. Guon fan harren tinke, dat de YKFE in subkommisje fan har orgaan is."

It binne ds Marcel Barnard, foarsitter Commissie Dienstboek, da Lyske Keuning, foarsitster fan de Herfoarme Ried yn it S.-orgaan -- dy't nominaal ek lid fan de YKFE is --, en ds Hans Uytendogaardt, sekretaris S.-orgaan.

Der wurde in tal wurkôfspraken makke en yn goede sfear wurdt ôfskied nommen. De saak, dêr't it om gie, wie de frijmoedige tapassing fan de dynamyske oersettingswize oan ús kant en de konkordante oersettingswize, dy't it S.-orgaan terjocht ferwachte hie.

By it ôfskied krigen wy de definitive tekst fan de Hollânske 'Doop en Belijdenis'. Wy koene ús oersetting derfan ôfmeitsje en ús boekje gewoan wer yn Ljouwert útjaan litte, net by it Boekencentrum, lykas earst de eask west hie. Dochs noch in súkseske foar ús Fryske stribjen.

LOF OANGEANDE IT 'GODSBEKLACH'.

It 'Godsbeklach' is in part fan de 'Krúshulde' yn de liturgy foar de Goed Freed. It wie troch de Hollânske Commissie Dienstboek samar út de Roomske liturgy oernommen en hat in swier anti-joadsk sentimint yn. Wy begriepen net, dat dit yn in Kristlik tsjinstboek komme koe. Ek de Kommisje 'Tsjerke en Israel' fan it RTS wie al yn ferset kommen; ds Kees Glashouwer fan Harns wie dêr de foarsitter fan en hat him duchtich ward yn 'e mande mei it 'Overlegorgaan van Joden en Christenen' en mei ús. Gelokkich waarden de Hollanners it diels mei ús iens en yn de twadde printinge fan it Hollânske boek is der wat oan feroare: Sang 131 op bledside 718 fan de RK Tom Naastepad/Christiaan Winter is ferfongen troch in Sang fan Maria de Groot/Harry Schram. Wy fûnen dat te meager en ha yn ús Fryske oersetting nûmer 131 ferfongen troch in Sang fan Niek Schuman/Olchert Clevering, yn in oersetting fan Jacobus Knol. Yn de de Goedfreedsfiering is op bledside 128 de tekst fan Tom Naastepad ferfongen troch in tekst fan Niek Schuman, ek oerset troch Knol. Bernard hat oan dizze wizigingen aktyf syn oanpart hân.

IN BYSÛNDERE TSJINST

Op snein 6 maaie 1990 naam Bernard yn de Grutte Tsjerke fan Ljouwert ôfskied as 'Sekretaris Commissie Dienstboek'. Tagelyk waard it earste eksimplaar fan de 'Bevestiging van ambtsdragers' oanbean troch de oanwêzige pommeranten út Hollân.

De sneons foar 6 maaie hie it Frysk Deiblêd it ferslach fan in fraachpetear mei Bernard. Opfallende eleminten dêryn tekenje syn stribjen: "Wij gaan van een lerende naar een vierende orde." "De betrokkenheid van de gemeente ... wordt veel groter." "De mededelingen van vroeger worden gedramatiseerd."

Bernard wurdt as sekretaris fan de 'Commissie Dienstboek' opfolge troch ds Hans Uytendogaardt, mar "blijft nog lid van de Commissie." De tsjinst yn de Grutte Tsjerke sil om sân oere de jûns begjinne. Meiwurkers sille wêze de kantorij en de oargelist Jan Jongepier. Foargongers: ds M.G.L. (Tinus) den Boer en drs P.M.J. (Peter) Hoogstrate, de beide foarsitters fan de 'Commissie Dienstboek'.

De deis nei de tsjinst hie de Ljouwerter Krante in moai ferslach. It wie tagelyk in punt efter de amtlike wurksumheden fan Bernard. Syn emeritaat hat er offisjeel op 1 febrewaris 1987 krige. Mei dêrom wie de Grifformearde synoadepreses, ds Pieter Boomsma út Apeldoorn, oanwêzich as sprekker. Dy typearre Bernard as "een dienaar des Woords in de volle breedte en diepte van het woord." "Drie jaar na zijn emeritaat zet hij een punt achter een loopbaan, waarin pastoraat, liturgie en kerkmuziek op welhaast vloeiende wijze in elkaar overliepen."

B.J. (Bart) Robbers, foarsitter fan it 'S.-orgaan Eredienst', dêr't de kommisje foar it Dienstboek ûnder falt, sei: "Ik zong zijn liederen al voor ik hem kende ... een bewogen, ernstig, vroom man, één en al vuur voor het werk, dat hij onder handen heeft. De felheid waarmee Smilde soms voor zijn visie op kan komen, viel niet altijd even goed, mar dan ging het ook om dingen, die voor hem zeer essentieel waren."

LOF FAN UYTENBOGAARDT:

Ta beslút is hjir in aktueel komplimint fan Bernard syn opfolger, ds Hans Uytenbogaardt, âld sekretaris Earetsjinst. It is in sitaat út in epostbriefke oan my fan 22 jannewaris 2011:

"Ik zal weinig nieuws melden als ik zeg dat Bernard een buitengewoon creatief, toegewijd, ijverig en precies mens is. Naar mijn inzicht komt dat het beste tot uitdrukking in de melodieën die hij voor het Liedboek schreef.

Indrukwekkend in zijn zeggingskracht is bijvoorbeeld gezang 40. Dat mag inmiddels tot een van de meer bekende en geliefde liederen gerekend worden door de gelukkige combinatie van Bernard en Ad den Besten. Een hoogtepunt vind ik zelf ook gezang 491. Het is ten onrechte enigszins in de schaduw gebleven, maar ik acht het een melodie die in zijn ingetogenheid een grote zeggingskracht heeft. Ik laat het met enige regelmaat zingen. Een waardig slotaccoord van het Liedboek."

It is te hoopjen, dat it Tsjinstboek en alle oare wurken fan Bernard mei syn meiwurkers yn de YKFE deselde lof krije sille. Hy hat syn part der mear as gewoan oan levere en hat it doel fan in Kristlik Frysk libben, in Frysker Fryslân en in Fryske Tsjerke net loslitten. Presys myn dingen. Dat makket, dat men him yn syn persoan en yn syn wurk noch lange tiid heech wurdearje sil. Wa wit komt der ek nochris in Fryske Tsjerke, dy't net daliks wer omfalt.

Bernard Smilde is in treflik siedder fan fyn sied en in baas oantruner yn tsjerklik en Kristlik Frysk Fryslân. En by it folk fan dizze grize hege stamme is er oant syn fal mei de fyts en ek noch yn syn dêrop folgjende sykte al benei 90 jier jang in grien en krêftich bloeiend leat. Wa wit mei er mei Janke, dy't ek al wat belibbe hat, en de bern noch in skoftsje tsjûge wêze fan de dingen, dy't komme op de wei nei it ivich hûs. By it sjongend folk en ek yn oare fermiddens is de seine, dy't God oer syn wurk jaan woe, te finen. Mei dat sa bliuwe.

Ds Paul Hekstra.

Ljouwert, 28 jannewaris 2011.